

Jierferslach 2015



Keatsferiening Easterein • Jierferslach 2015

Ynhâld

• Gearstalling bestjoer en kommisjes		2
• Foarwurd jierferslach 2015		4
• Wurklist foarjiersgearkomste 23 maart 2016		5
• Ferslach algemien		
- oantekens foarjiersgearkomste KF Easterein 25 maart 2015		6
- oantekens neijiersgearkomste KF Easterein 11 novimber 2015		12
• Jierferslaggen fan de ferskate kommisjes		
- 2016... KOM MAR OP!!!	Technyske kommisje	18
* Keatser fan it jier	Imke van der Leest	19
* 2015 wie foar my in leuk keatsjier, mei as hichtepunt...	Redmer Wiersma	19
- Puzzelje mei fjilden...	Fjilden- en materialekommisje	20
- Sûnder frijwilligers... gjin keatsspultsje	Wedstriidkommisje	20
- KF Hoodie, ek foar dy...	PR-kommisje	21
- De jongerein... de takomst!	Jongereinkommisje	22
- Finansjele- en stipekommisje	Finansjele- en stipekommisje	24
* Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach		26
* Eksploitaasjerekken 2015		28
* Ferklearring kaskommisje 2015		28
* Taljochting op de eksploitaasjerekken 2015		29
- Keatskamp 2015 - KEATSBALLLLLL!!!	Keatskampkommisje	30
• 11e Jong-Feinte Partij – Easterein 2e priis!!		34
- Klasseminten Jong-Feinte		38
• Yn memoriam		39
- Abe Stegenga		
• Wedstriidferslaggen		40
- Ledewedstriden		40
- Wedstriden federaasje		48
- Wedstriden KNKB		49
- Bysûndere aktiviteiten		50
- Jong Fammen – PC – Ald Meiers – Freule		51
- Nederlânske kampioenskippen		52
• Keatsmominten út 2015		54

Kolofon

Foto omslach: de prachtige oerwinning fan de Eastereiner froulju yn de FB Oranjewâld Cup yn Dronryp

Dit jierferslach is in projekt fan de PR-kommisje:

Wilma Sjaarda, Rika Okkema, Akke Jikke van Berkum, Jetske Sieperda, Anke Marije Pompstra en Froukje Dijkstra

Gearstalling bestjoer en kommisjes

Haad bestjoer

Dirk-Yde Sjaarda	Skoallestrjitte 50, 8734 GN Easterein	06-54385633	Foarsitter
Mattie Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein	06-48715808	Fise-Foarsitter
Wilma Sjaarda	Sjaardaleane 1, 8734 GH Easterein	0515-851878	Skriuwer
Fakatuere			Ponghâlder
Hans Kooistra	De Singel 9, 8734 HP Easterein	06-83591959	Jongerein saken
Marten Faber	Skoallestrjitte 54, 8734 GN Easterein	06-24816080	Technyske saken
Christian Hoekstra	Foarbuorren 25, 8734 HD Easterein	06-20168708	Fjilden en materialen
Elske v.d. Meulen	v. Eysingaleane 24, 8734 GD Easterein	06-54232922	Databasear

Jongerein kommisje

Hans Kooistra	De Singel 9, 8734 HP Easterein	06-83591959	Foarsitter
Carin Ypma	Hofsleane 14, 8734 HN Easterein	0515-332307	Skriuwer
Joke Wiersma	Smidslân 7, 8734 HJ Easterein	0515-332784	Kontakt teamlieders
Annette Kroondijk	Koaifinne 3, 8734 HK Easterein	0515-332112	Kompetysje saken
Liesbeth Bootsma	Populiereleane 3, 8734 HS Easterein	0515-331358	Alg./Fasilitaire saken
Klaas Sixma	It Risplân 4, 8734 HT Easterein	0515-332963	Alg./Fasilitaire saken
Fetsje Terpstra	Hofsleane 8, 8734 HN Easterein	0515-331874	Opjefte jongerein

Technyske kommisje

Marten Faber	Skoallestrjitte 54, 8734 GN Easterein	06-24816080	Foarsitter
Judy Bergsma	Foarbuorren 25, 8734 HD Easterein	06-11070135	Skriuwer/koördinator
Bauke Dijkstra	Griene Leane 17, 8734 GP Easterein	06-44057088	Trainers koördinator
Jelte de Boer	Skilplein 3, 8734 GW Easterein	06-55177033	TC koördinator
Marije Hiemstra	Vrijburg 18, 8734 GK Easterein	06-30151578	TC koördinator
Robert Sijbesma	Eeskwert 29, 8734 HA Easterein	06-18319873	TC koördinator
Partoerbegelieders jongerein en senioaren			



PR kommisje	Wilma Sjaarda Jetske Sieperda Froukje Dijkstra Akke Jikke van Berkum Anke Marije Pompstra Rika Okkema	Sjaardaleane 1, 8734 GH Easterein Skoallestrjitte 54, 8734 GN Easterein Hofsleane 31, 8734 HM Easterein Dobbelân 4, 8734 GZ Easterein Skries 35, 8731 DG Wommels It Risplân 2, 8734 HT Easterein	0515-851878 06-51951466 0515-332973 0515-532609 0515-857300 0515-332223	Foarsitter Skriuwer Foarmjouwing Kleanbelied Redaksjelid Redaksjelid
Finansjele- en stipe kommisje	Tjeerd Dijkstra Klaas Pompstra Tymen Dijkstra Anco Elgersma Hendrik Okkema	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein De Singel 14, 8734 HR Easterein Skrok 8, 8734 HG Easterein Roordastrjitte 6, 8771 RV Nijlân It Risplân 2, 8734 HT Easterein	0515-331600 0515-331789 0515-333030 0515-851324 0515-332223	Foarsitter Skriuwer/stipe-adm. Stiperskontakt Stiperskontakt Stiperskontakt
Wedstriid kommisje	Mattie Dijkstra Annie Sjaarda Tjerk Politiek Wiepkje Hiemstra Jelle de Boer	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein Stittenserleane 19, 8734 HC Easterein Eeskwert 29, 8734 HA Easterein Skrok 11, 8734 HG Easterein	06-48715808 0515-331536 06-46080290 0515-333880 0515-331302	Foarsitter Skriuwer Wedstriidsekretariaat Opjefte Wedstriidsaken
Fjilden- en materiale kommisje	Christian Hoekstra Klaas Sixma	Foarbuorren 25, 8734 HD Easterein It Risplân 4, 8734 HT Easterein	06-20168708 0515-332963	Foarsitter Fjilden jongerein
Web redaksje	Klaas Pompstra Anke Marije Pompstra	De Singel 14, 8734 HR Easterein Skries 35, 8731 DG Wommels	0515-331789 0515-857300	Webmaster Redaksjelid
Keatskamp kommisje	Imke van der Leest Marije Hiemstra Bauke Dijkstra Sieta Tessemaker	Skoallestrjitte 50, 8734 GN Easterein Vrijburg 18, 8734 GK Easterein Griene leane 17, 8734 GP Easterein De Ljits 10, 8734 HL Easterein	06-49942283 06-30151578 06-44057088 06-20122296	



It haadbestjoer fan Keatsferiening Easterein yn 2015



Foarwurd jierferslach 2015

Foar jimme leit it jierferslach fan Keatsferiening Easterein oer it jier 2015. In jier wêryn we wer in protte belibbe ha, sawol hichte- as djiptepunten. Mei dit prachtige boekwurk hoopje wy jim wer in moai oersjoch te jaan mei alles wat der ôfrûne jier bard is mei keatsend Easterein.

As ik sa weromsjoch hat 2015 wer in moai en slagge keatsseizoen west. Ik tink dan oan in tige slagge 2e edysje fan ús keatskamp. Dêrneist tink ik ek oan de prachtige oerwinning fan de Easterein froulju Marije, Martine en Imke yn de FB Oranjewâld Cup yn Dronryp. Ik tink dan oan Roelie, Nynke en Corrie dy't foar it twadde jier efter elkoar de provinsjale skoallekampioenskippen winne foar De Foareker.

De 11e edysje fan de Jong-Feinte Partij wie ek in bysûndere dei. Foar it earst yn de histoarje mei it partoer fan Easterein yn de finale. Spitigernôch koenen Doede Rients, Rémon Tie en Jan it krekt net risse tsjin in sterk Boalsert. Dochs in prachtige twadde priis om grutsk op te wêzen. Ek in moaie twadde priis wie der op de Froulju's PC foar Imke en har maten. In PC mei mar leafst 6 froulju út Easterein op 'e list!

It binne fansels net allinnich de sportive hichtepunten dy't ús by bleaun binne. Der binne ús yn 2015 in oantal minsken ûntfallen dy't op ienige wize belutsen west binne by ús keatsferiening.

Dan ha ik it ûnder oare oer ús earelid Abe Stegenga dy't op 25 novimber ferstoarn is. Hy hat jierrenlang bestjoerslid west, earst as skriuwer en dêrnei as foarsitter. Wat de measten fan ús fansels bystiet is de winst op de Freule fan 7 augustus

1991, wêr't Abe as begelieder fan it jongespartoer (Robert Hoekstra, Robert Sijbesma en Gert Jan Hiemstra) mei de Filla fan de Freule nei hûs ta gong. Mar hy wie tegearre mei Annie ek foaral grutte supporter fan de Easterein keatsers. Wy sille syn oanwêzigens op it keatsfjild misse.

Wat ús ek tige oangrepen hat is it ferstjerren fan Alie Okkema. Dêrneist is âld-Easterein en earder lid fan de keatsferiening, Bert Dijkstra, op 25 oktober op in fierstente jonge leeftyd ferstoarn. Hy wûn yn 1993 de 2e priis foar Easterein op de Freule tegearre mei Marco Hoekstra en Feite de Haan.

Wy binne tige wiis dat wy jim wer sa'n moai neislachwurk oanbiede meie. Dêr binne wy ús PR kommisje tige tankber foar en yn it bysûnder Rika Okkema. Sy hat 5 jier lang yn it spier west foar de PR kommisje en sil no foar it lêst belutsen wêze by it gearstallen fan dit jierferslach.

Ut namme fan it haadbestjoer wol ik jim in protte lêsnocht tawinskje en wy hoopje jim ek kommend seizoen wer op de keatsfjilden te sjen.

Dirk-Yde Sjaarda,
Foarsitter Keatsferiening Easterein



Foto Henk Bootsma

Wurklist foarjiersgearkomste 23 maart 2016

De foarjiersgearkomste fan de Keatsferiening Easterein op woansdei 23 maart 2016 om 20.00 oere yn 'De Skoalleseize'.

Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de neijiersgearkomste op 11 novimber 2015
4. Finansjeel ferslach:
 - rekken 2015
 - begrutting 2016
5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid
6. Presintaasje jierferslach 2015
7. Skoff
8. Bestjoersferkiezing:
 - Öftredend: Hans Kooistra, jongereinkommisje
 - Foardracht: Danny Roos
 - Tuskeniids öftredend: Elske van der Meulen, databehear
 - Foardracht: fakatuere
 - Foardracht fakatuere ponghâlder: René Rijpma
9. Stikken KNKB-gearkomste op 31 maart 2016
10. Punten fan út it bestjoer, ûnder oare:
 - meidielings fan út de foarjiersgearkomste Federaasje Snits
 - ûntwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize"
 - öfskied kommisjeleden
 - fakatueres: stân fan saken
11. Wedstriidaginda 2016
12. Huldiging 2e priiswinners Jong-Feinte Partij 2015
13. Omfreegjen
14. Sluting

Oantekens foarjiersgearkomste KF Easterein 25 maart 2015

Oanwêzich: Dirk-Yde Sjaarda, Mattie Dijkstra, Skelte Anema, Marten Faber, Wilma Sjaarda, Elske v/d Meulen, Jikke Velzen, Christian Hoekstra en 35 leden.

Ôfwêzich mei berjocht: Hans Kooistra, Abe en Annie Stegenga, Tom Couperus, Vera de Vries, Anny Sjaarda, Sipke en Eefje Hiemstra, Bauke Dijkstra, Harm Auke Dijkstra, Hendrik Okkema, Rémon Tie Bouma

Wurklist

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de neijiersgearkomste op 12 novimber 2014. It ferslach is taheakke oan de útnoeging. Bin hjir fragen oer?
4. Finansjeel ferslach:
 - rekken 2014
 - begrutting 2015
5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid
6. Presintaasje jierferslach 2014
7. Skoff
8. Bestjoersferkiezing:
 - Ôftredend: Jikke Velzen, wedstriidsekretariaat
 - Foardracht: gjin, wurdt yntern oplost
 - Tuskentiids ôftredend: Skelte Anema
 - Foardracht: fakatuere
9. Stikken KNKB gearkomste op 2 april 2015
10. Punten fan út it bestjoer, ûnder oare:
 - meidielings fan út de foarjiersgearkomste Federaasje Snits
 - ûntwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize'
 - ôfskied kommisjeleden
 - fakatuere: stân fan saken
11. Wedstriidaginda 2015
12. Omfreegjen
13. Sluting

1. Iepening

- Dirk-Yde iepent om 20.08 oere de gearkomste:

"Wolkom allegearre, hartstikke moai dat jim fannejûn hjir by ús foarjiersgearkomste binne. In spesjaal wolkom foar ús eareleden: Klaas Pompstra, Tjeerd Dijkstra en Jan Hiemstra. Ek in spesjaal wolkom oan Wilco Overal en Eppie Heins fan de Skoalleseize. Hjir sitte we dan (Mattie en ik). Alwer in jier steane wy oan it roer fan dizze aldermachtichst moaie keatsferiening. Ferline jier rûn dizze tiid mocht ik de gearkomste noch net foarsitte omdat jim as leden dêr noch mei ynstimme moasten. En tidens de neijiersgearkomste fan ferline jier siet ik oan de oare kant fan de wrâld en hat Mattie myn 'honneurs' waarnommen. En dat, ha ik wol meikrigen, hat se hartstikke goed dien. Wat dat oangiet ideaal sa'n duo-foarsitterskip! We steane

oan it begjin fan in nij keatsseizoen. In seizoen wat ús hooplik wer in soad wille en sportive suksessen opleverje sil. Wy binne as bestjoer alwer drok dwaande mei de tariedings en sjogge mei in protte nacht foarút op it seizoen.

len fan ús earste aktiviteiten sil lykas ferline jier it keatskamp wêze. De keatskampkommisje is ferline wike op de basisskoalle west om de ôftraap te jaan. Ek sy binne alwer in skoff dwaande om der ek dit kear wer in grut feest fan te meitsjen. Letter hjir mear, want Marije en Imke binne hjir om der mear oer te fertellen.

Fierders geane ynkoarten de keatstrainingen wer fan start. Lykas foargeande jierren sil der earst 4 kear yn de sporthal traint wurde, wêrnei se begjin maaie nei bûten gean. Ferline jier ha wy as keatsferiening in start makke mei ús sa-neamde 'keatsoplieding'. It is de bedoeling om jongerein-keatsers binnen de federaasje Snits in ekstra trainingsmooglikheid te bieden by ús. Ferline jier mochten wy al in oantal keatsers fan bûten Easterein begroetsje en dit jier sil dat der noch mear wêze. Sa sille der mear as 10 keatsers fan Reahûs-Turns gebrûk meitsje fan ús trainingsfasiliteiten as it giet om de fjildtrainingen. In hartstikke moaie ûntwikkeling! Ik leauw persoanlik ek echt dat we sa noch mear de gearwurking sykje kinne mei ferienings yn de omkriten.

In moai inisjatyf dêryn is de ynspiraasjejûn fan de Federaasje Snits ynkoarten yn Nijlân. Wy sille dêr mei de oare ferienings binnen de federaasje by elkoar sitte om workshops by te wenjen, mar ek om erfaringen út te wikselen en op dy wize fan elkoar te learen. Wy moatte elkoar net as konkurrint sjen, mar we moatte elkoar útdaagje om de keatserij organisatoarysk nei in heger plan te tillen binnen de federaasje. En dêr kinne we elkoar by helpe. Wat dat oangiet lizze der noch tal fan útdagings foar ús!

Dan as lêste ha ik noch in lytse primeur. Yn dit keatsseizoen sille wy tink ik foar it earst yn ús bestean in PC organisearje. Net skrikke, it giet hjir net om de manlju of froulju's PC, mar om de Boeren-PC! It is in moai evenemint wêr't sa'n 100 oant 150 boeren út hiel Fryslân oan me dogge. Dit sil heechstwiarskynlik plakfine op freed 28 augustus. In goed teken foar ús en de Skoalleseize dat we soksoarte eveneminten nei Easterein helje kinne liket my. No ha ik earst genôch sein en sille we los mei de gearkomste. Ik wol eltsenien in noflikke gearkomste tawinskje".

2. Meidielings en ynkommen stikken

Meidielings:

- Fêststellen fan de wurklist: by punt 10 komt noch it keatskamp, hjirnei wurdt de wurklist fêststelt.

Ynkommen stikken:

- Der bin gjin ynkommen stikken foar dizze gearkomste.

3. Ferslach fan de neijersgearkomste fan 12 novimber 2014

- Elts lid hat de oantekens fan de neijersgearkomste al tastjoerd krigen. Dirk-Yde freget de oanwêzigen oft hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne → gjin fragen. Hjirnei wurde de oantekens fêststelt.

4. Finansjeel ferslach

- Skelte jout oan de hân fan ûndersteande tabellen útlis oer de finansjele sifers fan 2014 en nimt de begrutting fan 2015 troch. Mar Skelte ferrast ús allegearre earst mei in gedicht!l: 'De eekhoorn en de eend', wêrmei hy in byld sketse wol fan it ôfrûne jier en hjirby ek Klaas Pompstra betankje wol foar syn help.

- Aksjes 2015

Foarjier:

- 8e Molkwarder koeke aksje fan 2-4 maart:

Opbringst: € 2.889 (2014: € 2.644)

Resultaat: € 976 (2014: € 918)

Tidens it keatsseizoen:

- Ferlottings tidens wedstriden (pearke-keatsen, Jong Feinte partij)

- Jongereinaksje (flessenbonnenaksje)

- Ballenfûnsaksje


Help by boppesteande aksjes is fansels altyd wolkom!

- Der bin gjin fragen oer de sifers en Skelte wurdt betanke foar syn prachtige gedicht en útlis.

Rekken 2014

Opbringsten	Begrutting 2014	Rekken 2014	Rekken 2013
Kategory	Euro	Euro	Euro
Ynkomen partijen	2.400	2.267	2.719
Sponsorjilden	11.500	13.990	9.161
Kontribúsje en trainingsjilden	10.000	9.942	9.498
Aksjes	7.500	4.877	5.531
Subsydzje Gemeente	900	854	848
Subsydzjes en bydragen	2.100	7.530	610
Ferskate opbringsten	3.100	2.659	976
Totaal opbringsten	37.500	42.118	29.342

Útjeftes	Begrutting 2014	Rekken 2014	Rekken 2013
Kategory	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	11.775	11.452	9.796
Kosten wedstriden	4.400	4.446	3.039
Ferieningskosten	10.525	11.043	6.776
Hier sporthal, fjilden, materialen	2.550	2.769	1.849
KNKB en Federaasje	4.800	4.825	4.788
Aksjes	2.500	1.793	2.313
Materiaal	950	4.948	781
Totaal útjeftes	37.500	41.276	29.342
Resultaat	0	842	0



Begrutting 2015

	Organisaasje	Wedstriden	Totaal
Kategory	Euro	Euro	Euro
Ynlis wedstriden		2.600	2.600
Sponsorjilden	3.575	9.400	12.975
Kontribúsje/trainingen	10.600		10.600
Aksjes	4.100	1.750	5.850
Subsydzje/bydragen	900		900
Diversen	1.500	250	1.750
Totaal opbrinsten	20.675	14.000	34.675
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal
Kategory	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	200	8.856	9.056
Kosten wedstriden, keatsclinics	600	2.205	2.805
Ferieningskosten	5.930	1.839	7.769
Hier sporthal, fjilden en materialen	1.540	600	2.140
KNKB en Federaasje	4.695		4.695
Aksjes	2.200	100	2.300
Materiaal	5.510	400	5.910
Totaal útjeftes	20.675	14.000	34.675
Resultaat	0	0	0

Kontribúsje en bydragen 2015

	2013	2014	2015	Ferskil
Kontribúsje senioaren	32,00	32,50	33,00	0,50
Kontribúsje jongerein	24,00	24,50	25,00	0,50
Jongerein Sealtraining	17,00	12,50	12,50	
Fjildtraining	13,00	17,50	17,50	
Beide	30,00	25,00	25,00	
Ynlis wedstriden -senioaren	3,00	3,00	3,00	
-jongerein:	1,50	1,50	1,50	
fed. Snits	3,00	3,00	3,00	
KNKB				

5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid

- Anco Elgersma docht ferslach fan de kaskontrôle: "seach der allegearre kreas út, sit struktuer yn. Alle fragen koene gelyk beantwurde wurde. We ha gjin ûnfolsleinichheden fêststelle kinnen. Wol tip foar it haadbestjoer: as der immen it ponghâlderskip oernimt mei wat minder gefoel foar sifers dan kin der altyd in berop dien wurde op de finansjele en stiperskommisje".

Hjirnei wurdt decharge oan de ponghâlder ferlient. Anco Elgersma en Marije Hiemstra wurde betanke, Marije har sit fan 2 jier sit d'r op. Nij lid fan de kaskommisje wurdt Imke van der Leest.

6. Presintaasje jierferslach 2014

- Wilma kriget it wurd: "Sa as elts jier makket de PR-kommisje fan it ôfrûne jier in jierferslach. 2014 wie in bysûnder jier: de Keatsferiening bestie 110 jier. Dêrom yn maaie 3 dagen keatsen, wêrûnder de haadklassepartij foar manlju én froulju. Yn july fierden we it twadde lustrum fan de Jong Feinte partij. Mar it grutste hichtepunt wie fansels de winst op it NK pupillenfamkes troch Roelie en Corrie Kroondijk en Nynke Paauw. Sa neam ik in pear bysûnderheden út it ôfrûne jier. Yn it jierferslach ha we besocht alle saken te beskreauwen. Ik winskje jimme dan ek in soad lêsnocht".

It jierferslach wurdt útdielt oan alle oanwêzigen.



Keatsferiening Easterein • Jierferslach 2014

7. Skoft

- Fan 20.43 oere - 21.00 oere skoft.

8. Bestjoersferkiezing

- Oftredend: Jikke Velzen, wedstriidsekretariaat
Foardracht: gjin, wurdt yntern oplost
- Tuskentiids ôftredend: Skelte Anema
Foardracht: fakatuere

Mattie rjochtet it wurd ta Jikke: "Doesto yn 2011 yn it bestjoer kaamst koene alle minsken dy net sa goed. Ik hie al wat kennis mei dy makke fansels. Wat kaam der wat op dy ôf it earste skoft. As je noch net safolle mei keatsen ha, bard der bêst wol in hiele protte yn it begjin. Nei in skoftke witte je wat der te dwaan stiet. Wedstriden planne, rekken hâlde mei de KNKB en federaasjewedstriden, karmasters sykje foar de NK's noch yn it begjin, krânsen bestelle, prizen útsykje, opjeftes ferwurkje, lotsje, gearkomsten fan it HB bywenje, de wedstriidkommisje foarsitte en gean mar troch. Der hat ek in dreech skoftke west mar dat ha we mei syn allen oppakt sadat it allegearre troch gean koe. Hast dy der mar goed troch hinne slein en alles goed op de rails setten. Eins meist noch in jier sit ha yn it bestjoer mar omdat oars it ôftreed skema wat yn de war komt fan it HB, hast oanjûn datsto dit jier wol stopje wolst. We kinne lokkich altyd noch in berop op dy dwaan as we help nedich ha. Jikke, kinst dy no mar tariesse op dyn wurk, man en berntsjes. We sille dy fêst noch wol op de fjilden sjen. As mem mar ek as keatster hoopje we. Ast sels meidiest oan de wedstriden wiest altyd hiel fanatyk. Ik ha snoekdûken fan dy sjoen, dêr kinne in protte noch wat fan leare. As de bal dan altyd wol keart waard, lit ik my net oer út mar it seach der yn elts gefal spektakulêr út. Tige tank foar dyn ynset Jikke! We ha noch in aardichheidsje foar dy. Kinst moai oefenje foar dyn fierdere keatskarriêre".

Mattie en Wilma oerlangje Jikke blommen en in keatsbal mei Jikke har namme der op en de sittingstermyn. Applaus folget.

- Dirk-Yde ropt Skelte nei foarren: "Skelte, eins woesto gjin tankwurd hjir op de gearkomste, mar sa maklik komst der net fanôf fansels... Do bist in jier lyn by ús yn it bestjoer kommen as ponghâlder, in swiere portefeuille, seker sjoen it feit datst gjin ûnderfining hiedest yn dizze tak fan sport. Dat getuigt fan lef en dêr ha wy ek in protte respekt foar. No ast ferhúze bist nei Kûbaard nei dyn freondinne Wytske, nimme we fersneld ôfskie fan dy. Ik wol dy, en dan sprek ik út namme fan it hiele bestjoer, tige tank sizze foar dyn ynset en wurk foar ús feriening. En hjirby wol ik dy dan ek graach in blomke oanbiede". Ek hjirnei folget applaus.

9. Stikken KNKB gearkomste op 2 april 2015

- Twa hammerstikken foar de AV op 2 april: ienlingenbelied en ûndersyk nei plak fan it bûnsburo. Elts hat de stikken hjirfoar tastjoerd krigen.

Dirk-Yde: "it ienlingenbelied is der op rjochten om keatsers dy't yn in doarp wenje wêr't se gjin ôfdielingspartoer fan minimaal 2 keatsers foarmje kinne in kâns te jaan om sich oan te sluten by in partoer út in oangrinsjend doarp".

- Marije Hiemstra: "sit der ek in grins oan by hokker feriening sa'n keatser sich oanslute mei?"
- Tjeerd Dijkstra: "it is oangrinsend oan de eigen feriening, dus immen út Itens mei sich oanslute by Easterein, Wommels, Wiuwert, Boazum, Reahús-Turns. Hjirmei fergrutst de kâns fan de ienling om oan keatsen ta te kommen"
- Tjerk Okkema: "mei in '4e' keatser dan ek nei in oar doarp?"
- Mattie: "nee, dan moatte der twa 2-tallen foarme wurde"
- Eppie Heins: "wat is in ienling?"
- Tjeerd: "in keatser dy't foar syn eigen ôfdieling gjin partoer fan 2 keatsers foarmje kin, de feriening bepaald at immen in ienling is"
- Jan Hiemstra: "liket my in goede saak, mei name foar de bûtenôfdielings"
- Dirk-Yde: "we ha it der yntern ek oer hân en fine it lestich om in dúdlik ja as nee te sizzen. Fandêr dat we dit hjir fannejûn ek mei jim beprate wolle"
- Klaas Pompstra: "hoe komt it mei de registraasje en opjefte foar ienlingen?"
- Tjeerd: "in ienling moat sich oanmelde by de KNKB en beide ferienings moatte ynstimme mei de 'oerskriuwing', it kin net samar efkes"
- Romine Jelsma: "mei in keatser per jier switche fan doarp?"
- Tjeerd: "de switch jildt foar in jier, mei dus ek net yn it jier swicht wurde"
- Karin Sjaarda: "stel yn Easterein binne 2 keatsers foar it NK en yn Itens noch ien, mei dy dan oanslute by Easterein?"
- Tjeerd: "op sich mei dat wol, hinget fan beide ferienings ôf. Diskusjes sille warskynlik wol folgje. As bestjoer ha je it lêste oardiel"
- Klaas: "it soe wol núver wêze at in 3e keatser út in oar doarp komt en de 3e 'mindere' keatser fan eigen doarp út it partoer moat"
- Tjeerd: "dat is seker net de bedoeling en hjiryn hat ek de feriening de lêste stim"
- Dirk-Yde: "we kinne allegearre foarbylden betinke wat der allegearre wol net barre kin mar dan sitte we hjir fannejûn noch wol efkes in skoftsje"

- Imke van der Leest: "mei der ek neutraal stimt wurde tidens de AV?"

- Tjeerd: "dat mei seker"

- Der wurdt besletten om te stimmen: 18 foar, 6 tsjin, 11 ûnthâlde sich fan hun stim. Dit betsjut dat we tidens de AV, mocht it ta stimming komme, foar it ienlingenbelied stimme sille.

- Karin: "ik bin wol foar mar wol net dat it ten koste giet fan ús eigen leden".

- Dirk-Yde: dat sille we seker meinimme en yn acht nimme!"

- Dan fierder mei de eventuele ferhúzing fan it bûnsburo nei Frjentsjer. Dirk-Yde: "it foarstel is om earst yn It Hearrenfean te bliuwen en om de kommende jierren te besjen wat de foar- en neidielen binne om eventueel te ferhúzjen nei Frjentsjer.

- Tjeerd: "binnen 2 jier wurdt hjir in beslút oer naam. Hinget ôf fan de gearwurkingsferbûnen, dit sil ûndersocht wurde en hjirnei sil der in stânpunt oer ynnaam wurde. It giet útslutend oer de 4 meiwurkers dy't yn It Hearrenfean wurkje op it bûnsburo. Measte gearkomsten fan de KNKB binne al yn Frjentsjer"

- Dirk-Yde: "binnen it haadbestjoer ha we dit besprutsen en wy wolle de KNKB hjiryn folgje"

- Anco Elgersma: "wat is de ûnderfining mei de ferhúzing nei It Hearrenfean kwa gearwurking mei ûnder oare de KNVB en Sport Fryslân?"

- Tjeerd: "de kommende 2 jier fine we ûnderdak by Sport Fryslân, sy jouwe in protte ûndersteuning. Dit sil de kommende jierren noch fierder ûndersocht en útwurke wurde"

- Jan: "ik bin it net iens mei Tjeerd: it is dochs it moaiste om alles bymekear yn Frjentsjer te hawwen, ek nei de gemeente ta én der is plak foar it bûnsburo yn Frjentsjer (fergees). Kosten kinne hjirtroch beheind wurde. Wy hiene graach, as keatsmuseum, mei de KNKB yn ien gebou sitte wollen".

- Dirk-Yde: "Frjentsjer is noch hieltyd de 'haadstêd' fan it keatsen. Wy binne seker net tsjin it feit dat it bûnsburo nei Frjentsjer giet mar fine it no foarearst wol belangryk om earst it ûndersyk ôf te wachtsjen"

- We gean wer stimmen → foar: 25, tsjin: 2, neutraal: 4. Hjirmei wurdt dúdlik dat we akkoard gean mei de KNKB.

- Dirk-Yde: "der bin noch inkele meidielings foar wat betrefte de AV:

- Der wurde noch minsken socht foar de wurkgroep wankontroleurs. Men kin sich oanmelde by Tjeerd Dijkstra.

- De KNKB hat de 3e priis foar de froulju (haadklasse, 1e klasse/8 partoer) ôfskaft. De froulju ha hjir in amendemint tsjin yntsjinne omdat se it hjir net mei iens binne. Se ha ferskate ferienings oanskreaun om harren hand-

tekening te setten ûnder dit amendemint. Wy ha de miening fan ús froulju keatsers peilt: sy binne tsjin dizze ôfskaffing en hjirmei ha wy as bestjoer it amendemint ûndertekene".

- Tjeerd: "in keatswedstriid moat sneller, spannender en der moat tawurke wurde nei in climax, 3 fan de 8 partoeren krije yn de 'âlde' opset in priis, prizenjild kin sa ek omheech skroeft wurde. Under oare dêrom is foar dizze ôfskaffing keazen".
- Romine: "manlju en froulju ha dochs altyd de kar hân om wol as net foar de 3e priis te keatsen?"
- Tjeerd: "dat kloppet, mar ôfrûne jierren is der safolle feroare binnen it keatsen, protte keatsers dy't ophâlde omdat de keatsaginda te drok is, as ferienings dy't in snellere wedstriid wolle".
- Klaas: "evaluaasje ranking → by de froulju bin der gjin problemen. Froulju's keatsen is folle leuker en oantrekliker as manlju's keatsen. Wêrom moat it hielendal gelyk lutsen wurde mei de manlju? Probleem leit mear by de manlju".

10. Punten fan út it bestjoer

- Meidielings fanút foarjiersgearkomste Federaasje Snits: Marten is hjir mei Mattie west. Marten meldt de folgjende punten:
 - It giet finansjeel poerbêst mei de federaasje
 - Junioaren meie ek meidwaan yn kategory jonges/famkes
 - Federaasje dei is op 6 juny yn Nijlân
 - Ynspiraasjejûn: hjir sille we mei ferskate haadbestjoersleden en kommisjeleden hinne. Der wurde 3 wurkshops jûn: crowdfunding, jeugdbelied, skiidsrjochter
 - Bestjoerswikselings: fakatuere sekretaris en wedstriidlieding moatte noch ynfolt wurde
 - Ype: "wurdt der noch Jeu de Peloten binnen de federaasje?"
 - Marten: "wurdt net mear organisearre binnen federaasje Snits. We ha frege oan federaasje Littenseradiel om mei hun mei te dwaan mar dan moat de keatsers lid wurde fan in feriening binnen dy federaasje en ek keatse foar dat desbetreffende doarp"
 - Wiepkje Hiemstra: "alles is dochs iepenstelt binnen de federaasjes?"
 - Marten: "klopt, mar dit jildt net foar it peloten"
 - Karin: "hoe kin it dan dat yn federaasje Littenseradiel it peloten fol sit en yn federaasje Snits hielendal neat?"
 - Marije Hiemstra: der is net folle dúdlikheid oer it peloten west"
 - Marten: "moat in nije initsjatyfnimmer komme"
 - Dirk-Yde: "miskien kinne Karin en Ype it hjir 'es oer ha :-)"
- Ontwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize':
 - Eppie Heins "20 april giet it B fjild op de kop (dit duorret

it hiele keatsseizoen). 1e sloopdei klaaiboksen (komt in punt dak op, leidingen gean hjir hinne en miskien yn de takomst sinne-panelen) is 25 april. Tidens JFP eventueel útwike nei de sporthal kwa douchen".

- Dirk-Yde: "we gean meimekoar in drokke tiid temjitte, it sil sa no en dan passe en mjitte wurde. We sille hjir oer goed oerlis ha mei de belutsen partijen"
- Tjeerd: "der stean in oantal wedstriden op it programma wêr 2 fjilden foar brûkt wurde moatte, hoe wurdt dit oplost?"
- Dirk-Yde: "dat sille we op dat momint besjen, we hawwe fansels ek noch in fjild efter de sporthal"
- Christian: "it giet warskynlik mar om 1 wedstriid dat we fjildtekoart ha, we kin der toch net ûnderút".
- Ofskied kommisjeleden: we hoege dit jier gjin ôfskied te nimmen fan kommisjeleden.
- Fakatueres: yn it haadbestjoer wurdt socht nei in ponghâlder. Fierder gjin fakatueres yn sawol it haadbestjoer as yn de kommisjes. Mattie: "Tjerk Politiek ha we ree fûn om sit te nimmen yn de WK". Tjeerd: "yn de FSK ha we Hendrik Okkema ferwolkome kinnen". Foar beide mannen applaus!

- Keatskamp 2015, Marije fertelt: "foarige wike binne we op skoalle west om de bern entûsjast en bekind te meitsjen dat se harren opjaan kinne. Tema fan dit jier is: kleuren. Sieta Tessemaker is yn stee fan Pytrik Hiemstra yn de keatskampkommisje kommen. De earste pankeoemmen en nasi/bami-âlders ha harren alwer oanmelden. Ideeën foar de slieperij binne noch wolkom. It keatskamp is op 6-7-8 maaie"



- Kledinglijn: de PR kommisje is dwaande mei in kledinglijn. Marten en Akke Jikke showe de trui en it fest. Wilma: "de bedoeling is dat it logo fan de KF op it boarst komt, op de efterkant Keatsferiening Easterein (krekt sa as op de ôfdielingshirts), eventueel kin de eigen namme op de mouwe drukt wurde. We besykje de kosten sa leech mooglik te hâlden, sadra der mear bekind is folget der ynformaasje fia de mail"
 - Anco: hoe wurdt dit finansjearre?
 - Dirk-Yde: "it is foar eigen kosten"
 - Klaas: "is dit begrutte?"
 - Dirk-Yde: "nee, elts betellet dit sels, hoegt net foarfinansjearre te wurden, we kinne it per stik bestelle fia Ruurd en Ingrid Vellinga"
- Dirk-Yde: "ek dit seizoen ha we wer barfrijwilligers nedich tidens drokke dagen yn it keatsseizoen (JFP, boeren PC ensfh.) Wy dogge hjir, neist de Skoalleseize, ek ús bêst yn om frijwilligers te sykjen. Wy sille hjirfoar in berop op jim dwaan"

13. Sluting

- Dirk-Yde slút de gearkomste om 22.27 oere: "Tank foar jim komst! Ek Rika Okkema, Akke Jikke van Berkum en Imke van der Leest tank foar it regelen fan kofje, tee en oanklaaiing. Klaas tank foar dyn help it ôfrûne jier. De ôftraap is jûn foar dit keatsseizoen. Litte we der mei ús allen wer in moai jier fan meitsje. Graach biede wy jim noch 2 konsumpsjes oan op kosten fan de keatsferiening, dus jim hoege noch net nei hús. Mar oars, wol thús!

11. Wedstriidaginda 2015

- Mattie jout tekst en útlis oer de wedstriidaginda fan 2015: "dit jier ha we 9 ledepartijen foar de senioaren, 1 federaasjewedstriid foar de senioaren (Okkema partij op snein 5 july), 7 KNKB wedstriden (ferdielt oer 4 dagen) en 7 jeugd wedstriden (wêrfan 1 federaasjewedstriid). De Jong Feinte Partij is op woansdei 22 july en begjint foar it earst om 10.00 oere!
 - Abe Jan Stegenga: "der binne no wer in soad KNKB wedstriden op snein, der is earder ôfpraten om dizze wedstriden safolle mooglik op sneon te hâlden sadat de ledepartijen op snein ynpland wurde kinne"
 - Mattie: "der binne likefolle wedstriden op snein as foarrich jier, der is no ien sneons wedstriid en de rest is op snein, fansels besykje we der safolle mooglik rekken mei te hâlden"
 - Jikke folt noch oan: "der moat ek rekken hâlden wurde mei de KNKB en federaasje wedstriden op snein, dêr wolle sommige leden ek oan meidwaan"

12. Omfreegjen

- Klaas: "is der ek praten oer it stypjen fan de klean?"
 - Wilma: "dit sil besprutsen wurde, we besykje de kosten sawiesa sa leech mooglik te hâlden"
- Tjeerd: "der is in lanlike wurkgroep oer keunstgersfjilden en ik wol hjirby de keatsferiening mei jaan dat der yn de takomst ek wat mei keatsen op keunstgers dien wurde kin om de fjilden multifunksjoneel brûke te kinnen (belijning, opstuitsjen fan de keatsbal)"
- Eppie: "oanfolging oer de brekkerij: we kinne noch wol wat frijwilligers brûke foar 4 sneonen (fanôf 25 april 4 sneonen efter mekoar), oanmelde by Hille Meijer"
- Anco: "is de boeren PC ienmalich yn Easterein?"
 - Dirk-Yde: "de yntinsje is der om it jierliks yn Easterein plakfêne te litten"
- Ype: "tank foar it omtinken en kadootsjes foar de NK pupillen famkes mei de resepsje, spitich dat ik der sels net by wêze koe"

Oantekens neijersgearkomste KF Easterein 11 novimber 2015

Oanwêzich: Haadbestjoer: Dirk-Yde Sjaarda, Mattie Dijkstra, Marten Faber, Wilma Sjaarda, Christian Hoekstra, Elske van der Meulen, Hans Kooistra en 41 leden

Ofwêzich mei berjocht: Anco Elgersma, Harm Auke Dijkstra, Vera de Vries, Tom Couperus, Karin Sjaarda, René Velzen, Jikke Velzen, Carin Ypma, Wiepkje Hiemstra, Anke Marije Pompstra

Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de foarjiersgearkomste fan 25 maart 2015
4. Stikken KNKB neijersgearkomste op 19 novimber 2015
5. Meidielings fan út de Federaasje Snits neijersgearkomste fan 28 oktober 2015
6. Punten fan út it bestjoer, û.o.:
 - ûntwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize"
 - fakatueres: stân fan saken
 - beliedsplan
 - kledinglijn
7. Skoff
8. Jildsaken: begrutting en kontribúsje 2016 fêststelle
9. Utrikking prizen kompetysjekeatsen senioaren
10. Huldiging winners FB Oranjewoud cup
11. Keats(t)er fan it jier
12. Omfreegjen
13. Sluting

1. Iepening

- Foarsitter Dirk-Yde iepent om 20.08 oere de gearkomste. "Wolkom op dizze neijersgearkomste fan keatsferiening Easterein. In spesjaal wolkom oan ús eareleden: Hans Kooistra, Klaas Pompstra en Tjeerd Dijkstra. Ek in spesjaal wolkom oan Marrie Eringa en Sjoukje van der Eems fan de Skoalleseize". Dirk-Yde neamt hjirnei de ôfmeldingen op en ferfolget syn foarwurd. "Wy ha it keatsjier 2015 wer sa goed as efter ús litten. As ik sa weromsjoch hat it wer in moai en slagge keatsseizoen west. It giet fansels te fier om alle hichtepunten hjir op te neamen, mar der binne dochs wol in oantal dy it opneamen wurdich binne. Ik tink dan oan wer in tige slagge keatskamp. Ek dit jier wie dit wer in grut sukses. Takom jier gean we alwer de 3e edysje temjitte. Ek tink ik oan de moaie 2e priis fan it Eastereiner partoer mei Doede-Rients, Jan en Rémon mei coach Marten op de 11e Jong-Feinte Partij. Fansels ek de twadde priis op de Froulju's PC fan Imke mei har maten. In PC mei mar leafst 6 froulju út Easterein op 'e list! Ik tink dan oan Roelie, Nynke en Corrie dy foar it twadde jier efter elkoar de skoallekampioenskippen winne foar De Foareker. Ik tink dan oan de prachtige oerwinning fan

de Eastereiner froulju yn de FB Oranjewâld Cup yn Dronryp. Jim sjogge se hjir yn de seal sitten; Marije, Martine en Imke. Letter op 'e jûn wolle wy hjir noch wat ekstra oandacht oan skinke.

Fansels wienen der dit jier net allinnich mar hichtepunten. Sa as de measten fan jim witte is ús earelid Abe Stegenga slim siik. Gelokkich giet it mei de sûnens fan Annie knap. Mar we sille se nea wer tegearre lâns it keatsfjild sitten sjen. Dit rekket ús allegearre tige.

Op de manlju's PC stiene 3,5 Eastereiner op 'e list (Jelte-Pieter rekkenje ik stikem foar de helte mei) en sy koene al gau wer dûse. En ek op de Freule en Ald-Meiers slagge it net om de earste omloop troch te kommen. Dochs binne der in protte prizen wûn troch Eastereiners, mar gjin klasikers. Dat liket yn Easterein in tradysje te wêzen, ferlykber mei it Nederlânsk fuotbalâlvetal. Je dogge altiten leuk mei, mar échte haadprizen wurde der net wûn. Hoe is it dochs mooglik dat we yn ús 111-jierrich bestean as keatsferiening noch mar 2 kear in NK/bûnswedstriid wûn ha? It liket derop dat we it ôfwitte litte op mominten dat it derom giet. Binne we as feriening, as doarp te sosjaal en te min prestaasjegerjocht? It binne fragen dy't foar ús as haadbestjoer, en de technyske kommisje yn it bysûnder, oanlieding west binne om in beliedsplan te skriuwen en om dêryn fêst te lizzen wat we wolle mei syn allen. Wêr't we hinne wolle as keatsferiening. Letter dizze gearkomste sil Marten jim dêr wat mear oer fertelle.

No ha ik earst genôch sein en sille we los. Ik wol eltsenien in noflike gearkomste tawinskje."

2. Meidielings en ynkommen stikken

Meidielings:

- Fêststellen fan de wurklist: der binne gjin wizigings, de wurklist wurdt fêststeld.

Ynkommen stikken:

- Der bin gjin ynkommen stikken foar dizze gearkomste.

3. Ferslach fan de foarjiersgearkomste fan 25 maart 2015

- Elts lid hat de oantekens fan de foarjiersgearkomste al tastjoerd krigen. Dirk-Yde freget de oanwêzigen oft hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne → gjin fragen/opmerkings. De oantekens wurde fêststeld.

4. Stikken KNKB neijersgearkomste op 19 novimber 2015

- Dirk-Yde meldt dat der 6 hammerstikken binne tidens de AV:

Foarstel fersterken beslútfoarmingsstruktuer KNKB

- optimalisearjen organisaasjekrêft KNKB
- 1 AV per jier (neijersgearkomste komt te ferfallen)
- trochgean mei de regio-byienkomsten sadat der prak-

tyske ôfstimming en ynformaasje-útwikseling plakfyt; evaluaasje fan it ôfrûne keatsseizoen; ynhâldlike diskusjes oer beliedstema's; kennisdieling en ynspiraasje

- nije opset komt der as folgt út te sjen:

* maaie-septimber	wedstriidseizoen
* augustus-septimber	begruttingsproses
* oktober	evaluaasje mei kader en keats(t)ers
* oktober	4 regio-byienkomsten foar bestjoeren en federaasjes
* novimber-jannewaris	ôfwikking jierrekken
* novimber-febrewaris	nij belied tariede
* febrewaris	regioledenberie mei bestjoeren en federaasjes
* maart	AV
* maart-april	ymplemintaasje nij belied
* april	startbyienkomsten nije seizoen (kader, keats(t)ers, stipers, media)

De gearkomste giet akkoard mei boppesteand foarstel.

Foarstel kontribúsje ôfdracht

- Fêst bedrach te innen kontribúsje fêststelle op € 178.000, dit bedrach wurdt dielt troch it oantal KNKB leden
- Fêst taryf foar de jeugd op € 10, foar de oare leden sil it bedrach rûn de € 15 lizze
- Foardielen:
 - * ienfâldiger en earlik
 - * de lesten meimekoar drage
 - * KNKB is fersekere fan in fêst bedrach
 - * ôfdracht rint evenredich mei it oantal leden fan de feriening
 - * gesamenlik foardiel by stiging fan it oantal leden
 - * gesamenlik ferantwurdlik om alle leden oan te melden by de KNKB
- Neidielen:
 - * gjin fêste ôfdracht ferienings yn de begrutting
 - * gjin kontrôle op wurklik oantal oanmelde leden, sosjale kontrôle is winske
 - * gesamenlik neidiel by it omleechgean fan it oantal leden
- Klaas Pompstra siet yn de wurkgroep oer de kontribúsje, hy ljochtet ta: "Der bin in protte ferienings dy't no finansjeel neidiel ha by it kontribúsjebelied hoe't it no is. Dêrom is der in wurkgroep yn it libben roppen om dit op 'e nij te besjen. Sadwaande bin we ta boppesteand foarstel kommen."
- Sipke Hiemstra: "Wurdt hjirmei net kreëarre dat net alle ferieningsleden opjûn wurde by de KNKB?"
- Dirk-Yde: "Dit wie ek in tsjinargumint, sosjale kontrôle is

hjirmei dus tige winsklik, it kin fansels nea hielendal foar kommen wurde."

- Klaas folt oan: "Feitliks moat eltse feriening harren leden 'gewoan' oanmelde by de KNKB, ferienings dy't dit net dogge ha de oare ferienings 'te pakken'."
- Abe Jan Stegenga: "Bin jim net bang dat ferienings dy't it finansjeel dreech ha hjir net oan mei dogge?"
- Dirk-Yde: "It is seker in soarch, mar we hoopje dat alle ferienings dochs al hun leden oanmelde
- Klaas: "Dit kaam tidens it finansjeel ledenberie ek nei foarren, der is in mooglikheid foar de lytse ferienings om hjir steun yn te krijen fanút de KNKB."

De gearkomste giet akkoard mei boppesteand foarstel.

Foarstel ynstellen wurkgroep 'Wedstriidstramyn en ferienfâldigde wedstriidorganisaasje'

- De folgjende foarstellen wurde tarieden yn de wurkgroep
 - * 10 partoeren manlju haadklasse en 11.00 oere starte
 - * froulju 1e klasse en 2e klasse bymekear
 - * oanpassen ranking froulju haadklasse
 - * middelline ferfalle litte
- De wurkgroep sil bestean út ôfdielings, keats(t)ers en kaderleden
- Marije Hiemstra: "Wurdt der ek wat dien oan de haadklasse froulju kwa tiidstip?"
- Tjeerd Dijkstra: "It giet oer foarstellen fan VVV Sjirk de Wal út Dronryp. De wedstriidopset fan it ôfrûne jier wie basseare op de lûden fan ferline jier. De lûden fan dit jier bin dochs wer wat feroare, fandêr dat hjir in wurkgroep op setten wurdt. Yn febrewaris komt der in foarstel dy't yn 2016 yn gean sil".
- Imke van der Leest: "Wat is de bedoeling fan it ferfallen fan de middelline?"
- Tjeerd Dijkstra: "Neffens Dronryp wurdt de middelline eins net brûkt, wurdt faaks al metten fanôf de opslachline e.d."
- Jan Schurer: "Wat is de bedoeling fan it oanpassen fan de ranking fan de froulju?"
- Dirk-Yde: "Dit is allegeare nei oanlieding fan de evaluaasje nei foarren kommen, moat earst útwurke wurde".

De gearkomste giet akkoard mei boppesteand foarstel.

Foarstel skeef opslaan

- Skeef opslaan ôfskaffe omdat de KNKB fynt dat de spulrigels unifoarm útfierd wurde moatte kinne, dit wie de ôfrûne jierren net it gefal (hat te meitsjen mei it tal perken)
- Marije Hiemstra: "Ik bin foar skeef opslaan, der wurdt wol in soad oan de want dien en mei skeef opslaan kin je noch wat 'brekke' yn it perk".

- Imke van der Leest: "Bin ek foar skeef opslaan, jout de opslagers mear mooglikheden en kin spektakel jaan".
- Tjeerd Dijkstra: "Bin net mear útballen troch it skeef opslaan, mar it publyk, ferienings en de parse is in oare miening tabedield. As KNKB bestjoer bin we hjir drok mei dwaande west en fine we dat de spulrigels uni-foarm útfiert wurde moatte".
- Romine Jelsma: "Op wat foar basis gean jim, as haad-bestjoer, akkoard mei dit hammerstik?"
- Dirk-Yde: "Ofweging fan bepaalde faktoaren; mei name unifoarmiteit fine we wichtich en dêrom kin we as bestjoer efter dit foarstel stean".
- Nei in diskusje tusken de foar- en tsjinstanners wurdt der besletten om te stimmen; der bin 7 oanwêzigen foar it ôfskaffen, 9 oanwêzigen binne tsjin it ôfskaffen fan it skeef opslaan.
- Tineke Dijkstra: "It ferskil fan miening tusken haad- en 1e klassers is grut, op de 1e klasse ha we gjin mooglikheid om skeef op te slaan, as ik dan op de haadklasse stean bin ik yn it neidiel, dêrom bin ik foar dit hammerstik."
- Dirk-Yde: "Mocht dit ta stimming komme op de AV, dan sille we tsjin dit hammerstik stimme".

Foarstel regio-keatsen

- Trochgean mei it organisearjen fan de regio-wedstriden
- Oantal regio-wedstriden yn oerlis mei de federaasjes en bestjoeren bepale
- KNKB-keats(t)ers loskeppelje fan it regio-keatsen (A keats(t)ers wurde útsletten)
- Deselde rigels foar alle federaasjes bewurkstelligje (ûnder oare 3 omlopen, 1 deidiel, selde ynlis, digitale opjefte ensfh.)

De gearkomste giet akkoard mei boppesteand foarstel.

Meardere partoeren per ôfdieling op de NK's

- Foarstel om meardere partoeren per ôfdieling op de NK's útkomme te litten
- Ofdielingspartoeren (2e en/of 3e), dy't maksimaal ien ôfdielingswedstriid yn de betreffende kategory foarôfgeand oan it NK misse, meie dielnimme oan it NK yn de betreffende kategory
- Foarstel past yn de strategy 'de keatser sintraal'
- Giet allinnich de jeugd oan (o/m jonges/famkes)
- Marije Hiemstra: "Wêrom allinnich jeugd?"
- Dirk-Yde: "Dat witte wy net, foarstel komt fanút Dronryp. We sille dit meinimme nei de AV".

De gearkomste giet akkoard mei boppesteand foarstel.

5. Meidielings fan út de Federaasje Snits nei jiersgearkomste fan 28 oktober 2015

- Mattie meldt de folgjende saken: "Op 2 nei wiene alle

ferienings fan Federaasje Snits oanwêzich op de gearkomste yn Ysbrechtum. De belangrykste saken dy't dizze jûn bepraten binne:

- It hat bliken dien dat by de jongerein de opkomst moai tanommen is. By de manlju is it sa goed as gelyk bleaun en de froulju litte it wat ôfwitte by de dielname oan de wedstriden yn de federaasje.
- By de jongereinwedstriden begjint it by de lytse ferienings al wat te knipen oangeande de romte. Soms binne der mear as 100 keats(t)ers dy't in plakje ha moatte op it fjild. Dat der dan nochal wat fan de organisaasje frege wurdt is wol dúdlik. Bliken docht dat wy it as feriening, en dat mei tank oan de JK, goed foarlekoar ha. By elk fjild in soart fan skiedsrjochter is wol in must fynt it federaasjebestjoer. Dit ek om by de wat âldere bern de gong der wat yn te hâlden sadat se foar donker út binne. Dus komplimenten foar Hans, Klaas en harren harem!
- De junioaren keatse ek mei by de jongereinwedstriden. Dit is twa jier lyn al ynsetten om dizze kategory op it fjild te hâlden. It die bliken dat se it net hielendal sitten sjogge om de oerstap nei de senioaren te meitsjen en no is de dielname wer folle grutter. Dat giet tsjinnurdich ek makliker fansels mei al dy groepsapps. Moai dat we dizze kategory sa op de fjilden hâlde. Toch sille se ea de oerstap meitsje moatte. It federaasjebestjoer is der dan ek mei dwaande om te sjen hoe dat wat soepel ferrine kin.
- De federaasjedefier mei it haadklasse keatsen is takom jier op 20 augustus en de organisaasje is foar Skearnegoutum. Wol wurdt der frege oft we ek ien witte dy't de federaasjedeikommisje fersterke wol no Arjen Hettinga syn sit der op hat. It is in net al te drege funksje dy net in hiele protte tiid yn beslach nimt mar wol wichtich is om dizze moaie dei foar jong en âld ta in suksesfolle dei te meitsjen. Tink der mar ris oer nei as it net wat foar jim is... dan hear ik it graach.
- Yn it federaasjebestjoer stopje Coos Veldman en Jeanette Folkertsma. Sy ha der al wer hiel wat jierren yn sitten. Dit betsjut wol dat der no noch mar twa persoanen sit ha yn it bestjoer fanôf de foarjiersgearkomste yn 2016. Dat kin fansels net en dêrom ek no in oprop omris om jim hinne te sjen wa't yn it federaasjebestjoer wol. Se fergaderje sa'n 5 kear yn it jier sadat it ek net in al te drege taak is mar wol hiel belangryk foar de organisaasje. It soe spitich wêze dat de bern en senioaren, dy der safolle nocht oan ha om yn de doarpen rûnom Easterein in baltsje te slaan, dit aanst net mear dwaan kinne omdat de federaasje 'ter ziele' gien is.
- Fierder wie der net in hiele protte nijs fanút de federaasje. De wedstriidagenda is yn konsept klear en sil noch oanpast wurde oan de winsken fan de ferienings foar safier dit mooglik is. Dat is altyd wol in drege keallerij

omdat der mei in protte saken rekken hâlden wurde moat."

6. Punten fan út it bestjoer

- Ontwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize": Marrie Eringa en Sjoukje van der Eems binne oanwêzich namens de Skoalleseize. Marrie kriget it wurd:
 - "Klaaiboksen binne sa goed as klear, krekt sa as de útwreiding fan it B fjild wat der prachtich by leit. Wurdt op it stuit allinnich noch troch de jeugd op fuotballe.
 - Foar it keunstgersfjild moast der noch € 30.000 komme; dit is ûnder oare behelle mei de feilingjûn fan SDS en mei de fuotbalwedstriid Heerenveen-MVV op it sportkompleks. Mei in protte frijwilligers fan alle ferienings wie dit in grut sukses.
 - Planning foar it keunstgers: we koerse ôf op it foarjier 2016, we bin drok dwaande om in keunstgersfjild út te sykjen.
 - Der is helaas noch hieltyd daling yn de omset, dit is in algemiene tendens. Mar it is wol essensjeel foar it yn stân hâlden fan it kompleks.
 - Koos Plantinga nimt it ponghâlderskip oer fan Fedde Wiersma. Der is in frijwilligerskoördinator ynsteld, te witten Sjoukje van der Eems, hjirtroch bin we op syk nei in nije sekretaris. We ha in boeiend jier efter de rêch en we gean fol fertrouwen 2016 yn!"
 - Tjeerd Dijkstra: "21 novimber gean der minsken keunstgersfjilden besjen, miskien goed idee om hjir ek mei in 'keatsbril' nei te sjen".
 - Dirk-Yde: "Ik sil hjir by oanwêzich wêze as keatser en fuotballer".
 - Tjeerd Dijkstra: "De kantine mist sfeer oan de binnenkant, dit is in reden om yn de kantine fan de tsjinstanners sitten te bliuwen. Ik wol graach in oprop dwaan om minsken te sykjen om de kantine 'waarmer' yn te rjochtsjen. Miskien kin jim hjir ris ien foar ynhiere?"
 - Marrie Eringa: "Hjir prate we regelmjittich oer, sawol mei de KF as SDS. Wat bin de behoeftes? We bin hjir mei dwaande. Spitigernôch krije we net folle tot gjin feedback hjiryn".
 - Dirk-Yde: "Op it stuit hat it keunstgers prioriteit, mar it hat absolút ús oandacht".
- Fakatueres: Wilma jout de stân fan saken oan: "Foar takom jier ha we de folgjende fakatueres:
 - Jongereinkommisje/HB: foarsitter JK
 - PR kommisje: redaksjelid webside en redaksjelid jierferslach/programmaboekje
 - Tige wiis binne we mei it feit dat we in nije ponghâlder fûn hawwe én in opfolgster foar Elske dy't it databear yn hannen hat. René Rijpma sil yn de foarjiersgearkomste hooplik offisjeel oannaam wurde as ponghâlder, hy rint al wol fêst mei binnen it haadbestjoer.

- Petra Jellema nimt de taken fan Elske oer en sil, hoopje wy, ek offisjeel oannaam wurde yn de foarjiersgearkomste fan 2016. Dit betsjut dat Elske ien jier earder út it haadbestjoer giet, mar sy sil seker op de eftergrûn noch standby wêze."

- Beliedsplan: Marten jout tekst en útlis: "Alle kommisjes bin dwaande om foar har kommisje it beliedsplan yn te folgen. Dit silte wy yn febrewaris nei alle leden stjoere, ik wol jim it advys jaan om dit goed te lêzen. We silte dit dan beprate en hoopje it fêststelle te kinnen tidens de foarjiersgearkomste. It beliedsplan sil foar 5 jier wêze."
- Kledinglijn – Wilma: "Der bin prachtige KF hoodies te keap: in noflike, stoere trui foar jong en âld! We ha se yn alle maten, dus skroom net en bestel sa'n trui by Jetske. Miskien ek in leuk Sinteklaaskado. Foar bern kostet de trui € 24,50 en foar folwûksen komt de priis op € 27,50. Der komt noch € 3,00 by ast dyn namme op de mouwe fan de trui ha wolst." Hans showt op treflike wize de trui oan de oanwêzigen ;-)

7. Skoff

- Skoff fan 21.18 oere oant 21.34 oere.

8. Jildsaken: begrutting en kontribúsje 2016 fêststelle

- Klaas Pompstra jout oan de hân fan ûndersteande tabelen tekst en útlis oer de begrutting foar 2016: "Bedragen komme fierhinne oerien mei 2015. Moat wol foar € 800 oan nije sponsors binnenkomme. We wolle besykje 1800 koeken te ferkeapjen tidens de koeke-aksje. Oprop oan de leden om mei te helpen! Oer it algemien bin it altyd deselde minsken dy't ferkeapje."
- Sipke Hiemstra: "Nei oanlieding fan de koeke-aksje; prachtige aksje mar de prizen lizze eins te leech, bin like djoer as yn de winkel".
- Klaas Pompstra: "Dit is seker in punt fan oandacht! Dit sil binnen de stipe-kommisje besprutsen wurde".
- Dirk-Yde freget oft de gearkomste akkoard giet mei it foarstel fan de kontribúsjeferheging → gearkomste giet akkoard.

Begrutting 2016 - ynkomen

Categorie	Organisatie Euro	Wedstrijden Euro	Totaal Euro
Inleg wedstriden		2.665	2.665
Sponsorgelden	3.525	8.800	12.325
Contributie/trainingen	10.350		10.350
Akties	4.000	2.000	6.000
Subsidies/bidragen	800		800
Diversen	1.850	900	2.550
Totaal opbrengsten	20.325	14.355	34.680

- Sponsorgelden: winaksje fan 800 euro

- Kontribúsje: ynklusyf foarstel 2016

- Aksjes: Koekeaksje! Polesaksje? (750 euro – desimber berjocht!)

flessebonaksje

- Diversen: 0.o. eigen bydrage keatskamp (1.000)

Begrutting 2016 - útjeften

	Organisatie	Wedstrijden	Totaal
Categorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en kransen	205	9.840	10.045
Kosten wedstrijden, kaatsdinics	485	2.130	2.615
Verenigingskosten	6.385	1.500	7.885
Huur sporthal, velden en materialen	1.715	780	2.495
KNKB en Federatie	3.995		3.995
Aktes	1.960	75	2.035
Materiaal	6.020	30	6.050
Totaal uitgaven	20.785	14.355	35.140
Resultaat	-460		-460

- Prizen en kransen: 0 o. 6 KNKB-wedstrijden

- KNKB: ôfdracht neffens foarstel 2016 KNKB

- Materiaal: 0 o. oanskaf shirts frijwilligers (1.500), reservearring klean (3.250) en in ferrassing....!

Foarstel kontribúsje, bydragen

	2014	2015	2016	Ferskil
Kontribúsje senioaren	32,50	33,00	33,50	0,50
Kontribúsje jongerein	24,50	25,00	25,25	0,25
Trainingen jongerein				
- seal	12,50	12,50	12,50	-
- fjild	17,50	17,50	17,50	-
- beide	25,00	25,00	25,00	-
Ynlis wedstriden				
- senioaren	3,00	3,00	3,00	-
- jongerein: fed. Snits	1,50	1,50	1,50	-
KNKB	3,00	3,00	3,00	-

- Klaske Plantinga: "De wat âldere froulju kinne/wolle net atyd meidwaan mei de wedstriden of moatte keatse mei de jongere keats(t)ers. Kin hjir ek wat oan dien wurde?"
- Dirk-Yde: "Sinjaal is dúdlik, we sille hjir rekken mei hâlde yn de wedstriidaginda".
- Klaas wurdt betanke foar syn dúdlike útlis, applaus folget.

9. Utrikking prizen kompetysjekeatsen senioaren

- Elske kriget it wurd: "Fanôf Keningsdei ha we ek dit jier hast wer elke wike kompetysjekeatsen hân, de earste pear wiken op freedtejûn yn ferbân mei it fjild en dêrnei wer 'gewoan' op tongersdeitejûn. Elke wike stiene der fanatyke keats(t)ers klear om de striid tsjin elkoar oan te gean. We hoopje dat jim ek allegear yn it nije seizoen wer op it kompetysje keatsen komme. Dan gean we no earst oer nei de winners fan foarrich jier."

Winners 2014

Manlju 1e Hans Kooistra (75 punten)
2e Tymen Dijkstra (68 punten)
3e Rémon Tie Bouma (61 punten)

Froulju 1e Janieke Dijkstra (60 punten)
2e Eefje Hiemstra (55 punten)
3e Petra Jellema (52 punten)

Alle winners fan foarrich jier krije in t-shirt oanbean troch Elske. Applaus folget. Elske: "Dan is it tiid foar it bekind meitsjen fan de winners fan dit jier. We begjinne mei de manlju. Se sieten dit jier hiel ticht by elkoar, der sit by alle trije mar 1 punt ferskil yn."

Winners 2015

Manlju

1e Rémon Tie Bouma (70 punten)
2e Tom Couperus (69 punten) net oanwêzich
3e Abe Jan Stegenga (68 punten)

De manlju krije fan Elske de wikselbekers oanbean.

Elske: "By de froulju sieten de punten net ticht bymekear".

Froulju

1e Petra Jellema (93 punten) mar 3 x net west
2e Eefje Hiemstra (64 punten)
3e Klaske Plantinga (56 punten)

Ek de froulju krije de wikselbekers oerlange fan Elske. Applaus foar de priiswinners.

10. Huldiging FB Oranjewoud cup winners

- Mattie: "Dit jier wie KF Easterein fertsjinwurdige mei 4 partoer; 2 froulju's partoeren en 2 manlju's partoeren. Jim, froulju Marije Hiemstra, Imke van der Leest en Martine Tiemersma, binne it fierste kommen yn dizze kompetysje. De earste wedstriid waard wûn fan Seisbierrum/Pitersbierrum. 14 july wie de tuskenronde en hoegden jim net yn aksje. 11 augustus spilen jim yn Grou tsjin Bitgum en jim ha dat wûn mei 5-1:6-4. Dat betsjutte dat jim sneon 29 augustus nei Dronryp ta mochten om de heale finale te keatsen en eventueel de finale. Nei de iepening stelde de foarsitter fan Dronryp jim foar oan it publyk. Easterein wie goed fertsjinwurdige as taskôger. Dat wie mar goed ek want de foarstelronde like hast wol in puzzel. It wie de foarsitter net hielendal dúdlik wa't der no krekt yn it partoer sieten en wat jim allegearre by it ein ha, leauw ik. Yn de heale finale lotten jim tsjin it taaie Easterlittens. Dy paken jim op 5-2:6-4 en dus is de finale helle!! Jim tsjinstanner yn de finale wie Frjentsjer; sy wûnen de heale finale fan Berltsum mei 5-0:6-2. Nei in gesellich hapke yn de tinte, en wat geëamel mei de Eastereiners, op nei de finale. Dus focus..... Dêr soarge jim coach Durk van der Leest wol foar. Fan 3-0 foar, nei 4-1 en doe op 5-2 paken jim de froulju fan Frjentsjer op 5-2:6-6!

In geweldige prestaasje en ek moai foar de keatsferiening. Dy wurde wer goed op de kaart setten en it prizenjild is ek foar de feriening. We ha doetiids ôfpraak dat de helte fan de prizenpot nei de feriening giet en de oare helte ferdield wurdt ûnder it winnend partoer. Dêrom foar jimme in moaie sjek, dy Froukje makke hat.

Froulju, fan herte lokwinske mei dizze prestaasje en út namme fan de feriening tige tank foar jim ynset!" Applaus foar de froulju en coach Durk van der Leest folget en se krije de sjek en blommen oanbean.



11. Keats(t)er fan it jier

- Der komt efkes in puntsje tuskentroch.... Hans ropt Imke van der Leest nei foarren, sy wûn de 2e priis tidens de froulju's PC mei Anne Monfils en Renske Terwisscha van Scheltinga. Hans: "Do hast mei dyn maten Renske Terwisscha van Scheltinga en de 16 jierige Anna Monfils in topprestaasje levere. Topprestaasje tusken skraapkes want wat hiene we graach wollen dat jim ek de finale noch pakten. It wie fansels tige spitich dat healwei it seizoen jim opslager der mei ophâld. Jim moasten op syk nei in nije opslager wat net meifoel want elts hie al stelt foar de 2de syklus. Jim fûnen de opslager op papier yn Wilma Sjaarda mar op it fjild mei Anna Monfils. It 16 jierich famke dy't mei Rixt Fokkema Easterein der ôf sloech op de Ald Meiers-partij 2015 troch op 5-5 en 2-6 in sitbal te plaatsen. Tidens de PC behellen jim de finale troch te winnen fan:
1ste omloop partoer Elly Hofman, Anke Winkel, Geke de Boer 1-5:4-6
2de omloop partoer Rianne Vellinga, Marte Altenburg, Marrit Zeinstra 2-5:0-6
Heale finale 3de omloop Nicole Hempenius, Nynke en Wiljo Sybrandy 5-4:6-4
Finale Ilse Tuininga, Sjoukje Visser en Manon Scheepstra ferlies 5-2:6-6
Wy wolle dy út namme fan keatsferiening Easterein en fansels alle leden fan herte lokwinskje mei de 2de priis op de froulju's PC en we hoopje fansels wol dat jim oare jier de finale winne." Applaus folget nei Hans syn ferhaal, se kriget út hannen fan Hans in prachtige glêzen keatsbal mei har namme der yn. Mar der folget noch in ferrassing foar Imke....
- Hans: "No asto hjir doch stiest wol ik dy út namme fan it haadbestjoer en alle kommisjes beneame ta keatster fan it jier 2015. Yn de gearkomste fan it haadbestjoer

kaam dyn namme al ridlik gau foarby en elts koe der wol efter stean. Ek alle kommisjes fan de keatsferiening fine dasto dizze titel fertsjinne hast omdat:

- Inisjatyfnimster fan it keatskamp. Dit konsept hast meinnommen út Dronyp. Dit kinsto fansels net allinnich dus ek hulde oan alle oare kommisjeleden en frywilligers
- It entûsjasme dasto oerbringst op de oare frywilligers en de bern fan it keatskamp. Wat fine de bern it skitterend moai en wat komme der troch it keatskamp in protte nije jeugdleden by
- Dêrneist jousto trainen oan de jeugd fan de keatsferiening mar ek op de keatsskoalle
- Do bist in trochsetter op it fjild dy't it maksimale fan harsels easket, mar ek fan dyn maten
- Do bist in weardich ambassadeur fan KF Easterein yn it KF shirt troch dyn sportiviteit en kwaliteit

- Ik wol graach Sipke Hiemstra, keatser fan it jier 2014, nei foarren roppe om dy de beker te oerlangjen. Tige lokwinske!" Sipke oerlangt de wikselbeker oan Imke: "Ik hoop dast der fan genietsje kinst, krekt sa as my ferline jier bisto ek tige ferrast mei dizze priis". Sipke kriget fan Hans it oantinken omdat hy keatser fan it jier 2014 wie. Applaus folget foar beide.

12. Omfreegjen

- Tjeerd Dijkstra: "We ha no 2 kear it keatsfeest organisearre yn Noflik Easterein, dit is net hiel posityf ferrûn kwa gasten e.d.. Ha jim der as bestjoer al oer neitocht hoe hjir fierder mei te gean?"
- Dirk-Yde: "We ha it yn berie, wie teloarstellend kwa oanwêzigens fan de keats(t)ers."
- Tjeerd Dijkstra: "Is der takom jier wer in boeren PC yn Easterein?"
- Dirk-Yde: "Wie in grut sukses en de boeren PC komt takom jier wer nei Easterein, warskynlik wol wat earder yn it seizoen."
- Sipke Hiemstra: "Der wurdt op tongersdeitejûn Llargues spile op it multifunksjoneel terrein. Kin der ek wat oan de omheining dien wurde, de bal giet der hieltyd trochhinne en bedarret yn de fearst as rekket kwyf."
- Dirk-Yde: "Probleem is bekind binnen it bestjoer, is ek al besprutsen mei de Skoalleseize."
- Christian folt oan: "We bin der mei dwaande, we sil ús bêst dwaan om hjir takom jier wat oan te dwaan."

13. Sluting

- Dirk-Yde slút om 22.12 oere de gearkomste en tankt elts foar harren komst. Noch ekstra tank foar de PR kommisje kwa oanklaaiing en katering, wêrfoar applaus. Elts mei noch 2 konsumpsjes op kosten fan de keatsferiening nimme, de rest is foar eigen kosten.

2016... KOM MAR OP!!!

Alwer in nij keatsjier stiet foar de doar... Keatsseizoen 2016 stiet der alwer oan te kommen. Foar ús as technyske kommisje drokke tiden om alle trainingen en oare saken wer foar elkoar te krijen foar de start fan it nije keatsseizoen. De ôfrûne wintermoannen ha wy as TK in lytse "winterstop" hâlden, dit om ús wer op te laden foar kommend jier en mei-inoar de skouders der ûnder te setten om dit wer ta in sukses te bringen.

Keatsferiening Easterein libbet, dat merke jo fanút alle eienen en kanten. Mei in grutte groep entûsjaste frijwilligers ha wy 2015 mei in posityf en goed gefoel efterlitten.

It wie noch mar foar de twadde kear, mar der stiet in organisaasje, wat der op liket as binne se al mear as 100 jier dwaande... Ik ha it fansels oer it KEATSKAMP!!! Wat in feest, in feest wat jo net misse wolte, hjir moatte je fansels by wêze. It entûsjasme spat fan alle bern, âlders en alle frijwilligers ôf. It is de perfekte start foar in nij seizoen en ek yn 2015 wie it 1 grut SUKSES. Keatskampkommisje, in protte sukses yn de takomst!

Dat de feriening libbet dat merke jo wol oan de opkomst op eltse tiisdei en tongersdei, tidens it kompetysje keatsen is de opkomst grut. Geweldich moai om te sjen, en wy binne der fan oertsjûge dat dit ek sa bliuwe sil.

Ek eltse sneon en snein is der in grutte groep keatsers, fanôf pupillen o.m. senioaren 50+ aktyf op de fjilden, der giet gjin wykein foarby as der steane Eastereiners op de list, mar ek yn de prizen. Op elts nivo wurdt der keatst, elts hat wille en dat is it aller aller belangrykst wat der is.

Dit jier gjin oerwinnings op gerenomearde NK wedstriden, spitich... Kommend jier wer nije kânsen en foar ús as TK wer in grutte útdaging om wer de beste partoeren de fjilden yn te stjoeren.

Wol sukses op ús eigen Jong Feinte Partij. Foar de twadde kear yn de JFP histoarje in priis en foar de 1e kear yn de histoarje ha we de finale berikt, geweldich... Doede Rients Okkema, Rémon Tie Bouma en Jan Schurer ha keatst as liuwen, in genot om nei te sjen. It wie in partoer, hja holpen elkoar, wiene posityf, nimmen stelde syn eigen belang foarop en mei syn trijen ha sy ús geweldich fermakke. It wie in stik reklame foar de feriening en foar de jongerein, moai om te sjen hoe't hja mei syn trijen keatse en elkoar helpe moatte yn it fjild.

Ik rop no wol moai: "foar de jongerein moai om te sjen hoe't hja mei syn trijen keatse en elkoar helpe moatte yn it fjild". Ik sis dit om't hjir foar ús allegear in grutte, hiele grutte útdaging leit...

De jonges en famkes fan Easterein steane der wol in bytsje om bekend dat wy te leaf binne, wy ús wolris wat yntimidearje litte troch oaren en dat wy hjir mentaal wolris wat yn efter bliuwe. Efter de skermen binne we drok oan it tinken, tinke oer hoe't wy hjir ienige ynfloed op ha kinne, sûnder dat de nocht en wille fuort giet.

In prachtich moaie útdaging dus, eat wat wy net alinnich kinne, mar ek alle help by nedich binne fan âlders, partoer begelieders en frijwilligers. Der sit dus wer in drokke mar foaral moaie tiid oan te kommen.

Keatsseizoen 2016... **KOM MAR OP!!!**

Groetnis Technyske kommisje,

Bauke Dijkstra, Jelte de Boer, Robert Sijbesma,
Marije Hiemstra, Judy Bergsma en Marten Faber

Keatser fan it jier 2015!

Foar my stiet de wikselpriis fan KF Easterein, de beker foar de keatser fan it jier. In beker mei in aardich rychje mei bekende minsken, al sûnt 1991.

Woansdei 11 novimber soe dochs al in moaie jûn foar my wurde. Want as ôfdielingspartoer waarden we huldige foar de winst fan de FB Oranjewoud Cup. In priis dy't der foar soarge hat dat Martine, Marije en ik it jier as partoer mach-tich ôfslute koenen. Uteinlik kaam it op de lêste ôfdielings keatspartij yn Dronryp der noch út, wat wy altyd al tocht en hope hienen. In prachtige dei, mei in moaie ôfsluter mei syn allen yn de tún mei myn âlders yn Dronryp. It sil de lêste spontane barbecue wol net wêze mei dit klupke!

Mar dizze huldiging wie efterôf net de ienige reden om in moaie jûn te hawwen. Gehiel ûnferwacht kaam myn namme út de bus rôljen doe't we op de aginda by it punt 'keatser fan it jier 2015' kamen! En doe foelen de puzzel-stikjes op syn plak. Dus dêrom wie én myn heit én ek noch myn mem der dy jûn. Ik tocht al... En sels Dirk-Yde koe him thús ferrassend stil hâlde oer dit ûnderwerp. Hy kin dus dochs geheimen foar my hawwe!

Hans hat earst noch foar moaie wurden soarge út namme fan it haadbestjoer en kommisjes. In listje redenen wêr't ik best in bytsje grutsk op bin. Ut hannen fan de keatser fan it jier fan 2014, Sipke Hiemstra, krige ik dêrnei de wikselbeker en fuort in prachtige glêzen keatsbal derby. Beide ha in goed plak krigen by ús yn de keamer.



Foar my stiet noch dyselde beker foar de keatser fan it jier. Wat moai, dat myn namme oan dit rychje taheakke is. Tige tank hjirfoar.

Imke van der Leest

Dit bin ik!



“2015 wie foar my in leuk keatsjier, mei as hichtepunt...”

Dat kinne jim fierderop lêze.

Yn febrewaris bin ik begûn mei de trainingen en yn moaie begjinne de wedstriden.

As 2e jiers welp ha ik tegearre mei myn âlders hast alle hoeken fan Fryslân dizze simmer besjoen. En 10 prizen wûn op dizze KNKB partijen, werûnder 5 krânsen. Yn totaal 7 krânsen, ek noch 2 by in ledepartij.

Elke tiisdeitejûn nei it kompetysje keatsen ta, wêr ik by de pupillen keatse mocht. Oan it ein fan it seizoen hie ik dêrmei de measte punten behelle en mocht de wiksel priis wer in jier yn myn prizekast stean.

Mar wat ik it leukste fûn wie dat ik tredde wurden bin yn it KNKB klassemint by de welpen (sjoch foto).

Redmer Wiersma

Puzzelje mei fjilden...

Wat ha we wer in prachtich keatsjier hân; de Jong Feinte partij op de oare kant fan it fjild en mei in prachtige prestaasje fan de junioaren. Der binne noch in protte oare goede prestaasjes delsetten. Dat fine wy as kommisje prachtich moai om te sjen!

Wy wolle jimme graach efkes in byld jaan fan wat in fjilden- en materialekommisje allegearre docht: Foar alle wedstriden wurde de fjilden lein mei in soad frijwilligers. Ek fersoargje wy de materialen dy't nedich binne foar it keatsspultsje sa as keatsblokjes, proppen, ballen, kweapeallen, tillegrafien ensfh. Mar dit jier lei der wol in hiele spesjale taak foar ús klear.

Dêr wie natuerlik de renovaasje fan it B-fjild en dêrneist folgje wy skerp de ûntwikkelings rûnom it keunstgersfjild. We hawwe oant begjin fan it seizoen wat puzzelje moatten mei de besetting fan it fjild. Lokkich ha we hjirfoer goed oerlis mei v.v. SDS en stichting 'De Skoalleseize'. Al mei al genôch drokte mar nochris, sûnder de goeie frijwilligers krije wy it allegearre net foar elkoar.

Wy hoopje dat wy takom jier ek wer op jim steun rekkenje kinne! Foar de kommende jierren kinne wy goed nije minsken brûke yn de fjilden- & materialekommisje. As jimme immen witte of sels wol belangstelling ha, lûk dan efkes oan de mouwe fan Christian.

De fjilden- en materialekommisje,

Klaas Sixma en
Christian Hoekstra



Sûnder frijwilligers... gjin keatsspultsje

It earste jier foar ús nije kommisjelid Tjerk. Hy hat him der aardich troch hinne wraksele. Moaie prizen útsocht en de nije wedstriidaginda wer yn elkoar setten. Wy binne tige wiis mei him fansels!

Wy ha as WK wer in moai en sportyf jier hân mei in protte help fan frijwilligers. Wy kinne it net faak genôch sizze. Sûnder dizze minsken kinne we net. It wurdt foar eltsenien dreger om minsken ree te finen om ris wat foar in feriening te dwaan. Dochs moatte jim net ferjitte dat de ferienings draaie op frijwilligers. Tink oan bestjoer, kommisjes, trainers, barpersoneel en sa fierder. Dizze minsken besykje wat frije tiid te meitsjen om wat foar de mienskip te dwaan. We kinne altyd wol help brûke.

Der binne wer ferskate wedstriden organisearre sadat elk op syn eigen nivo it keatsspultsje beoefenje koe. Fansels keatse je foar de krâns mar leuk balje en dan noch efkes neisitte, is in aardichheid. By de jongerein is de dielname altyd grut. In pracht gesicht om al dat huppeljende guod op de fjilden te sjen. De iene al wat fanatiker as de oar mar dat is net slim.

Wy, as wedstriidkommisje, ha wer in moai keatsseizoen hân. We binne alwer drok dwaande mei de tarieding foar 2016. Wy hoopje jim dan ek wer te sjen op de keatsfjilden!

De wedstriidkommisje,

Anny Sjaarda, Jelle de Boer, Wiepkje Hiemstra, Tjerk Politiek en Mattie Dijkstra

KF hoodie, ek foar dy...

Wy ha wer in moai keatsjier efter de rêch mei as PR-hichtepunt fansels de Jong-Feinte partij. Dizze prachtige wedstriid waard alwer foar de 11e kear organisearre. Dit kear dochs oars as oars omdat de Jong-Feinte partij op it haadfjild wie yn ferbân mei it werynrjochtsjen fan it B-fjild, mar op 'e nij mei moai (waarm!) waar en net te ferjitten in prachtich resultaat foar it Eastereiner partoer, sy gongen mei de twadde priis nei hûs.

Kwa keatserij wie it fierder in rêstich jier, mar binnen ús kommisje binne der no al wat wikselingen en nijichheden te beneamen.

Wat is der bard?

Wy ha dit jier ôfskie nommen fan Ingrid, sy is út de kommisje stapt fanwege ferhuzing en wy winksje har en har gesin dêrmei fansels alle goeds ta. In nij lid wie ek gau fûn: Jetske Sieperda, sy ferfangt Ingrid yn har funksje as skriuwer.

Jetske is, op it momint fan skriuwen, 28 jier âld en sûnt juny 2014 wennet sy in Easterein tegearre mei freon Marten Faber. Sy mei sels ek graach in keatsbaltsje slaan en is regelmjittich op de keatsfjilden te finen. De kar om yn dizze kommisje te stappen wie dan ek net muoilik, in gesellige ploech froulju en de belofte dat der sawat eltse gearkomste gebak is, makke foar har de keuze maklik. Yn it nije jier binne we yn elts gefal wer mei gebak begûn omdat Marten en Jetske op 3 febrewaris heit en mem wurden binne fan in jonkje, Djurre Bauke!

Ek nij dit jier binne de KF hoodies.
Mannich KF-lid rint al rûn in
dizze prachtige, noflikke griene trui...

do ek al??

Fierder bin wy fanôf no berikber fia ús nije emailadres:
pr@kfeasterein.nl

Wat stiet der te gebeuren?

Op dit stuit binne we dwaande mei nije klean foar de kar-masters. No binne der twa soarten shirts yn 'e omgong en ha we ek noch wolris wat te min shirts beskikber foar in grutte keatspartij. En fansels wolle wy graach dat ús frywilligers der kreas by rinne. Us doel is dizze klean kommand seizoen al in gebrûk te nimmen.

Sa as jim wol troch ha sitte we net stil, foar 2016 ha we noch mear nijichheden op 'e agenda stean wêr't we hooplik gau mei oan 'e slach kinne. Wat dit krekt wêze sil bliuwt noch efkes in ferrassing, mar it belooft spektakulêr te wurden!

Yn elts gefal sille wy ek kommand jier mei ús allen wer alles op alles sette om der in prachtich nij keatsseizoen fan te meitsjen!

De PR-kommisje,

Wilma Sjaarda
Akke-Jikke van Berkum
Rika Okkema
Anke Marije Pompstra
Froukje Dijkstra
Jetske Sieperda



De jongerein... de takomst!

Dit jier gjin lustrumjier as oare gekkichheden, mar om no te sizzen dat we lekker efferoeer lynje koene. Op de wedstriidaginda dit jier 6 ledewedstriden, 15 kompetysjejûnen en in federaasjewedstriid foar de jeugd. We binne begûn mei de jeugd op 6, 7 en 8 maaie mei it keatskamp. It keatskamp is no foar de 2de kear organisearre troch de keatskampkommisje. Der is elk jier jild foar nedich en in lyts part fan dat jild wurdt byelkoar skarrele troch de jeugd. Yn 2014 koene we in goeie € 750 oerlangje troch de Poiesz-aksje. Yn 2015 wiene we der net foar útlotte en moasten we wat oars betinke. By de Jumbo mochten we meidwaan oan in flessenbonaksje. Op in sneontemiddei mei de bern troch de buorren brocht mar leafst € 261,00 op wat oerlange is op de bûnte jûn fan it keatskamp. Hulde foar de flesophellers.

Op 20 maaie pas de earste ledewedstriid foar de jeugd. Tradisjoneel is dit de Kniplokaeltsjepartij. In iepen partij foar alle bern dy't de leeftiid hawwe fan de kabouterkategory. Se hoege gjin lid te wêzen fan de KF en meie efkes 'priuwe' oan it wedstriidkeatsen.

By de kabouters waard der keatst mei 3 ferskillende listen, dus eltsenien 3x keatse en nei de tiid de earsten by elkoar optelle. Soad spannende partijen en der waard leuk keatst mei elkoar. 1e priis A maat Geertje van der Weide, 1e priis B maat Tjitske Joustra, 2e priis A maat Jorrit Stap, 2e priis B maat Brecht Stegenga

By de welpen waard der mei 8 partoeren keatst mei in gewoane list mei ferliezersronde. De 2 finales wienen sa as finales ek wêze moatte, alles oan de hang! By de winnaarsronde wie it partoer 8 dy't oan it langste ein luts en dat wienen Arjen Stremmer en Anke Blanksma. De 2e priis wie foar Redmer Stegenga en Daniël van der Weerd.

By de pupillen wienen der 6 partoeren en sy keatsten yn poules allegear 3x. Ek dêr nei 3 omlopen earsten en tsjinearsten by elkoar optelle. 1e priis Redmer Wiersma, Amber Reijndoudt en Thijs Janssen, 2e priis Nynke Paauw, Marrit Hiemstra en Jan Dirk Joustra, 3e priis Rutger Sijbesma en Welmoed Stegenga

Om goed 17.00 oere wiene de skoaljeugd en de jonges en famkes oan bar. Mei 12 keatsers yn 4 partoer keatsten se yn 1 poule. 1ste Selma, Sydrik en Machteld 21 foar – 10 tsjin 2de Corrie, Julia en Rimmer 17 foar – 12 tsjin

Woansdei 10 juny de ALTAC-partij. By dizze partij hienen we as jeugdkommisje besocht om de kategoryen wat mear los te litten en wat mear te sjen nei dat elts bern wat op syn eigen nivo keatse koe. Want leuk en mei wille keatse is dochs dêr't it by elts om draaie moat. Dit hat der ta laad dat in oantal welpen troch skowt binne nei de pupillen en dat der no by de pupillen in A en in B klasse makke wurde koe.

Mar we begjinne mei de jongste jeugd, ús kabouters. Foar guon de earste ledepartij, dus ek wol wer in bytsje spannend fansels. We hienen 4 twatallen, mar wol 3 ferskillende listen, sadat se allegear 3 x keatse koene. Nei 3 omlopen wienen de earsten sa ferdielt:

1e priis A maat mei 21 earsten foar Jorn Hiemstra
1e priis B maat mei 18 earsten foar Sander Velzen

By de welpen 2 poules mei 3 partoer. Allegear 3x keatse, want fan in soad omlopen draaie wurde je allinne mar wer better. Der waard fûleindich keatst mei spannende partijen. De 1e priis mei 21 earsten wie hjir foar Benthe Ottens en Liset Sijbesma. De 2e priis mei 18 earsten wie foar de heren Jesper Paauw, Ridzert Veldman en Jesse van Krimpen. En de 3e priis mei 17 earsten wie foar Senay Sixma en Anke Blanksma.

Yn de pupillen B klasse hienen we 1 poule mei 4 partoer. Allegear 3 tallen, sadat der earst ek even fergadere wurde moast wa no foar bêst as foar minst moast en wa wêr yn it perk. Nei 2 omlopen wienen der 2 partoeren dy't alles wûn hienen en de 3e partij noch tsjin elkoar keatse moasten. In echte finale dus. Dizze waard mei 5-3 beslist yn it foardiel fan Redmer Stegenga, Judith van der Weerd en Thijs Janssen en dus krigen sy hjoed de krâns om de nekke. De 2e priis wie foar Jelmer Brouwer, Amber Reinhoudt en Jan Joustra
Pupillen A klasse, 8 jonges en famkes, ferdielt yn 4 twatallen. De 1e priis wie mei 18 earsten foar Redmer Wiersma en Tessa Ottens. De twadde priis mei 15 earsten foar Nynke Paauw en Arjen Stremmer.

De skoaljeugd begjint yfm harren skoaltiden altyd om 5 oere mei de ledepartij. Hjir wiene krekt genôch bern om in folsleine list fan 4 twatallen te meitsjen.

De klok gong alwer rjochting 20.30 oere doe't de lêste bal slein wie en de lêste krânsen by Corrie Kroondijk en Emma Stegenga om de nekke hongen waarden. Twadde priis wie hjir foar Hendrik van der Eems en Marc Janssen.

Op freed 10 july de Van Krimpen-Federaasjepartij. In prachtige keatsmiddei op de fjilden yn Easterein. Goed 100 bern fan de federaasje Snits mei in oantal "bûtenlanners" mochten by ús stride om de krânsen, bekers, medaljes en de slúfkes mei ynhâld.

Der waard keatst yn mar leafst 6 klassen en omdat we op dit stuit mar 1 fjild ta ús beskikking ha waard it noch in hiele puzzel om de 22 perken te passen en te mjitten op de Skoalleseize. Lökkich binne der minsken sa as Christian Hoekstra dy't der altyd wer in prachtich gehiel fan meitsje kinne mei wat linen, krammen, proppen en telegrafen. Bêst genôch!

Op sneon 15 augustus wie it de dei fan de BOS-partij. In jeugdledepartij yn de fakânsje sûnder de KNKB-keatsers. Je

sjogge dan dat de oare keatsers better begjinne te keatsen. By de kabouters hiene we 3 twatallen en 1 trijetal, 9 keatsers yn in poule. Dat der fûleindich keatst waard dat wie te sjen yn de einútslach. Net ien fan de partoeren hie 3 x wûn. De preemje gong nei partoer 4 mei Jorn Hiemstra en Sander Velzen mei 16 earsten foar en 14 tsjin. De 1ste priis wie foar Jorrit Stap en Brecht Stegenga mei 18 foar en 12 tsjin.

By de welpen wie it ferskil wat grutter dan by de kabouters. 1 partoer mei de beide neefkes Niels Hiemstra en Jildert Hiemstra wie dúdlik wat te sterk. Se wûnen alle trije partijen en oer alle partijen mar 6 earsten tsjin. Op it twadde plak partoer 2 mei Senay Sixma en Liset Sijbesma mei 17 foar en 10 tsjin.

De pupillen en de skoaljeugd goaie we meastentiids by dizze partij yn 1 kategory. 15 keatsers, 3 twatallen en trije trijetallen. We keatsten it nije poulesysteem, 1-4 2-5 en 3-6, dat eltsenien koe los. 2de plak foar Sydrik Kooistra en Amber Reijnhoudt mei 17 foar en 13 tsjin. 1ste plak foar Hendrik v/d Eems, Thijs Janssen en Halbe Willem Overal mei 21 foar en 2 tsjin.

Op freed 4 septimber stie der it nachtkeatsen op it programma. De hiele wike hie Piet Paulusma it der al oer dat it hûnehokke waar wêze soe op woansdei oant en mei freed. It eaze echt en dêrom ha wy as JK al ridlik betiid it nachtkeatsen der mar útgoait. Spitich fansels want de bern wolle graach keatse mei de ljochten oan. Ien fan ús kommisjeleden oppere om it nachtkeatsen en de slotjûn byinoar te foegjen. Gjin spultsjes mar nachtkeatsen en de priisútrikking fan it kompetysjekeatsen. In pracht idee. De bern moasten har wol wer opnij opjaan foar it nachtkeatsen fansels.

Freedtemiddei 11 septimber om 17.30 oere hiene we alle bern útneoege yn de kantine. Se krigen earst patat en limonade en dêrnei waarden de kompetysjeprizen útdielt. Somsiden ferassend en somsiden wie it ek wol bekind wa't wûn hie. Foar de bern dy't yn 2014 de kompetysje wûn hiene, wie der noch in moai oantinken. Hjirneist de prizen >>

Nei dizze priisútrikking 3 listen keatse. In prachtich moai gesicht fansels al dy bern op it trainingsfjildsje foar de klaiboksen. De prizen wiene by de kabouters A-maten foar Fianne Dijkstra en by de B-maten foar Brecht Stegenga. By de welpen wie de 1ste priis by de A-maten foar Marije Zijlstra en by de B-maten foar Liset Sybesma. By de pupillen de 1ste priis by de A-maten foar Arjen Stremler en by de B-maten Emma Stegenga en by de skoaljeugd de 1ste priis by de A-maten foar Corrie Kroondijk en by de B-maten foar Sydrik Kooistra.

We sille no as Jongereinkommisje troch mei de tariedings foar it seizoen 2016. We moatte ek yn dizze kommisje op syk nei nije kommisjeleden. Hast nocht om dy as kommisjelid yn te setten foar it jeugdkeatsen by de KF Easterein dan

hearre we it graach. It stikje gesellichheid fan de rest fan de kommisjeleden krijst der fergees by.

Wy wolle ta beslút eltsenien tanksizze dy't holpen hat by de wedstriden, kompetysjekeatsen en eltse oare foarm fan stipe, dy't bydroegen hat ta dit prachtige seizoen foar de takomstige keatsers fan KF Easterein.

De jongereinkommisje,

Annette Kroondijk, Liesbeth Bootsma, Klaas Sixma, Joke Wiersma, Fetsje Terpstra, Carin Ypma en Hans Kooistra (soe it net moai wêze as dyn namme hjir ek by stiet)

Kompetysjeprizen

Kabouters

1e priis	Brecht Stegenga	70 punten
2e priis	Jorn Hiemstra	67 punten
3e priis	Tjitske Baukje Joustra	58 punten

Welpenfamkes

1e priis	Senay Sixma	85 punten
2e priis	Judith van der Weerd	63 punten
3e priis	Benthe Ottens	58 punten

Welpenjonges

1e priis	Ridzert Veldman	72 punten
2e priis	Redmer Stegenga	68 punten
3e priis	Niels Hiemstra	62 punten

Pupillenfamkes

1e priis	Emma Stegenga	72 punten
2e priis	Amber Reijnhoudt	71 punten
3e priis	Nynke Paauw	70 punten

Pupillenjonges

1e priis	Redmer Wiersma	88 punten
2e priis	Jelmer Brouwer	79 punten
3e priis	Arjen Stremler	75 punten

Skoalfamkes

1e priis	Corrie Kroondijk	102 punten
2e priis	Roelie Kroondijk	72 punten
3e priis	Machtelt Veldman	43 punten

Skoaljonges

1e priis	Rimmer Kamstra	52 punten
2e priis	Sydrik Kooistra	38 punten
3e priis	Marc Janssen	30 punten

Finansjele- & stipekommisje

Nei it lustrumjier 2014 koe de finansjele- en stipekommisje yn 2015 wer har 'gewoane' taken útfiere. Yn 2014 gong de finansjele- en stipekommisje ek noch as lustrumkommisje troch it libben, mar nei in moai 110-jierrich lustrumjier mei de 10e edysje fan de Jong-Feintepartij en oare ferskate hichtepunten, is it yn 2015 wer 'gewoan' mei elkoar op arbeidzjen om ek 2015 wer ta in (finansjeel) sukses te meitsjen. Alle aktiviteiten fan de Keatsferiening Easterein moatte finansjeel dutsen wurde en ûs feriening stiet bekind as in tige aktive feriening, sadat der elk jier wer in moaie útdaging leit om it finansjeel rûn te krijen.

We priizje ús as feriening lokkich mei de situaasje dat in grut oantal stipers al jierrenlang oan ús keatsferiening ferbûn is en ús feriening trou bliuwe en somtiden sels ekstra stypje. En mei de ynset fan tal frijwilligers binne we der yn slagge om de ynkkomsten út stipejilden, finansjele aksjes en oare bydragen/subsydzjes op nivo te hâlden. Lâns dizze wei wolle we alle stipers, frijwilligers en oare ynstânsjes dêrfoar tige tank sizze.

Neidat de kommisje ein 2014 op 'dikte' brocht wie, moasten wy troch it ôfskie fan ús nije ponghâlder Skelte Anema (ferhúzje) it yn 2015 gruttendiels stelle sûnder in fêste ponghâlder. Dizze tige wichtige funksje waard ynfolt troch ien fan ús leden fan de kommisje Klaas Pompstra yn gearwurking mei de foarstter Dirk-Yde Sjaarda. Troch de jierrenlange ervarings fan Klaas Pompstra as ponghâlder by de Keatsferiening Easterein en syn grutte belutsenheid by ús feriening is mei stipe fan de finansjele- en stipekommisje ek 2015 wer finansjeel behearsk ferrûn. Troch it ûntbrekken fan in ponghâlder fanút it bestjoer siet der eltse gearkomste fan de finansjele- en stipekommisje ferskate bestjoersleden fanút it haadbestjoer yn wikselyjende gearstalling mei ús om tafel. It neidiel fan it ûntbrekken fan in ponghâlder hat dêrtroch der wol foar soarge dat it finansjele 'besef' nei in heger plan tilt is. Sa hat elts neidiel wer in foardiell!

Oan it ein fan 2015 is der in nije ponghâlder ree fûn om dizze wichtige taak op him te nimmen. René Rijpma sil yn de foarjiersgearkomste fan 2016 nei alle ferwachtings keazen wurde yn it bestjoer fan Keatsferiening Easterein. Hy hat al in pear kear by de finansjele- en stipekommisje sitten en wurdt troch Klaas Pompstra al hielendal klear steamt foar syn nije funksje. Wy ha der dan ek alle betrouwen yn dat wy yn René Rijpma in nij lid ha fan de kommisje mei yngong fan 2016 as ponghâlder fan Keatsferiening Easterein.

It finansjele 'reilen en zeilen' fan Keatsferiening Easterein kinne jimme sjen by it finansjele jierferslach.

De taken fan de finansjele- en stipekommisje binne oer 2015 sa ferdield west:

Tjeerd: foarsitter
Klaas: skriuwer, stipe-administraasje en ad intrim ponghâlder
Dirk-Yde: kontakt HB (mei oare HB leden)
Tymen: fûnsen
Anco: aksjes
Hendrik: algemien lid

Mei yngong fan 2016 sil René Rijpma as nije ponghâlder diels de taken fan Klaas Pompstra en it sit fan Dirk-Yde Sjaarda yn 'e kommisje oernimme en dêrmei ús kontakt wêze nei it haadbestjoer.

Stipers

Haadstiper

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Haadstiper Jong-Feinte

It Dielshús Wommels

Wedstriidstipers

Oranjeferiening Oranje & Heitelân	Easterein
Couperus Hydrauliek B.V.	Easterein
Kapsalon 't Kniplokaeltsje	Easterein
Posthuma Skilderbedriuw	Easterein
Bos Mechanisatie B.V.	Easterein
Leanbedriuw Okkema	Easterein
Grafische Groep van der Eems	Easterein
Autobedrijf Witteveen & Brouwer B.V.	Easterein
MRW Accountants & Adviseurs	Snits
Bouw-tekenburo Wietse B. Ligthart	Wommels
Installatiebedrijf De Jong	Easterein
Bloemsierkunst De Vlinder	Wommels
B. Sandstra Mesthandel en Transport	Easterein
Autoschadeservice van Krimpen	Easterein
Murk's Slagerij	Wommels
Handelsonderneming Altac	Easterein
Sporthuis A.P. van der Feer	Boalsert
Fakwurk	Easterein

Jong-Feinte stipers

Rabobank Sneek-ZuidwestFriesland
Int Handels- & Transportbedrijf Gebr. Vellinga B.V.
Jan Hiemstra
Juwelier Kramer
A. Hak Noord-Oost B.V.
Bakkerij Posthuma
V.D. Werf Bouwservice
Gebroeders Faber Grafmonumenten
Mitselbedriuw BOU-plus
Stifting Skoalleseize
Keatsferiening Wommels
Bouwbedriuw Bootsma B.V.
Jouke Huitema
HDM Pipelines B.V.
Noflik Easterein
Jumbo Wommels
YoKado

Keatskampstipers

Coop Tolsma
Vellinga Werkschoenen Kleding

Advertinsjestipers:

Bergsma Groothandel
Brouwers Schilders - Jimbar
Mr Th J Houtsma Notariskantoor
Mondzorg Harkema
BOIKON B.V.

Webstiper

Bakkerij Molkwar

Snits
Easterein
Frjentsjer
Frjentsjer
Easterein
Wommels
Easterein
Easterein
Wommels
Easterein
Wommels
Turns
Nijlân
Wommels
Easterein
Wommels
It Hearrenfean

Winsum Fr
Nijemardum

Frjentsjer
Wommels
Warkum
Harkema
Leek

Molkwar

Aksjes

Yn 2015 hawwe we de 8e edysje fan ús jierlikse koeke-aksje hâlden. Begjin maart waard mei frijwilligers de koeken ferkocht mei in netto winst fan **€ 1.032 (opbringst € 2.944, kosten € 1.912)**. Der waard dus mear ferkocht as yn 2014 (netto winst € 918).

Finansjeel

De begrutting foar it stipe- en subsydzjebedrach foar it jier 2015 bedroech **€ 13.875 (stipe € 12.975, subsydzje/bydragen € 900)**. Yn it stipersbedrach wienen de Ald-Feinten ek noch begrutten (€ 500), mar binne realisearre ûnder donateurs.

Yn 2015 waard oan bydragen fan stipers, subsydzjes en (bysûndere) bydragen ûntfongen in totaalbedrach fan **€ 15.218** (2014: € 22.774). It bedrach is sa ferdield: stipers **€ 12.239**, subsydzje/bydragen **€ 589**, en ferskaat **€ 130** (bysûndere bydragen). Dêrneist waard yn natuera in bedrach stipe fan **€ 2.260**.

De rekken 2015 wurdt yn de foarjiersgearkomste fan 2016 presintearre. Foar 2016 hawwe we in bedrach begrutte fan **€ 13.125 (€ 12.325 oan stipe en € 800 oan subsydzjes en bydragen)**.

De finansjele- en stipekommisje,

Anco Elgersma, Dirk-Yde Sjaarda, Hendrik Okkema,
Klaas Pompstra, Tymen Dijkstra en Tjeerd Dijkstra



Algemeine taljochting op it finansjele jierferslach

In bysûndere situaasje foar de 'ponghâlder' fan keatsferiening Easterein. Einliks wie der gjin ponghâlder yn 2015. Nei it ôfskied fan Skelte Anema wie der noch gjin nije ponghâlder fûn foar keatsferiening Easterein. En om't we alris earder in duo-funksje yn it libben roppen ha by de feriening (foarsitter en fisefoarsitter), ha we dit ek tapast foar it ponghâlderskip.

Foarsitter Dirk-Yde Sjaarda hat tegearre mei kommisjelid Klaas Pompstra (finansjele & stipekommissje) it ponghâlderskip yn 2015 útfiert. It behear fan de bankrekken en it dwaan fan betellingen hat Dirk-Yde foar syn rekken nommen en it byhâlden fan de boeken en it elke moanne rapportearjen oan it bestjoer hat Klaas fersoarge.

It gearstallen fan it jierferslach is dien troch in nij 'partoer' finansjele saken. René Rijpma is ree fûn om mei yngong fan 2016 ponghâlder fan keatsferiening Easterein te wurden. Fansels is der noch in goedkarring nedich fan de ledegearkomste yn maart 2016. Wy binne hjir tige wiis mei fansels en as partoer ha Dirk-Yde, René en Klaas it finansjele jierferslach makke.

It jier 2015 is ek finansjeel wer goed slagge. Nei it prachtige lustrumjier 2014 no wer in 'gewoan' seizoen. Mar der binne ferskate ûntwikkelingen en foaral op it gebiet fan de website en it mear ynteraktyf en digitaal wurkjen. Dit sil yn 2016 ek trochsette en de ynvestearringen derfoar sille har op termyn útbetelje.

Sawol finansjeel as sportyf ha de Jong-Feinte en it Keatskamp geweldich bydroegen oan it keatsjier 2015! It wie wis ien fan de moaiste Jong-Feinte partijen ea, foaral op it mêd fan de organisaasje. Mar ek de besikers, ferlotting en entree wie mear as oare jierren. It keatskamp hat noch mar twa edysjes hân mar is no al 'folwoeksen' en koene sels bydrage oan de reservearring fan it lustrum yn 2018! Hjirnei de taljochting oer de finansjes fan 2015.

Finansjele posysje

As buffer foar ôffallers as it dwaan fan grutte ynvestearringen, stribbet it bestjoer fan keatsferiening Easterein nei om in eigen fermogen fan minimaal € 10.000 te hâlden. We sitte noch altyd sa'n 4.000 euro boppe dy grins en dat is tige sûn. Dêrneist ha we no in bedrach fan 3.900 euro oan reservearringen op de balâns stean foar klean en keatskamp.

Oer 2015 hawwe we de aktiviteiten oangeande de organisaasje en wedstriden, nei reservearringen, mei in lyts negatyf resultaat fan -€310 ôfsletten. Dat betsjut dat we op 31-12-2015 in eigen fermogen ha fan € 14.028.

Stipers

De stipers meitsje in wichtich diel út fan de ynkomen fan de keatsferiening. Yn 2015 makke it stipersjild 37% út fan de

begrutting. Yn de realisasje bestie 34% fan de ynkomen út stipersjilden. As keatsferiening Easterein binne we dan ek tige grutsk en tankber mei al ús stipers. Al jierrenlang ha we goede stiperrelaasjes mei bedriuwen en persoanen dy't ús de finansjele middelen jaan wolle om it keatsen yn Easterein en fiere omkriten mei mooglik te meitsjen en ús ek wolris ferrasse mei in ekstra bydrage.

Oer 2015 hat ús keatsferiening in totaal oan stipe- en subsydzjebedrach ûntfongen fan € 15.218 (2014: € 24.838). Dit bedrach is sa ferdield: stipers € 12.239 (2014: € 13.990), subsydzje/bydragen € 719 (2014: € 8.383), natuera € 2.260 (2014: € 2.465).

Resultaat

Nei it suksesfolle lustrumjier no ek finansjeel wer in 'gewoan' seizoen. Doch ha we mei alle stipe, subsydzjes, bysûndere bydragen en finansjele aksjes hast alle plannen/begrutting oer 2015 allegearre útfiere kinnen. Spitigernôch wiene we foar de Jongerein Poieszaksje útlotte en oan de oare kant ha we gjin ynvestearringen dien yn klean foar frijwilligers fan de Jong-Feinte.

Mei in oantal ûnferwachte ynkomen (ekstra stipe, opbringst PR-artikelen, keatsclinics, winst FB-cup froulju), mar ek ûnferwachte útjeften (websites-upgrade en -útwreiding, trainerskosten) binne we op in lyts negatyf resultaat, -€ 310 (nei reservearringen) útkommen.

Der is oer 2015 in bedrach fan € 2.600 reservearre foar ferieningsklean en keatskamp (€ 300). It brutoresultaat wie dan ek posityf, € 2.290.

Foar mear ynsjoch en yn 'e besnijing hâlde fan de sifers wurdt yn de begrutting en realisasje ûnderskied makke nei organisaasje en wedstriden. By de organisaasje in negatyf resultaat behelle fan -€ 1.313 (2014: -€ 1.472). Dit waard foaral feroarsake troch de ekstra útjeften foar de website en net meidwaan oan de Poiesz Jeugdaksje, omleech gean fan tal fan leden en dus minder kontribúsje, minder subsydzje fan de gemeente.

De wedstriden binne yn 2015 organisearre mei in posityf resultaat fan € 1.003 (2014: € 1.705). De KNKB (+€ 756) en Federaasje (+€ 161) wedstriden hawwe der úteinlik foar soarge dat we in posityf resultaat behelle ha en sels de lede wedstriden (€ 86) koene it ôfrûne jier út troch de keatsclinics.

As we sjogge nei it jier 2016 dan hawwe we in begrutting dy't net folle ôfwykt fan 2015.

Om de plannen foar 2016 realisearje te kinnen hat de lede-gearkomste ynstimt mei in kontribúsje ferheging fan € 0,50 foar de senioaren en € 0,25 foar de jongerein.

Ek yn 2016 sille we goed omtinken jaan moatte, mei mei-wurking fan alle leden, foar de finansjele aksjes. Sa dogge

we dit kear al mei oan de Poiesz jeugdsponsoraksje en ha we by de koeke-aksje de prizen ferhege (foar it earst nei acht jier) mei € 0,50 de koeke (3 foar € 6,00) en hoopje we dat de opbringst heger wêze sil.

Dirk-Yde Sjaarda, foarsitter


Yn gearwurking mei
Klaas Pompstra en René Rijpma



Finansjele posysje en resultaat KF Easterein

Resultaat	Bedrach
Organisaasje	-1.313
Wedstriden	1.003
Jubileum	0,00
Totaal	-310,00

	2004	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015
Kas	64	36	409	137	275	333	311	791	267	754	410	286
Bank	2.345	79	312	427	268	-80	785	1.323	655	650	4.653	492
Sparrekken	21.632	16.447	15.943	8.886	11.881	9.000	10.000	10.000	11.500	12.141	9.462	17.069
Oerrinnende posten					-190	3.172	2.234	1.184	1.074	-49	1.113	81
Reservearring											1.300	3.900
Eigen fermogen	24.041	16.562	16.664	9.450	12.234	12.424	13.331	13.298	13.495	13.496	14.338	14.028
Resultaat	20.991	-7.480	102	-7.214	2.784	190	907	-33	197	0	842	-310



Eksploitaasjerekken 2015 (bedragen yn Euro)

Saldy	31-12-15	31-12-14	Resultaat
Kas	286	410	-124
Betelrekken 3495.01.904	492	4.653	-4.160
Sparrekken 3495.124.681	17.069	9.462	7.606
Oerrinnende posten	-3.819	-187	-3.632
Totaal	14.028	14.338	-310

Baten	Rekken 2015	Begrutting 2015	Ofwiking	Rekken 2014
Ynkomsten partijen	2.125	2.600	-475	2.267
Stipersjilden	12.239	12.975	-736	13.990
Kontribúsje	8.401	8.900	-500	8.237
Trainingen (seal/fjild)	1.673	1.700	-28	1.705
Donateurs	584	150	434	113
Aksjes	5.393	5.850	-457	4.877
Subsydzje Gemeente	589	900	-311	854
Subsydzje Bydragen	130	0	130	7.530
Kreditrinte	169	150	19	0
Keatsclinics	320	250	70	0
Ferskaat	3.945	1.200	2.745	2.547
Totaal	35.566	34.675	891	42.118

Lêsten	Rekken 2015	Begrutting 2015	Ofwiking	Rekken 2014
Krânsen	1.935	2.400	-466	2.492
Prizen	6.726	6.656	70	8.960
Organisaasjekosten wedstriden	2.596	2.805	-209	4.446
Hier sporthal	824	890	-66	983
Hier sportfjilden/wetterskipslêsten	1.591	1.250	341	1.787
Trainers	1.183	500	683	713
Ferieningskosten	8.996	7.269	1.727	10.330
Aksjes	1.984	2.300	-316	1.793
Materiaal	5.359	5.910	-551	4.948
Federaasje	150	125	25	125
K.N.K.B.	4.533	4.570	-37	4.700
Totaal	35.876	34.675	1.201	41.276

Resultaat netto	-310	0	-310	842
------------------------	-------------	----------	-------------	------------

Reservearring klean/keatskamp	2.600
--------------------------------------	--------------

Resultaat bruto	2.290
------------------------	--------------

Ferklearring kaskommisje 2015

Wy, de kaskommisje, ha tegearre mei Klaas Pompstra en Dirk-Yde Sjaarda, ynterim-ponghâlder en foarsitter fan de keatsferiening Easterein, de boeken kontrolearre. De boeken en finansjele ferslaggen binne ynoarder befûn. Hjirmei geane wy akkoard mei it finansjele ferslach oer it jier 2015 fan de keatsferiening Easterein.

Easterein, febrewaris 2016

De kaskommisje, Anco Elgersma en Imke vd Leest

Taljochting op de eksploitaasjereken 2015

Baten	Rekken 2015	Begrutting 2015	Rekken 2014
Ynkomsten partijen	2.125	2.600	2.267
- minder dielname oan partijen			
Stipersjilden	12.239	12.975	13.990
- kleansponsoring (3.250) yn realisasje, ald-feinten nei donateurs			
Aksjes	5.393	5.850	4.877
- koeke-aksje, yntree+ferlotting Jong Feinte, keatskamp flesseaksje			
Subsydzje Gemeente	589	900	854
- dit is 75% fan de taseine subsydzje oer 2015 en de ôfrekken fan 2014 (werombetelle)			
Keatsclinics	320	250	0
- Oantal keatsclinics yn gearwurking mei Noflik Easterein			
Ferskaat	3.945	1.200	2.547
- û.o. ferhier partytinten, ynlis keatskamp, PR-artikelen, winst FB cup, eigen bydrage bestjoersjûntsje			

Lêsten	Rekken 2015	Begrutting 2015	Rekken 2014
Krânsen	1.935	2.400	2.492
- minder dielname, koarting op krânsen (155)			
Organisaasjekosten wedstriden	2.556	2.845	4.446
As folcht ferdield:			
- û.o. rekkens stifting 'De Skoalleseize' foar gebrûk konsumpsjes en fersoarging frywilligers	1.459	1.658	3.014
- rekkens KNKB wedstriden foar skiedsrjochters, masseurs, wedstriidfûns, ynlis wedstriden	801	1.008	1.237
- ferskaat; publisiteitskosten, advertinsjes	296	180	195
Ferieningskosten totaal	8.996	7.269	10.330
As folcht ferdield:			
- Kosten bestjoer en lieding	2.693	2.125	2.509
- befetsje de rekkens fan stifting 'De Skoalleseize' foar fergaderkosten, gebrûk konsumpsjes, oare fergaderkosten, reservearring keatskamp			
- Administraasjekosten; ekstra kosten webside, jierferslaggen, programmaboekjes en ferskate administraasjekosten	5.049	4.214	4.981
- Ferskaat; muzyk Jong Feinte, attinsjes leden/stiper, bestjoersjûntsje	1.255	930	2.841
Aksjes	1.984	2.300	1.793
- minder ynkeapkosten koeke-aksje, gjin Poieszaksje			
Materiaal	5.359	5.910	4.948
- û.o. nije keatsballen, reservearring klean, shirts keatskamp			
K.N.K.B.	4.533	4.570	4.700
- ôfdracht kontribúsje en abonneminten WIS-IN			

Keatskamp 2015 – KEATSBALLLL!!!!

Wy nimme om te begjinnen in sportkompleks as de Skoalleseize, dêrby best wat tarieding en in grutte poarsje entûsjasme fan de lieding. Set dat in pear moanne yn de oven en helje it op woansdei 6 maaie der wer út. Diel dit baksel mei 53 fleurige jonge en âlde dielnimmers en dêrneist in hieeel soad aardige frijwilligers én hoopje dan op in pear skeppen moai waar. Dan hast alle yngredïnten en it resept foar opnij in knallend keatskamp. En dêr gongen we foar!

Nei foarich jier wie der fansels neat oars mooglik dan opnij foar in spetterjend keatskamp te gean. En it leafst noch krekt efkes leuker en better. Om dat te beheljen wie der fansels wer in nij swingend kampnûmer nedich. Dit kear demokratysk keazen troch jimsels, de dielnimmers. Dit is úteinlik 'Fireball' wurden! (of wie it 'keatsball'!? of toch 'keatskamp'!?) De earste bonuspunten wienen in feit en soargen foar genôch swingende heupen tidens it hiele kamp en op de meast ûnferwachte mominten.

Wy ha genietsje kinnen fan alle bern: de ûnferwachte opmerkings, de talinten, de boefkes, de ynset, de snoepkonten, de ûnderlinge help, de fragen, de grapjassen, it fertrouwen, de skamteleaze mominten en al dy bern dy foar de oare ferrassend leuke mominten soarge ha. Tige tank dat jim mei al dy frijwilligers jim stientsje bydroegen hawwe oan it keatskamp fan dit jier! Wy hawwe wer genoaten.



**Graach oant
takom jier!**

Bauke Dijkstra
Marije Hiemstra
Sieta Tessemaker
Imke van der Leest

Keatskamp 2015!!

Woansdei 6 maaie

13.00 oere	Sammelje op it keatsfjild, sliepspul te plak
14.00 oere	Oftraap keatskamp en klearmeitsje foar it trainen
15.00 oere	Trainen
17.00 oere	Under de brûs
18.00 oere	Waarm ite
18.30 oere	Kabouters gean nei hûs (graach ôfmelde by de trainer)
19.00 oere	Rekreaasje
21.30 oere	Sliepe jongste dielnimmers
22.00 oere	Sliepe âldste dielnimmers

Dei 1 – Woansdei, 06-05-2015

Hjoed is it dan úteinlik safier! It twadde keatskamp giet fan start! De lieding wie al om healwei tsienen oanwêzich foar alle tariedingen. Mei de bôle noch yn de hannen moasten sy om healwei ienen fluch nei bûten, want dêr wienen de earste bern al! Lykas foarich jier hienen se tassen fol mei spul! De bern moasten sich allegear oanmelde en krigen in pear moaie kleurkes op it gesicht. It tema fan dit jier is immers KLEUR! Nei it ynstallearjen fan de luchtbeden mochten de bern ferve. Net mei de hannen, mar mei de neus! It resultaat wie prachtich. Dêrnei krigen de bern wer in moai keatskampshirt, yn 8 ferskillende kleuren. Dit jier waarden der wer allegear spultsjes dien wêrby't punten skoare koest. De groep fan de kleur mei de measte punten, wint! Dêrnei wie it tiid foar de bekendmakking fan it keatskamp ferske fan dit jier: FIREBALL!



Nei in dikke stoftbui wie it tiid foar de earste training. De bern diene allegear fanatyk mei, mar it waaide dochs wol hiel hurd! Doe't it nûmer 'FIREBALL' ut de speakers knalde, waard der sprongen en gek dien.

Nei de brûs stie de patat klear en waard der lekker iten! En doe wie it tiid foar de rekreaasje. Dit stie yn it teken fan 'A minute to win it' en opnij de striid tusken de kleuren. Fan elke groep waard der hieltyd 1 op it podium frege dy't in opdracht útfiere moast. Spultsjes lykas bekers omblaze mei rytsjes, bûsdûkjes plukke oant it bakje leech wie, pingpongballen fange mei plastic bekers, ballonnen heech hâlde en noch folle mear! Oan it ein fan de jûn wie de tuskenstân bekind, blau giet nei dei 1 oan kop, folge troch donker roze. Mar de striid is fansels noch lang net dien! We ha noch 2 dagen te gean.

Op it lêst waard der noch efkes lekker dûnse en wie it foar de jongsten tiid om op bêd te gean. De pyjama oan, toskten poetse en lekker koesje! De âldere jongerein hat noch efkes fuotbal sjoen op it grutte skerm, mar ek foar harren wie it dêrnei tiid om lekker te sliepen! Op nei dei 2!

Tongersdei 7 maaie

07.30 oere	Moarnsrin skoaljeugd
08.00 oere	Opstean
08.00 oere	Kabouters binne wolkom
08.15 oere	Moarnsbrochje
09.00 oere	Klearmeitsje foar it trainen
09.30 oere	Trainen
12.00 oere	Ite
13.00 oere	Rekreaasje
15.00 oere	Trainen
17.00 oere	Under de brûs
18.00 oere	Waarm ite
19.00 oere	Tariede bûnte jûn
20.00 oere	Bûnte jûn mei nei ôfrin disko. Famylje is wolkom om te sjen! Bûnte jûn is oant ±21.00 oere (graach ôfmelde by de trainer)
22.00 oere	Sliepe

Dei 2 – Tongersdei, 07-05-2015

De measte bern wiene der al betiid by. Om healwei sânen al wakker, mar oant acht oere ha se sich (redelijk) rêstich hâlden. Dochts moasten der wol in hiel soad bern nei de wc! De skoaljeugd wie der wat earder by, sy stiene al om healwei achten op it fjild foar de moarnsrin. Om 8.00 oere kamen ek de kabouters wer foar it moarnsbrochje. Mar der waard fansels net iten foardat de moarn iepene wie mei it nûmer 'Fireball'! Nei it iten wie it tiid om ôf te waskjen mei de pupillen. Dat wie in gekkeboel! It sjipsop fleach troch de loft.

Om healwei tsienien stie de earste training op it programma. Elkenien hat wer fanatyk meidien. Trainer Marco gie as in hippy oer it fjild mei in moaie prûk. It nûmer 'Fireball' knalde wer in oantal kearen troch de speakers. Tidens de training is der fan elkenien in aksje foto makke, dy sille se werom fine yn hun 'keatskamp-diploma'.

Om 12.00 oere ha we mei syn allen wer in stikje bôle iten en makken de bern harren klear foar de rekreaasje troch it doarp! Mei in teepûdsje gongen de bern op paad foar it 'ruilspel'. It teepûdsje moast ruile wurde foar iets moaiers of grutter. En der wiene fansels ek bonuspunten te fertsjinjen. It giele team, mei Ridzert, Brecht, Hedwich, Nadja, Sydrik en Marije, wie de winnaar fan di spultsje, mei 4 bonuspunten!



Nei de rekreaasje wie it tiid foar de folgjende training. Om 6.00 oere stie de makaroany, makke troch Fetsje, klear! Elkenien hat der lekker fan iten. Jûns makke elkenien harren klear foar in stikje op de Bûnte Jûn. Alle ferskillende kleuren diene in stikje mei harren eigen groepke.

Giel	Brecht har favorite televyzjeprogramma op it ferske 'Eens per jaar', spile troch moaie handpoppen fan sokken.
Read	De olifanten! Jan en Bauke krigen in 'wiete' ferrassing.
Grien	Kleurenmodeshow! Welke outfit scoorde it heechst?
Oranje	Toanielstik oer it keatskamp en de lieding.
Ljocht Roze	Op it ferske 'happy' lieten sy sjen hoe 'happy' se wurde fan it keatsen!
Pears	De macarena mocht natuerlik net ûntbrekke!
Donker Roze	In quiz! Wie as earst de beker kapot slaat, mei de fraach beantwurdzje.
Blau	Wier of net wier? Quizfragen oer de leden fan dizze groep. (En Fianne hat noch in pear moaie keunskjes sjen litten!)

len grut spektakel! Nei de bûnte jûn wie it tiid foar de disko! It nûmer 'Fireball' mocht hjirby fansels net ûntbrekke en ha we wer faak heard. En wat kin elkenien goed dûnsje! Nei de disko kaam der ûnferwacht in SNOEPKONTROLE! It snoep dat noch net op wie, is no dochs echt ynnommen. Miskien krije de bern it moarn wol wer werom... Om in oer as tsien (ietsje letter) wie it dan dochs wol tiid om de pyjama oan te lûken en de toskten te poetsen! Lekker koesje! Op nei de lêste dei.

Freed 8 maaie

07.30 oere Moarnsrin skoaljeugd
08.00 oere Opstean
08.00 oere Kabouters binne wer wolkom
08.15 oere Moarnsbrochje
09.00 oere Opromje en ynrin rekreaasje
10.00 oere Omgong ien fan de wedstriid
12.00 oere Pankoek ite
13.00 oere Omgong twa fan de wedstriid
15.00 oere Ofsluting keatskamp, elts giet wer nei hûs

Dei 3 – Freed, 08-05-2015

Hjoed hiene de bern in hiele spesjale wekker! It lûd fan de megafoan galmde troch de Skoalleseize, en dat al om 7.00 oere! Foar de bern de ultieme gelegenheid om ris efkes by de lieding te sjen. It kessengefjocht mocht hjirby fansels net ûntbrekke. Foar de skoaljeugd stie der wer in moarnsrin op it programma, dit kear troch it doarp. Jan en Bauke makken it harren sels maklik en rieden foar de jeugd út mei it golfkarke. Om 8.00 oere wie it wer tiid foar it moarnsbrochje. Team pears gong foar de bonuspunten en hat fanaty oan it ôfwaskjen west. Foar de oare bern wie it tiid om alle (sliep)spullen op te romjen. Dit hiene sy yn in mum fan tiid klear. Der binne ek noch in oantal bonuspunten fertsjinne troch de skjinmakalinten. De kabouters mochten efkes in spultsje dwaan mei de grutte parasjute!

Om 10.00 oere wie it tiid foar it earste diel fan de spultsjes. Mar earst wie der noch de 'kleurrijke' warming up fan Hester, Gerry-Edou en Gabriële! De spultsjes stiene yn it teken fan allerhande sporten, mei in keatsintinsje! Keatsslachbal, keats-trefbal, keatsvolley, jeu de keats, keatsfiskjen, keatsdarten, keatstennis en keatssjitten: It wie in grut sukses! Nei 4 spultsjes hiene we al aardich honger krigen. Dat kaam goed út, want der stiene hearlike pankoeke foar eltsenien klear! Sommige bern ha der wol 6 opiten! Om ien oere gongen we fierder mei diel 2 fan de spultsjes, der is tot de lêste minuut striden om de punten foar de wikselbeker. Hokker kleur soe der dochs winne?

Dêr kamen we gau efter. Alle punten binne by elkoar optelt. Wat siet it allegear ticht by elkoar! Team BLAU, mei Corrie, Nynke P, Tjalle Durk, Anke B, Fianne, Jorn en Redmer S, is de grutte winnaar fan de striid tusken de kleuren wurden! Sy ha de grutte beker yn ûntfangst nommen.

As ôfsluter krigen alle bern in echt keatskamp-diploma mei in moaie aksje foto! De échte ôfsluter wie fansels noch ien kear it nûmer 'Fireball' (ek wol: KEATSKAMP!) sjonge mei it bypassende dûnske, mei alle heiten en memmen. Bedankt allegear foar jim geweldige ynset en entûsjasme! En miskien wol oant takom jier!

Wat is dyn namme?

Tjalle Durk van der Eems

Hoe âld bist?

11 jier

Yn welke category sist?

Pupillen Jongens

Wat fynst fan it Keatskamp oant no ta?

Super leuk, foaral de rekreaasje en natuerlik it keatsen self.

Wa is dyn favorite trainer?

Marco, omdat hij fannemoarn as hippie ferklaaid wie!

Komst oare jier wer?

Ja, omdat it leuk is!



Wat is dyn namme?

Siebo Boersma

Hoe âld bist?

11 jier

Yn welke category sist?

Pupillen Jongens

Wat fynst fan it Keatskamp oant no ta?

Super en leukste sportkamp ever!

Wa is dyn favorite trainer?

Anke, omdat se leaf is en bûten it keatsen om ek leuk is.

Komst oare jier wer?

Zeker weten!



Wisten jo dat ...

... Marije Hiemstra tegearre mei Liset Sijbesma in oere dwaande wie mei it oppompen fan har luchtbed, omdat der oan de oare kant in dopke iepen stie?

... Welke útlis je ek jouwe, Fianne Dijkstra altyd in fraach hat?

... Alien Dijkstra optiid wie en hielendal neat ferjitten wie?

... De bern mei de flessenaksje mar leafst 261 euro ophelle ha!!



11e Jong-Feinte Partij – Easterein 2e priis!!

Effkes foarútsjen... Op dizze 11 edysje dogge 28 partoeren en 24 ferienings mei! Itselde oantal partoeren as yn it lustrumjier 2014 by de 10e edysje. Wy binne as feriening tige wiis mei de opkomst fan safolle jonges en junioaren! Want úteinlik giet it om de keatsers en it keatsen fan de Freule nei de PC! Op de list steane dan ek al 10 keatsers dy wis binne fan de PC 2015 yn Frjentsjer. En 4 dielnimmers oan de Jong-Feinte striide tongersdei 23 july foar it lêste PC-plakje.

Statistiken

Jier	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015
Partoeren	26	24	26	26	26	24	27	27	25	28	28
Ferienings	23	20	23	23	24	20	20	26	20	24	24



- Op de 11e edysje trije debutanten (ferienings): Boalsert 2, Nijewier-Mitselwier-Easternijtsjerk en Grou.
- Alle 11 edysjes meidien: Dronryp, Easterein, Tsjummearum en Wommels.
- 61 ferskillende ferienings ha meidien.
- Wol op NK Junioaren, mar net op Jong-Feinte: Hyum-Feinsum, Lekkum, Holwert, Stiens
- Wol op Jong-Feinte, net op NK Junioaren: Boalsert 2, Easterein 2, Seisbierrum 2, Arum, Wytmarsum, Lollum-Waaksens, St Jakob 2, Achlum en Goaiïngea.

De list

In moaie list fan 28 partoeren mei (spitigernôch) al in kreaker fan in partij tusken twa partoeren, dy't beide as favoryt nommen wurde meie foar de sege op de 11e Jong-Feinte. Partoer 17 St Jabik tsjin partoer 18 Seisbierrum-Pitersbierrum. Fierder is it in moaie list en we sille sjen hokker 4 partoeren oan it ein foar de 'tinte' steane!

Lieding

De lieding fan de Jong-Feinte op it fjild is yn hannen fan Jenco Sieperda fan Wytmarsum en Johny Bergsma fan Minnertsgea.

Oare bysûnderheden

Radio Eenhoorn is presint! Fanôf 13:00 oere folget in live-útstjoering fan de 11e Jong-Feinte. En lykas ferline jier ha we dit jier ek wer in 'razende reporter'. Dit jier sil Pieter van Althuis dit fersoargje. Bysûnderheden, ynterviews en oare saken sil hy presintearje! Hâldt him yn de gaten op it fjild!

Ferslaggen 1e omloop

1-2 Frjentsjer – Nijewier-Mitselwier-Easternijtsjerk

Frjentsjer komt op 3-0 foar en Nijewier knokt sich goed werom. Op 3-2:6-6 in boppeslach en sa komme se op trije earsten gelyk. Frjentsjer pakt de 4 earsten en op seis gelyk, nei boppe fan Marco komme se op 5-3. Op 5-3:6-0 slacht Nijewier bûten en Frjentsjer troch nei de twadde list.

3-4 Peins – Arum

Nettsjinsteande in dappere striid fan Arum koene se net op tsjin it opslachgeweld fan Menno van Zwieten. Op 4-0:6-6 wurdt it 5-0 foar Peins en op 5-0:6-4 slacht Jolt de bal boppe en giet Peins troch nei de twadde list.

5-6 Jelsum-Koarnjum-Britsum – Sint Jakob 2

In wedstriid mei in protte skjinne earsten foar Jelsum-Koarnjum.

In soad opslachfouten fan Sint Jabik en sa ek de lêste bal op 5-0:6-0 bûten fan Sint Jabik. Jelsum-Koarnjum-Britsum troch nei de twadde list.

7-8 Wytmarsum – Boalsert 2

Boalsert nimt de lieding yn de wedstriid. Wytmarsum besiket it om by te bliuwen, mar it ûntbrekt se oan genôch punten yn de earsten. Bart Reijenga fan Wytmarsum hie sa no en dan in prachtige sitbal, mar al mei al hie Wytmarsum mear fouten as Boalsert. Op 0-5:6-6 wie der noch in kâns foar in buordsje, mar de bal giet foar en Boalsert giet troch nei de twadde list.

9-10 Easterein 1 – Boalsert 1

It giet goed mei Easterein 1, Doede Rients Okkema, Jan Schurer en Rémon Tie Bouma, se meitsje hast gjin fouten. Op 4-0:6-4 is de wedstriid hielendal yn hannen fan Easterein as Doede-Rients in fleanende sitbal slacht en de fiif buordsjes pakt. Op 5-0:6-2 slacht Doede-Rients wer in sitbal en sa stiet Easterein 1 op de twadde list.

11-12 Seisbierrum-Pitersbierrum 2 – Berltsum

De wedstriid begjint spannend mei in oantal kear seis gelyk yn de earste earsten. Op 0-1:6-6 slacht Berltsum in sitbal en makket dêrmei earsten gelyk. Op 1-1:6-6 hâldt Berltsum de keats en pakt as earste it spul. Berltsum rint ferfolgens út nei 1-4 wêr't Seisbierrum noch in buordsje pakt troch de keats te pakken op 1-4:6-2 mar dat is it lêste buordsje. Op 2-5:2-6 is Berltsum troch nei de twadde list.

13-14 Easterein 2 – Bitgum

Bitgum hâldt goed grip op de wedstriid en lit de snelle foarsprong fan 0-3 net mear gear. Easterein mei Bote Jellema, Marco Rijpkema en Wietse Klaas Vink, krijt lytse kânsen om punten te pakken mar de opslach fan Tsjisse Steenstra is te sterk. Op 0-4:6-0 is der in kâns op in buordsje mei in lytse keats, mar Easterein kin it net pakke oan de opslach. It wurdt rap 6-6 en op 0-4:6-6 slacht Tsjisse in sitbal. It wurdt úteinlik 0-5:4-6 en Bitgum giet nei de twadde list.

15-16 Lollum-Waaksens – Tsjummearum

Tsjummearum komt op in 1-5 foarsprong en dan begjint Lollum-Waaksens brutaal wei te keatsen. Nei in sitbal op 1-5:6-2 fan Joram begjint de ynhaal-race en nei in kweaslach fan Tsjummearum wurdt it 4-5. Tsjummearum komt op 6-2 foar en mei in moaie retourslach, meitsje se de partij út.

17-18 Sint Jabik 1 – Seisbierrum-Pitersbierrum 1

De kreaker fan de dei. Oant spullen ta giet it gelyk op, net folle fouten fan beide kanten. Op 2-2:6-6 slacht Joran (ynfaller foar Pieter van der Schoot) kwea út en wurdt it 3-2 foar St. Jabik. Op 6-0 wurdt de keats net foarby slein troch Seisbierrum-Pitersbierrum en pakt Sint Jabik twa spul. Yn in

spannend earst mei sitballen en boppeslagen slacht Johannes op 6-6 de bal bûten en is it 5-2. Yn it lêste earst komt St. Jabik op 6-4. Dan slacht Kees op en keart sels knap foar de keats, 6-6. Op 5-2:6-6 en in keats, slacht Enno Kingma in sitbal en Sint Jabik is troch nei de twadde list.

19-20 Easterlittens – Minnertsgea

Dizze partij giet gelyk op en Easterlittens wit op in stân fan 3-2:6-4 in gat te slaan troch de keats te pakken, it wurdt 4-2. Op 4-2:6-6 bringt Minnertsgea de bal bûten de linen en sa komt Easterlittens op fiif earsten. Op in stân fan 5-3:4-6 giet Easterlittens troch nei de twadde list.

21-22 Grou – Makkum

Makkum rint fluch út nei in 0-3 foarsprong. Grou besiket Makkum ûnder druk te krijen troch hege djippe ballen op te slaan, mar dit giet om en om goed en mis. Grou, debutant op de 11e edysje fan de Jong-Feinte pakt op 2-5:6-4 noch in buordsje en it wurdt 3-5. Dat is it lêste buordsje foar Grou want Makkum giet troch nei de twadde list mei in 3-5:6-6 winst.

23-24 Goaiïngea - Menaam

Menaam pakt de lieding yn dizze wedstriid en Goaiïngea hat op 1-3:6-6 kâns om oansluting te finen, mar de bal giet spitigernôch bûten. Menaam giet troch nei de fiif earsten op 2-4:6-6. Op in stân fan 2-5:4-6 giet Menaam troch nei de twadde list.

25-26 Dronryp – Ingelum

Dronryp komt degelik op in 3-1 foarsprong en op 6-6 slacht Ingelum in sitbal en ha se wer oansluting, 3-2. De folgjende twa earsten binne ek foar Dronryp en op 5-2:6-2 pakt Dronryp de winst en stean se op de twadde list.

27-28 Wommels – Achlum

Beide partoeren hâlde de spanning deryn troch gelyk op te gear. Op in stân fan spullen gelyk en skjinne 6 foar Achlum slacht Achlum in sitbal en pakke se as earste de trije earsten. Se rinne gau út nei 2-5 en op 2-5:4-6 moat Wommels belies jaan en giet Achlum troch nei de twadde list.

Utslaggen 1e omloop

1) Frjentsjer - 2) Nijewier-Mitselwier-Easternijtsjerk	5-3:6-0
3) Peins - 4) Arum	5-0:6-6
5) Jelsum-Koarnjum-Britsum - 6) St Jakob 2	5-0:6-0
7) Wytmarsum - 8) Boalsert 2	0-5:6-6
9) Easterein 1 - 10) Boalsert 1	5-0:6-2
11) Seisbierrum-Pitersbierrum 2 - 12) Berltsum	2-5:2-6
13) Easterein 2 - 14) Bitgum	0-5:4-6
15) Lollum-Waaksens - 16) Tsjummearum	4-5:4-6
17) St Jakob 1 - 18) Seisbierrum-Pitersbierrum 1	5-2:6-6
19) Easterlittens - 20) Minnertsgea	5-3:6-4
21) Grou - 22) Makkum	3-5:6-6

23) Goaiïngea - 24) Menaam	2-5:4-6
25) Dronryp - 26) Ingelum	5-2:6-2
27) Wommels - 28) Achlum	2-5:4-6

Ferslaggen 2e omloop

1-3 Frjentsjer – Peins

Frjentsjer komt in spul foar tsjin Peins, mar dan krijt Peins fleugels en nimt de lieding mei 2-4. Frjentsjer nimt it wer oer en komt op twa spullen gelyk. Se pakke ek it fiifde buordsje en op 5-4:6-2 liket de opslach bûten te gean, mar Menno slacht derop. Frjentsjer troch nei de tredde list!

5-8 Jelsum-Koarnjum-Britsum – Boalsert 2

Boalsert nimt rap skjinne trije earsten foarsprong. Op in stân fan 0-3:6-6 pakt Jelsum-Koarnjum-Britsum it earste buordsje en it wurdt 1-3. Boalsert lit de foarsprong net mear út hannen gean en rint gau troch nei 1-5. Op 1-5:2-6 komt der in keats en slacht Boalsert op. Se pakke de keats en binne troch nei de tredde list.

9-12 Easterein 1 – Berltsum

Easterein begjint goed troch op 1-1:6-4 de keats te pakken en sa it spul binnen te slepen. Se rinne dêrnei út nei in 4-2 foarsprong en op 5-2:4-6 krijt Berltsum noch in kâns om oansluting te finen en dit slagget. It wurdt 5-3 en de spanning is wer in bytsje werom. Dit duorret lykwols net lang en op 5-3:6-4 soarget Easterein derfoar dat se trochgean nei de tredde list.

14-16 Bitgum – Tsjummearum

De moaiste partij fan de twadde list. Twa partoeren oan mekoar weage en dit lieten se ek sjen. Der wurde fjouwer earsten op 6-6 beslist. Op 5-5 is Bitgum wat ûngelokkich yn it perk en op 5-5:0-6 wurdt de bal kwea útslein.

17-19 St. Jabik – Easterlittens

It degelike keatsen fan St. Jabik yn de earste omloop is fuort tsjin Easterlittens. Se meitsje tefolle fouten en komme net lekker yn de wedstriid. Easterlittens makket dêr goed gebrûk fan mei Erwin Zijlstra as motor fan it partoer. Easterlittens komt 0-5 foar en op 6-6 slacht Erwin bûten sadat Sint Jabik noch in buordsje pakt. Mear sit der net yn en op 1-5:4-6 pakt Easterlittens de winst.

22-24 Makkum – Menaam

De earste helte fan de partij is yn hannen fan Makkum en se komme op skjinne trije earsten foarsprong tsjin Menaam. Makkum bliuwt fokust op de oerwinning en op 5-2:6-6 slacht Menaam de bal bûten. Makkum troch nei de tredde list.

25-28 Dronryp – Achlum

Dronryp start goed troch fuort op in spul foarsprong te kommen. Achlum pakt ek noch in earst, mar Dronryp hâldt de lieding en pakt de 4 earsten tsjin 1 foar Achlum. Dronryp hat de prizen al yn it sicht en sa fier is it dan ek op in stân fan 5-2:6-2. Se komme mei in steand nûmer yn de heale finale.

Utslaggen 2e omloop

1) Frjentsjer - 3) Peins	5-4:6-2
5) Jelsum-Koarnjum-Britsum - 8) Boalsert 2	1-5:2-6
9) Easterein 1 - 12) Berltsum	5-3:6-4
14) Bitgum - 16) Tsjummearum	5-5:2-6
17) St Jakob 1 - 19) Easterlittens	1-5:4-6
22) Makkum - 24) Menaam	5-2:6-6
25) Dronryp - 28) Achlum	5-2:6-2

Ferslaggen 3e omloop

1-8 Frjentsjer – Boalsert 2

It earste buordsje pakt Boalsert nei in sitbal fan Peter van Zuiden op 6-6. It wurdt earsten gelyk nei in sitbal fan Allart en wer op seis gelyk nimt Boalsert de 1-2 foarsprong en rint dan fluch út nei 1-4. Op 1-4:6-4 slacht Peter de bal foar en wurdt it 2-4. Peter pakt de fiif earsten mei wer in sitbal. Op 2-5:6-2 slacht Hendrik Bouwhuis kwea út en krijt Frjentsjer trije earsten. Dan is it samar skjinne 6 foar Boalsert en slacht Allart kwea út. Boalsert nei de heale finale mei 3-5:0-6.

9-16 Easterein 1 – Tsjummearum

Easterein wint dit mei 5-0:6-0. It partoer fan Tsjummearum hie in drege pot keatst tsjin Bitgum en dat hat de nedige enerzjy koste. De mannen koene it net mear opbringe om nochris foar in oerwinning te soargjen, tsjin it flaterfrije Easterein. Sa komt Easterein foar it earst sûnt 2005 opnij yn de prizen. Yn de heale finale keatse se tsjin Easterlittens.

19-22 Easterlittens – Makkum

Nei de earsten gelyk rint Easterlittens samar troch nei in 5-1 foarsprong. Foaral yn it perk útblinkende Erwin Zijlstra stjoert syn partoer goed oan. Ek de goede opslach fan Jelle Attema kin Makkum net helpe oan buordsjes. Jelle keatst as junior mei twa jonges foar Makkum. Op 5-1 slacht Erwin twa ballen boppe. Der komme twa keatsen en by de earste keats slacht Makkum kwea út. De twadde keats keart Gerrit Rinse Stremler foar de keats en bringt Easterlittens dêrnei yn de heale finale.

25 Dronryp

Steand nûmer

Utslaggen 3e omloop

1) Frjentsjer - 8) Boalsert 2	3-5:0-6
9) Easterein 1 - 16) Tsjummearum	5-0:6-0
19) Easterlittens - 22) Makkum	5-1:6-0
25) Dronryp	

Ferslaggen heale finales Jong-Feinte partij 2015

25-8 Dronryp – Boalsert 2

Dronryp mei Rense Sijbesma, Sander Kingma en Wierd Baarda tsjin Boalsert mei Peter van Zuiden, Hendrik Bouwhuis en Julian Faber. Dronryp pakt op 6-4 it earst nei in bûtenslach fan Peter. Op de folgjende 6-4 pakt Dronryp it spul troch in kweaslach fan Hendrik. Boalsert komt op 2-1 nei kwea út fan



Sander op in stân fan 2-0:2-6. Op 2-1:6-4 bringt Wierd de bal heech efteryn en pakt dêrmei de keats en in 3-1 foarsprong. Yn it folgjende earst in sitbal fan Peter op 3-1:0-6 en sa fynt Boalsert oansluting mei 3-2. Op 3-2:6-4 slacht Peter de bal foar en set Dronryp op twa spul. Op 4-2:4-6 makket Peter syn fout wer goed troch de bal boppe te slaan en de spanning is wer werom: 4-3. In belangrike slach op 4-3:6-6. It wurdt 5-3 foar Dronryp as Boalsert de bal bûten bringt. Op 5-3:4-4 slacht Wierd op. De earste is foar en de twadde falt bûten: 5-4. Boalsert pakt in skjinne 6 en mei in sitbal bringe se de stân wer yn lykwicht, 5-5:6-6 wurdt al foarsein en dat wurdt it ek. It giet fan 2-2 nei 4-4 en dan komme der twa keatsen. De earste keats is foar Boalsert en de twadde foar Dronryp. Wierd slacht op alles oan 'e hang in platte bal foaryn en Boalsert makket dêr in dikke keats fan. Dan kin Dronryp de keats net foarby slaan en giet mei de tredde priis nei hûs. Boalsert wint en nimt it yn de finale op tsjin thúsdorp Easterein.

9-19 Easterein - Easterlittens

Oant earsten gelyk binne de partoeren yn lykwicht. Op 1-1:6-4 slacht Rémon boppe en makket 2-1. Erwin Zijlstra bringt de bal bûten op 2-1:6-0. Op 3-1:4-4 slacht Doede Rients 2 sitballen en bringt Easterein dêrmei op in 4-1 foarsprong. Easterlittens komt werom oant 4-3 nei it pakken fan in keats op 4-1:2-6 en troch in earst fouten fan Easterein. Jan slacht de bal geweldig boppe op 4-3:6-2: fiif earsten foar Easterein. Op 5-3:4-6 liket Easterlittens noch in buordsje te pakken, mar it wurdt 6-6 troch in sitbal fan Doede Rients op de foarynse. Op in stân fan 5-3:6-6 stiet Doede Rients opnij oan de opslach en bringt in spektakulêre sitbal djip efteryn. Easterein nimt it yn de finale op tsjin Boalsert.

Utslaggen Heale finale

25) Dronryp - 8) Boalsert 2	5-5:6-6
9) Easterein 1 - 19) Easterlittens	5-3:6-6

Finale Jong-Feinte Partij 2015

8-9 Boalsert 2 – Easterein 1

Boalsert 2 mei de keatsers Peter van Zuiden, Hendrik Bouwhuis en Julian Faber nimme it op tsjin Easterein 1 mei Doede Rients Okkema, Rémon Tie Bouma en Jan Schurer. It earste buordsje is foar Boalsert as Doede Rients de bal bûten bringt op 6-6. Boalsert komt dêrnei in spul foar en op in stân fan 2-0:0-6 slacht Jan op en wit de bal sels foar de keats te kearen en makket sa 2-1. Yn it folgjende buordsje wurdt der om keatst mei hieltyd twa keatsen.

Op 2-1:6-6 slacht Jan in dikke keats en hy mei sels opslaan. In prachtige tuskenynse sitbal fan Jan, mar Hendrik stapt der moai ûnder en de bal giet boppe, 3-1 foar Boalsert. Troch om en om bûtenslaggen en sitballen fan Boalsert wurdt it 3-1:6-6 en stiet Peter van Zuiden oan de opslach. Jan slacht de bal spitigernôch kwea en sa komt Boalsert op in 4-1 foarsprong.

Op 4-1:6-6 is dêr wer in kâns foar Easterein om oansluting te finen, mar Easterein kin de keats net foarby slaan en it wurdt 5-1 foar Boalsert. Dan in rap earst mei in boppeslach fan Jan en trije bûtenslaggen van Peter: 5-2. Beide partoeren bliuwe der om keatsen en fjochtsjen en op 5-2:2-6 bringt Doede Rients de bal tuskenyn. In sitbal! It wurdt 5-3, de spanning is wer werom.

Op in stân fan 5-3:2-4 lizze der twa lytse keatsen en Boalsert stiet oan de opslach. Elts pakt in keats en it wurdt 5-3:4-6. Der komt in dikke keats te lizzen en Boalsert mei besykje dizze foarby te slaan. Hendrik docht dat troch de bal boppe te slaan: 5-3:6-6. Op dizze stân giet de opslach bal fan Doede Rients krêkt foar de foarline en dêrmei komt der in ein oan dizze finale.



Boalsert wint de 11e edysje fan de Jong-Feinte Partij en foar Easterein is der in moaie twadde priis!

Utslach finale

8) Boalsert 2 - 9) Easterein 1	5-3:6-6
--------------------------------	---------

PRIISWINNERS JONG-FEINTE PARTIJ 2015

1. Boalsert 2

Peter van Zuiden, Hendrik Bouwhuis en Julian Faber

2. Easterein

Doede Rients Okkema, Rémon Tie Bouma, Jan Schurer

3. Dronryp

Rense Sijbesma, Sander Kingma, Wierd Baarda

3. Easterlittens

Dirk Jorritsma, Gerrit Rinse Stremmler, Erwin Zijlstra



Klasseminten Jong-Feinte

Ferienings			Prizen			Jierren										
Nr	Ofdieling	Pnt	1e	2e	3e	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015
1	Tsjummearum	10	2	2						2	1	2	1			
2	Wytmarsum	8	2	1		1	1		2							
3	Holwert	7	2		1			3	1	1						
4	St Anne	7	1	2							2		2	1		
5	Frjentsjer	6	1	1	1	3						1			2	
6	Seisbierrum-Pietersb.	5	1	1										2	1	
7	Wommels	5		1	3	2	3		3	3						
8	St Jacob	4		1	2			2						3	3	
9	Dronryp	4			4				3	3			3			3
10	Boalsert	3	1													1
11	Makkum	3	1					1								
12	Easterein	3		1	1	3										2
13	Goutum	2		1			2									
14	Easterlittens	2			2									3		3
15	Peins	2			2							3			3	
16	Hyum-Feinsum	1			1			3								
17	Makkum 2	1			1						3					
18	Minnertsgea	1			1								3			
19	Wjelsryp	1			1							3				

Top 12 keatsers

Keatsers				Prizen			Jierren										
Nr	Namme	Plak	Pnt	1e	2e	3e	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015
1	Arnold Zijlstra	Tsjummearum	10	2	2						2	1	2	1			
2	Hans Wassenaar	Tsjummearum	10	2	2						2	1	2	1			
3	Steven de Bruin	Tsjummearum	10	2	2						2	1	2	1			
4	Gert-Jan Meekma	Wytmarsum	8	2	1		1	1		2							
5	Jacob Zaagemans	Wytmarsum	8	2	1		1	1		2							
6	Gert-Anne vd Bos	Holwert	7	2		1			3	1	1						
7	Rudolf Soepboer	Holwert	7	2		1			3	1	1						
8	Sjoerd de Jong	St Anne	7	1	2							2		2	1		
9	Herman Sprik	Wytmarsum	6	2			1	1									
10	Jelte Visser	Seisbierrum-P.	5	1	1										2	1	
11	Johannes vd Veen	Seisbierrum-P.	5	1	1										2	1	
12	Kees vd Schoot	Seisbierrum-P.	5	1	1										2	1	

- Abe Stegenga -

25 novimber 2015 is Abe Stegenga ferstoarn. Sûnt 1991 earelid fan keatsferiening Easterein en jierrenlang warber west as frijwilliger foar de keatsferiening. As begelieder, karmaster en de lêste jierren tegearre mei syn Annie as trouwe supporter fan alle Eastereiner keatsers en keatsters, grut en lyts, famkes en jonges, froulju en manlju.

Mar ek as bestjoerslid warber west foar de feriening. Fan 1959-1962 yn de funksje fan skriuwer en fan 1969-1977 as foarsitter. Yn it jubileumboek 'Bûkelje en Boppeslaan' steane ferskate passages oer Abe. Ek wurdt Abe lid fan de technyske kommisje yn 1987.

Yn 1991 in prachtich hichtepunt foar Abe, mar fansels ek foar it jongespartoer (Robert Hoekstra, Robert Sijbesma en Gert Jan Hiemstra) en keatsferiening Easterein. Doe't Abe as begelieder fan dit jongespartoer de Freule fan 7 augustus 1991 wûn en de Villa fan de Freule fan Wommels nei Easterein bringe mocht.

Abe is letter nochris mei dit partoer fuort west. Yn 2007 gienen tal fan Eastereiner keatsers en keatsters mei trekker en wein nei de ôfdielingskampioenskippen fan Federaasje Snits yn Ysbrechtum. Abe wie mei as begelieder en se wûnen doe de 2e priis.

Abe en Annie wienen daliks al freonen fan de Jong-Feinte. By de 1e edysje yn 2005 wie Abe karmaster. En elk jier binne se trou te gast op de Jong-Feinte. De lêste jierren as spesjale gasten en stipers fan it Jong-Feinte winnersboerd. Se hienen yn 2015 ek in gaadlik plakje yn de parsewein.

Yn septimber 2015 binne Abe en Annie ferhúze fan de Sjaardaleane yn Easterein nei Wommels yn in oanleuning by Nij Stapert. Dêr ha se in oantal moannen noch tegearre trochbrocht mei de nedige soarch foar Abe en wêr't syn sûnens efterút gie. Hy ferstoar op 25 novimber op 81-jierrige leeftiid.

Syn oanwêzigens op it keatsfjild silte wy misse.



Wedstriidferslaggen

Yn 2015 wie de dielname oan de wedstriden yn Easterein nochal wat minder as ferline jier. Dat kaam foaral troch de ekstra aktiviteiten, lykas de federaasjedei en de lustrumwedstriden foar jongerein en senioaren, dy't we hienen yn ús lustrumjier 2014.

Stipers

Yn 2015 hienen we **45** stipers. Troch harren finansjele en/of materiële bydrage hawwe wy sportyf sjoen alle aktiviteiten, yn in moaie keatsaginda, biede kinnen oan ús lede-, federaasje- en KNKB-keatsers. Ut namme fan keatsers, bestjoer, kommisjes en frijwilligers hertlik tank dêrfoar

Kategory	KFE	Fed.	KNKB	Totaal
Kabouter famkes	0	0	0	0
Kabouter jonges	0	0	0	0
Kabouters	20	0	0	20
Welpen famkes	0	0	11	11
Welpen jonges	0	0	13	13
Welpen	36	10	0	46
Pupillen famkes	0	6	0	6
Pupillen jonges	0	8	0	8
Pupillen	31	0	0	31
Skoalfamkes	0	0	0	0
Skoaljonges	0	0	0	0
Skoalbern	19	8	0	27
Famkes	0	0	14	14
Jonges	0	0	0	0
Famkes/Jonges	0	6	0	6
Junioaren	0	4	28	32
Froulju	24	12	0	36
Manlju	44	6	20	70
Froulju/Manlju	53	0	0	53
Totaal	227	60	86	373

Kategory	KFE	Fed.	KNKB	Totaal
Kabouter famkes	21	0	0	21
Kabouter jonges	19	0	0	19
Welpen famkes	37	10	20	67
Welpen jonges	27	10	23	60
Pupillen famkes	27	15	0	42
Pupillen jonges	45	16	0	61
Skoalfamkes	13	8	0	21
Skoaljonges	17	13	0	30
Famkes	1	6	39	46
Jonges	2	8	0	10
Junioaren	0	15	81	96
Froulju	131	12	0	143
Manlju	187	34	52	273
Totaal	527	147	215	889
Klassen	37	10	7	54
Partoeren	227	60	86	373
Krânsen	79	26	18	123
Prizen	209	61	60	330

Oersicht dielname oan partijen yn Easterein

Yn 2015 stienen **373 partoeren** op de listen. Dat wienen **116** minder as ferline jier (**489** yn lustrumjier 2014). Dizze partoeren keatsten yn **54** (64) klassen. By de jongerein wienen **182** (227) partoeren en by de senioaren **191** (262).

By de jongerein waard faak keatst yn 2-tallen. By de manlju en froulju keatsten de jonges en famkes as somtiden skoalbern ek mei.

Keatsers / keatsters

Oer 2015 is der 889 kear (ferline jier 1.151) dielnaam oan wedstriden yn Easterein en dêrmei 262 minder as ferline jier. Der binne 123 krânsen (160) om de nekke hongen en 330 prizen (456) útrikt.

LEDEWEDSTRIDEN

27-04-2015: Keningspartij – Oranje & Heitelân

Nei't om goed 10.00 oere it iepeningswurdsje troch Mattie dien is, is it keatsseizoen 2015 los. Om kertier oer tsienen koene we los yn 4 klassen; Froulju A en B en manlju A en B.

De dielname wie ûngefear it selde as ferline jier. Al misten we al wat minsken. Dêrtroch wienen der al wat ferrassings yn de A klasse manlju. De mannen moasten der al efkes oan wenne om yn dizze klasse te keatsen mar it die bliken yn de rin fan de dei dat se harren dêr mar goed troch hinne slaan koenen. Sels de tsjinearsten moasten berekkene wurde om de twadde priis ta te kennen.

By de froulju B foel op dat der mar in pear 'âldsjes' meidiene en der in protte jonge famkes op it fjild om huppelen. Moai dat dizze froulju der nocht oan ha. It waar foel, neffens de berjochten, ta. It sintsje skynde de hiele dei wol wat en de wyn bleaun moai efter de kantine, jeu de boulesbaan en it materialehok hingjen.

Dus in hearlike moaie sportive keatsdei. Om goed 16.00 oere wie de lêste slach en dus de earste keatswedstriid wer in feit.

A klasse manlju

1e priis: Danny Roos, Hans Kooistra, Robert Sybesma

2e priis: Simon Kingma, Tjerk Politiek, Ewout de Boer

Manlju B

1e priis: Hendricus Tacoma, Jorrit Veldman, Thom Veldman

2e priis: Stefan van Krimpen, Mebius de Boer, Wietse Vink

3e priis: Jan Vellinga, Martin Overal, Bas van der Weij

1e ferl: Durk Jorrit van der Eems, Wietse Ligthart, Sjouke Schilstra
2e ferl: Tjeerd Dijkstra, Jan Bouke Bouma, Rinze de Jong

Froulju A

1e priis: Martine Tiemersma, Gerry-Edou Mollema,
2e priis: Marije Hiemstra, Sieta Tessemaker

Froulju B

1e priis: Mattie Dijkstra, Selma de Boer, Lisa de Jong
2e priis: Sanne Rixt Jorritsma, Mirjam Punter, Geja Hofstee

14-05-2015: Witteveen & Brouwer-partij

Under prima waarsomstannichheden, wol krekt te kâld foar de tiid fan it jier, waard der fanatyk, sportyf én spannend keatst by de Witteveen & Brouwer partij. Mei 6 partoer by de froulju en 8 partoer by de manlju bin we tsjin healwei ienen los gien. De froulju keatsten yn 2 poules fan 3 partoer en de manlju hiene in 'gewoane' list mei 8 partoer. De froulju keatsten mei de sêfte bal, wat altyd in soad draverij opsmyt en dêrtroch faaks langere wedstriden.

Poule A waard wûn troch Marit Kuperus en Jitske Veldman, sy wûnen beide partijen yn harren poule. Petra Jellema, Martina Kooistra en Sanne Rixt Jorritsma waarden de winners fan poule B, ek sy wûnen beide partijen yn harren poule. De finale waard in maklike proai foar Marit en Jitske; sy wûnen mei 5-0:6-4.

Utslach froulju:

1e priis: Marit Kuperus en Jitske Veldman
2e priis: Petra Jellema, Martina Kooistra, Sanne Rixt Jorritsma

De winners gienen mei twa krânsen nei de grutste supporters fan it Easterein keatsen en Abe en Annie waarden bliid ferrast!



By de mannen stiene Danny Roos, Klaas Kamstra en Jan Bouke Bouma tsjinoer Jan Vellinga, Peter Stuiver en Rinze de Groot yn de finale fan de ferliezers, Danny c.s. giene der mei de 1e priis fan troch, de einstân waard 5-4:6-6.

De finale yn de winnersronde gie tusken Marten Faber en Hans Kooistra tsjin Gert Jan Hiemstra en Marco Rijpkema. Nei in spannende, mar net gehiel flaterleaze partij, giene de krânsen nei Gert Jan en Marco. Se wûnen mei 5-5:6-4.

Utslach manlju:

1e priis winners: Gert Jan Hiemstra en Marco Rijpkema
2e priis winners: Marten Faber en Hans Kooistra
1e priis ferliezers: Danny Roos, Klaas Kamstra, Jan Bouke Bouma
2e priis ferliezers: Jan Vellinga, Peter Stuiver, Rinze de Groot

Nei in flot ferrin fan alle partijen koene om goed 17.00 oere de krânsen en prizen útrikt wurde. Mei tank oan de stiper fan dizze partij: Witteveen & Brouwer!

20-05-2015: Kapsalon Kniplokaeltsje-partij

Nei 2 kompetysjerondes en in spetterend keatskamp, hjoed dan de earste ledepartij op it programma. Soene we it droech hâlde, wa soe de earste krâns om de nekke krije, allegear fragen wêr't we om 13.30 oere noch gjin antwurd op hienen. Dus we moatte mar gau los!

We begjinne de partij mei in geweldich applaus foar ús sponsor it Kniplokaeltsje út Easterein. Sa lûd dat se it op it Skilplein fêst wol hearre kinnen hat.

By de kabouters waard der keatst mei 3 ferskillende listen, dus eltsenien 3x keatse en nei de tiid de earsten by elkoar optelle. Soad spannende partijen en der waard leuk keatst mei elkoar. En oan it ein fan de middei wisten we it antwurd op de fragen, (hast) hielendal droech en de kransen en prizen wienen sa:

1e priis A maat: Geertje van der Weide
1e priis B maat: Tjitske Joustra
2e priis A maat: Jorrit Stap
2e priis B maat: Brecht Stegenga

Foar alle kabouters dy't gjin priis wûn hienen wie der, omdat it de earste partij wie, noch in prachtige moaie herinnerings-medaille oan dizze partij.

By de welpen waard der mei 8 partoeren keatst mei in gewoane list mei ferliezersronde. De 2 finales wienen sa as finales ek wêze moatte, alles oan de hang!

By de winnaarsronde wie it partoer 8 dy't oan it langste ein luts en dat wienen Arjen Stremler en Anke Blanksma. De 2e priis wie foar Redmer Stegenga en Daniël van der Weerd.

Yn de ferliezersronde wie it partoer 1 mei Niels Hiemstra en Ridzert Veldman dy't de oerwinning op dizze spannende stân derút sleepten. Bernou van der Velde en Benthe Ottens gongen mei de twadde priis nei hûs.

By de pupillen wienen der 6 partoeren en sy keatsten yn poules allegear 3x. Ek dêr nei 3 omlopen, earsten en tsjin-earsten by elkoar optelle.

1e priis: Redmer Wiersma, Amber Reijnhoudt en Thijs Janssen

2e priis: Nynke Paauw, Marrit Hiemstra en Jan Dirk Joustra

3e priis: Rutger Sijbesma en Welmoed Stegenga

Om goed 17.00 oere wiene de skoaljeugd en de jonges en famkes oan bar. Mei 12 keatsers yn 4 partoer keatste se yn 1 poule. De earste omloop gong tusken de partoeren fan Kees v/d Horst, Alien Dijkstra, Halbe Willem Overal en it partoer fan Selma de Boer, Sydrik Kooistra en Machteld Veldman. Dizze partij waard beslikke yn it foardiel fan Selma en dy 2-5:4-6. Yn it 2de perk de partoeren fan Corrie Kroondijk, Julia Paauw, Rimmer Kamstra tsjin Rutger Wiersma, Roelie Kroondijk en Marc Jansen. In partij tusken de suskes dy't wûn waard troch Corrie c.s. mei 5-4:6-2.

De twadde omloop de winner fan 1-2 tsjin de ferliezer 3-4 en de ferliezer 1-2 tsjin de winner fan 3-4. It partoer fan Selma tsjin dat fan Rutger e.d.. Dit seach er de hiele tiid al nei út dat dit in partij wurde soe fan alles oan de hang en dat waard it ek. Op 5-5:6-6 makke Sydrik in sitbal. Yn it oare perk wat minder spanning. It partoer fan Kees c.s tsjin Corrie e.d. Dizze partij waard wûn troch Corrie e.d. mei 5-2:6-6.

De tredde omloop de twa partoeren tsjinoer elkoar dy't beide twa partijen wûn hiene. It partoer fan Selma e.d. tsjin it partoer fan Corrie e.d. Net echt in hiele spannende partij. 5-3:6-4 yn it foardiel fan Selma, Sydrik en Machteld. De oare partij tusken Kees e.d. en Rutger e.d. waard wûn troch Rutger e.d. mei 5-3:6-6.

1ste Selma, Sydrik en Machteld (21 foar - 10 tsjin)

2de Corrie, Julia en Rimmer (17 foar - 12 tsjin)

3de Rutger, Roelie en Marc (16 foar - 15 tsjin)

4de Kees, Alien en Halbe Willem (7 foar - 18 tsjin)

We kinne werom sjen op in sportive en leuke keatsmiddei, dus ús komplimenten oan de bern en ús tank oan alle frijwilligers dy't ús holpen ha!

24-05-2015: Pearkekeatsen – Murk's Slagerij

Bouw-tekenburo Wietse B. Ligthart en Noflik Easterein

Snein 24 maaie wie it wer safier. Op de Pinkstersnein pearkekeatsen yn Easterein. We hiene dizze kear 35 pearkes op 'e list stean. De sponsors fan dizze partij binne Murk's Slagerij, Bouw-tekenburo W.B. Ligthart en Noflik Easterein. Der koe striden wurde om moaie fleisbonnen.

Yn 4 klassen waard der keatst op it A-fjild fan de Skoalleseize. It lei der smûk by en it wie in moai gesicht om safolle keatsers op ien fjild te hawwen. It waar wie prachtich en dêrom



wie der in protte publyk. Abe en Annie Stegenga (ús grutte supporters) kamen ek wer efkes om it hoekje sjen. Se ha no ek in i-pad en kin no de ferslaggen ek lêze op de side fan KF Easterein.

It keatsen wie betiden mar spannend. In soad wedstriden op 5-5 seit genôch. Sommige partijen duorren wol oardel oere! Om kertier foar seizen koe de priisútrikking plakfine. Mei alle priiswinners op 'e foto en de neisit koe begjinne. It draaiend rêd hat ek noch efkes yn aksje west om de minsken efkes te fermeitsjen. Mei wat muzyk derby waard it wer gesellich yn de kantine.

Yn de TOP-klasse waard keatst yn twa poules mei trije partoer. De A-klasse bestie út 8 partoer mei in gewoane list. De B-klasse keatsten mei 13 partoer en yn de C-klasse waard wer mei 8 partoer keatst yn in gewoane list.

TOP-klasse

1. Sietske Okkema & Sybren Poelsma
2. Jelen Pompstra & Sjoerd de Jong

A-klasse

1. Jitske Plantinga & Sjoerd Teake Kooistra
2. Lisette Hillebrand & Stefan van der Weg

Ferliezers

1. Sanne Rixt Jorritsma & Bote Jellema
2. Tessa Booms & Doede Rients Okkema

B-Klasse

1. Karin Sjaarda & Christian Hoekstra
2. Monique Vellinga & Jan Vellinga
3. Mattie Dijkstra & Tjeerd Dijkstra
4. Gabriële Bouma & Tjerk Terpstra



Nei 3 omlopen wienen de earsten sa ferdiel:


- 1e priis A maat mei 21 earsten foar: Jorn Hiemstra
- 1e priis B maat mei 18 earsten foar: Sander Velzen
- 2e priis A maat mei 19 earsten foar: Fianne Dijkstra
- 2e priis B maat mei 17 earsten foar: Tjitske Joustra

Foar de oare kabouters wie der dizze kear spitigernôch gjin priis, mar de folgjende partij ha jimme allegearre wer in nije kâns!

By de welpen 2 poules mei 3 partoer. Allegear 3 x keatse, want fan in soad omlopen draaie wurde je allinne mar wer better. Der waard fûleindich keatst mei spannende partijen. De 1e priis mei 21 earsten wie hjir foar Benthe Ottens en Liset Sijbesma. De 2e priis mei 18 earsten foar de heren Jesper Paauw, Ridzert Veldman en Jesse van Krimpen. En de 3e priis mei 17 earsten foar Senay Sixma en Anke Blanksma.

Yn de pupillen B klasse hienen we 1 poule mei 4 partoer. Allegear 3 tallen, sadat der earst ek even fergadere wurde moast wa no foar bêst as foar minst moast en wa wêr yn it perk. Nei 2 omlopen wienen der 2 partoeren dy't alles wûn hienen en de 3e partij noch tsjin elkoar keatse moasten. In echte finale dus. Dizze waard mei 5-3 beslist yn it foardiel fan Redmer Stegenga, Judith van der Weerd en Thijs Janssen en dus krigen sy hjoed de krâns om de nekke. De 2e priis wie foar Jelmer Brouwer, Amber Reinhoudt en Jan Joustra.

Ungeloksfûgel dizze dei wie Janneke Overall, sy krige 3x hiel hurd in bal tsjin har oan slein en is wierskynlik mei 3 bêste blauwe plakken nei hús ta gien. In ijsko wie der hjoed foar har.



Pupillen A klasse, 8 jonges en famkes, ferdiel yn 4 twatallen. Fuort de earste omloop in partij mei alles oan de hang. Redmer Wiersma en Tessa Ottens, lutsen krekt de winst nei harren ta doe Rutger Sijbesma en Niels Janssen op dizze stân de keats net foarby sloegen. Mar noch alle kâns op in priis-ke, want ek hjir allegear 3 x keatse en dêrnei pas de earsten byelkoar optelle. De 2e omloop brocht troch de ferrassende útslaggen de spanning wer hielendal werom. De 3e omloop moast de trochslach jaan en úteinlik wienen de ferskillen mar hiel lyts. De 1e priis wie mei 18 earsten foar Redmer Wiersma en Tessa Ottens. De twadde priis mei 15 earsten foar Nynke Paauw en Arjen Stremmer.

De skoaljeugd begjint yfm harren skoaltiden altyd om 5 oere mei de ledepartij. Hjir wiene krekt genôch bern om in folseine list fan 4 twatallen te meitsjen.

De klok gong alwer rjochting 20.30 oere doe de lêste bal slein wie en de krânsen by Corrie Kroondijk en Emma Stegenga om de nekke hongen waarden. Twadde priis wie hjir foar Hendrik van der Eems en Marc Janssen.

C-Klasse

1. Petra Jellema & Gerke Jellema
2. Wilma Sjaarda & Marco Rijpkema

Ferliezers

1. Vera Okkema & Hendrik Okkema
2. Tryntsje Bouma & Hindrik de Jong (debutant)

10-06-2015: Altac-partij

Hast 50 bern hienen we hjoed te keatsen op de fjilden fan de Skoalleseize. Sintsje der wat by, in wyntsje oer it fjild en yn elke kategory in prachtige list. Dus om healwei twaen mar gau los mei it spul. Dizze kear hienen we as jeugdkommisje besocht om de kategoryen wat mear los te litten en wat mear te sjen nei dat elts bern wat op syn eigen nivo keatse koe. Want leuk en mei wille keatse is dochs dêr't it by elts om draaie moat. Dit hat der ta laat dat in oantal welpen troch skowt binne nei de pupillen en dat der no by de pupillen in A en in B klasse makke wurde koe.

Mar we begjinne mei de jongste jeugd, ús kabouters. Foar guon de earste ledepartij, dus ek wol wer in bytsje spannend fansels. We hienen 4 twatallen, mar wol 3 ferskillende listen, sadat se allegear 3 x keatse koene.



Al mei al in prachtige keatsdei hjoed, wêrby ús grutte tank wer út giet nei ús sponsor Handelsonderneming Altac en de frijwilligers dy hjoed wer foar ús klear stiene! Karin, Roelie, Corrie, Annemiek, Hester, Geertje bedankt foar jim help!

13-06-2015: Posthuma-partij

Sneon 13 juny hiene we de Posthuma partij. Spitigernôch wie de opjefte net sa grut foar hjoed, by de manlju wiene der 4 partoer en by de froulju ek 4, dus der is foar keazen om te poule keatsen. Om goed 12 oere binne we los gien.

Alle partoeren ha hjoed 3 kear keatst. Nei de 2e list koe der by de manlju noch fanalles barre. Partoer 1: Christian Hoekstra, Abe Jan Stegenga en Hendrik Okkema hiene 14 punten. Partoer 2: Stefan v. Krimpen en Hotze Jellema hiene 10 punten. Partoer 3: Peter Stuiver en Sjouke Schilstra hiene 7 punten. Partoer 4: Hans Kooistra, Tom Couperus en Bas v/d Weij hiene 8 punten. Uteinlik binne Christian, Abe Jan en Hendrik der mei de krâns fan troch gien.

Utslach manlju:

1. Christian Hoekstra, Abe Jan Stegenga, Hendrik Okkema 21 punten
2. Stefan van Krimpen, Hotze Jellema, 17 punten
3. Hans Kooistra, Tom Couperus, Bas v/d Weij, 10 punten
4. Peter Stuiver, Sjouke Schilstra, 7 punten

By de froulju stiene yn 'e 3de omloop de 2 partoeren dy't beide 14 punten hiene tsjinoer elkoar. Dit wiene Gerry Edou Mollema en Dieuwke Kooistra tsjin Gabriëla Bouma, Wiepkje Hiemstra en Yvonne Terpstra. We hiene dus in 'echte' finale. It partoer fan Gerry Edou en Dieuwke wie dochs wat sterker en se wûnen dan ek mei 5-3:6-4.

Utslach froulju:

1. Gerry Edou Mollema, Dieuwke Kooistra, 21 punten
2. Gabriëla Bouma, Wiepkje Hiemstra, Yvonne Terpstra, 17 punten
3. Janieke Dijkstra, Petra Jellema, 12 punten
4. Sieta Tessemaker, Karin Sjaarda, Riemy Kamstra, 4 punten

We ha in moaie keatsdei hân (it waar hie better kinnen...) Mei tank oan ús stiper: Posthuma Skildersbedriuw.



21-06-2015: Alder-bern partij

B. Sandstra Mesthandel en Transport, Fakwurk

Op snein 21 juny ha de bern wer mei ien fan harren âlders keatse kinnen. De âlder/bernpartij is de partij sûnder krânsen en prizen mar elts wol wol graach winne fansels. It budget wat oars brûkt wurd foar de prizen giet no op yn in hapke en in snapke foar de dielnimmers en taskôgers. By de kabouters in moaie list fan 4 twatallen. Brecht en Liesbeth mochten it yn de earste omloop opnimme tsjin Jorrit en Frans en Sander en Jikke (ferfongen troch Fetsje) tsjin Theunis en Hendrik. Wa't der wûn hat sil net ien te witten komme. Op sa'n moaie keatsdei sûnder priiswinner skriuwe we gjin standen op. Eltsenien hat efkes tsjinelkoar spile by de kabouters.

By de welpen mar leafst 11 partoeren. Op de earste list Bernou en Jaap tsjin Liset en Peter, Jesse en Stefan tsjin Marije en René, Daniël en Geertje tsjin Jesper en Karin, Senay en Klaas tsjin Anke en Jan Rinse, Ridzert en Thom tsjin Jildert en Sjors en Mette en Carin tsjin de ferrassing fan de dei. Wa't dat wiene is foar ús noch hieltiid in ferrassing. Yn dizze kategory waard fûleindich keatst want der sitte fansels in pear craks by dy't net ferlieze wolle.

By de pupillen in list fan 6 partoeren. Op de 1ste list spilen Welmoed en Harmen tsjin Janneke en Martin, Jelmer en Yvonne tsjin Redmer en Abe Jan en Tessa en Marco tsjin Tjalle Durk en Sjoukje. Ek yn dizze kategory sjochst it krachtsferskil tusken de keatsers. Harmen, Yvonne, Marco en Sjoukje witte wol hoe je keatse moatte mar om it sels te dwaan wurd dan wer in hiele opjefte. At je dan tsjin de "kanonnen" sa as Abe Jan en Martin keatse moatte dan hoopje je mar dat de A-maten de punten mar wat pakke.

By de skoaljeugd ek in list fan 4 partoer. Sydrik en Hans mochten it yn de 1ste omloop opnimme tsjin Rimmer en de altyd fanatike opslager Klaas. Yn it perk dêrnjonken spilen Machteld en Jorrit (heit Thom spile al by de welpen) tsjin Hendrik en Durk Jorrit. Ek yn dizze kategory 4 partoeren sadat elts partoer efkes tsjinelkoar keatse koe.

Moaie listen mei moai keatswaar. We koene, neidat alle âlders efkes holpen hawwe om it spul op te romjen, noch lekker bûten genietsje fan in hapke en in snapke en de "boartsjende" bern. Tank oan alle âlders en bern foar harren ynset op dizze moaie keatsdei en fansels ek tank oan de stipers Sandstra en Fakwurk.

15-08-2015: Bos-partij

Op sneon 15 augustus wie it de dei fan de BOS-partij. In jeugdlededepartij yn de fakânsje sûnder de KNKB-keatsers. Je sjogge dan dat de oare keatsers better begjinne te keatsen. By de kabouters hiene we 3 twatallen en 1 trijetal. 9 keatsers yn in poule. Dat der fûleindich keatst waard dat wie te sjen yn de einútslach. Net ien fan de partoeren hie 3 x wûn. Op it 4de plak wie einige partoer 2 mei Fianne Dijkstra, Tjalling Bouma en Sibrand Stremmer mei 13 earsten foar en 14 tsjin. Op it tredde plak partoer 1 mei Geertje v/d Weide en Theunis Ynema mei 14 foar en 15 tsjin. De preemje gong nei partoer 4 mei Jorn Hiemstra en Sander Velzen mei 16 earsten foar en 14 tsjin. De 1ste priis wie foar Jorrit Stap en Brecht Stegenga 18 foar en 12 tsjin.

By de welpen wie it ferskil wat grutter dan by de kabouters. 1 partoer mei de beide neefkes Niels Hiemstra en Jildert Hiemstra wie dúdlik wat te sterk. Se wûnen alle trije partijen en oer alle partijen mar 6 earsten tsjin. Op it twadde plak partoer 2 mei Senay Sixma en Liset Sijbesma mei 17 foar en 10 tsjin. Tredde wie partoer 1 mei Jesper Paauw en Daniël v/d Weert mei 11 foar en 12 tsjin. Wol ferskuorrend goed keatsend mar helaas wie dat net oan de punten te sjen, wie it partoer fan Bernou v/d Velde en Anke Blanksma. Se hiene mei 3 earsten foar en 18 tsjin it 4de plakje.

De pupillen en de skoaljeugd goaie we meastentiids by dizze partij yn 1 kategory. 15 keatsers. 3 twatallen en trije trijetallen. We keatsten it nije poulesysteem. 1-4 2-5 en 3-6, dat eltsenien koe los. Foarôf wist eltsenien hast wol wa't der winne soe nl. Hendrik v/d Eems, Thijs Janssen en Halbe Willem Overal, mar it moast yn it fjild barre. Yn dizze kategoryen sjogge je dat de pupillen net ûnder dogge fan de skoaljeugd mar ek dat de skoaljeugd better keatsen giet sûnder de KNKB keatsers der by. Se moatte no it foartou nimme yn it partoer.

De einútslach:

6e: Rimmer Kamstra en Niels Janssen mei 6 foar en 18 tsjin

5e: Jelmer Brouwer, Emma Stegenga en Tjalle Durk v/d Eems mei 12 foar en 16 tsjin

4e: Bauke Reijnhoudt, Siebo Boersma en Marc Janssen mei 15 foar en 16 tsjin.

3e: Nadja Sixma en Redmer Stegenga mei 16 foar en 13 tsjin.

2e: Sydrik Kooistra en Amber Reijnhoudt mei 17 foar en 13 tsjin

1e: Hendrik v/d Eems, Thijs Janssen en Halbe Willem Overal mei 21 foar en 2 tsjin

Us tank giet út nei alle frijwilligers dy't ús holpen hawwe om dizze keatsdei ta in goed ein te bringen. Ek wol de jeugdkommisje tank sizze oan de stipper fan dizze dei: BOS meganisaasje Easterein.



22-08-2015: Nachtkeatsen senioaren – MRW Accountants

Foar sneontejûn 22 augustus stie it nachtkeatsen foar de senioaren op de wedstriidlist. 18 manlju en 12 froulju hiene harren opjûn. In perfekt oantal foar it oantal keatsers op in list mar der hiene fansels noch wol in protsje keatsers by kinren. By de froulju dus in opjefte fan 12 keatsers en dy koene moai yn 4 trije-tallen keatse. By it nachtkeatsen is it sa dat elts foar himsels keatst dus net in fêst partoer hat. We ferkeatse dan ek 3 ferskate listen. Op de 1ste list fan de froulju stiene Marrit, Sanne en Geeske tsjinoer it partoer fan Janieke, Lysbeth en Klaske. Dizze partij hat ûngefear 7 kertier duorre en dat moast dan hast ek wol in 5 earsten gelyk partij wêze. Yndie 5-5- en 6-4 yn it foardiel fan Janieke e.d. De oare partij tusken Ida, Petra en Talitha tsjin Sieta Tineke en Yvonne wie earder dien. 5-1 en 6-0 yn it foardiel fan Ida e.d.

De twadde list wiene wat iensidige partijen. Sieta, Sanne en Talitha ferlearen mei 0-5 en 2-6 fan it partoer fan Janieke, Liesbeth en Yvonne en it partoer fan Ida, Tineke en Klaske ferlearen mei 0-5 en 4-6 fan Marrit, Petra en Geeske.

De tredde list is de alles of neat-list. As je winne ha je miskien de krâns en as je ferlieze wer net. By de A-maten hie Janieke de folle 14 punten folge troch Marrit mei 12 punten. By de B-maten hiene Liesbet en Petra beide 14 punten en by de C-maten wie der net ien dy't 2 x wûn hie. Oan kop gong Geeske mei 12 earsten folge troch Yvonne mei 8 earsten. Op de tredde list Sieta, Sanne en Yvonne tsjin Janieke en mem Talitha en Tineke. In tige spannende partij dy't wûn is troch Janieke e.d. mei alles oan de hang. Troch dizze winst wie it wol dúdlik foar Janieke dat se de krâns hie by de A-maten en koe mem ek yn oanmerking komme foar in priiske. De oare partij gong tusken Marrit, Lysbet en Klaske tsjin Ida, Petra en Geeske. Dizze partij waard wûn troch Marrit e.d. mei 5-3 en 6-6.

Utslach by de froulju

1ste priis: C-maten Geeske Yntema 15-12, B-maten Lysbet Bakker 21-8, A-maten Janieke Dijkstra 21-10

2de priis: C-maten Talitha Dijkstra 14-12, B-maten Petra Jellema 17-7, A-maten Marit Couperus 19-9

By de manlju 6 partoer mei 3 keatsers. Yn de earste omloop Bote, Jorrit en dat soe Kees wêze mar dy ha we net wer sjoen. Se moasten keatse tsjin Abe Jan, Sjouke en Rinze. Bote e.d. wûnen dit mei 5-2 en 6-2 Hans, Hendrik en Wietse moasten tsjin Remon Tie, Bauke Jan en Tjerk, it waard 5-1 en 6-4. Yn it tredde perk moasten Tjeerd, Marco en Gep tsjin Christiaan, Tom en Jan Bauke. Christiaan e.d. stiene al gau mei 0-2 efter dus der moast wat barre. Nei wat ruile yn opslach en perk waard it dochs in moaie pot. 5-5 en 6-2 yn it foardiel fan Tjeerd e.d. De kop wie der ôf, op nei de twadde list. Remon Tie, Tom en Wietse wûnen de spannende partij mei 5-5 en 6-4 fan Abe Jan, Jorrit Veldman en Jan Bauke. Dy earme Christiaan spile ek de twadde partij 5-5 mar no wûn hy de partij mei syn maten Hendrik en Gep fan Tjeerd, Bauke Jan en Rinze. De tredde partij gong tusken Bote, Sjouke en Tjerk tsjin Hans Marco en Jesse Eringa. Jesse wie ynfallen foar Kees en dat die hy poerbêst. In nij toptalint yn de gelederen fan de KF. Hans e.d. wûnen mei 2-5 en 4-6.

In tuskenstân by de manlju sjocht der dan sa út:

By de A-maten Hans mei 14-3 folge troch Tjeerd en Christiaan mei beide 12-11

By de B-maten Hendrik en Marco beide mei 14 punten. Marco wol mei 7 tsjinearsten en Hendrik mei 6

By de C-maten Wietse oan kop mei 14-6 folge troch Gep mei 14-10

Op de tredde list koe dus alles wer feroarje want Hans moast tsjin Marco. Ferlies fan Hans soe blommen om de nekke fan Marco betsjutte. Gep tsjin Wietse, de striid by de C-maten. Yn it earste perk dus de jonge jonges Remon Tie, Marco en Jesse. Mei syn trijen noch gjin 60 jier tsjin Hans, Tom en Jan Bauke Bouma. Mei sa'n 150 jier ien brok oan erfaring soene je sizze. Helaas ha je by it nachtkeatsen neat oan erfaring mar mear oan hurddraverij. Remon Tie wûnen dit mei 5-2 en 6-4. Hans koe de konifear om syn nekke wol ferjitte en Marco siet op roazen. Yn it twadde perk Tjeerd, Jorrit en Gep tsjin Abe Jan, Bauke Jan en Wietse. Wa pakt by de C-maten de krâns en kin Tjeerd by winst de krâns ek meinimme? Op 5-5 en 6-6 kearde Gep op in manier a la Piet Schrijvers de sêfte bal foar de keats. Winst foar Gep en Tjeerd dus, sneu foar Wietse.

Yn it tredde perk Bote, Hendrik en Tjerk tsjin Christiaan, Sjouke en Rinze. Hendrik moast ek winne om de folle winst te pakken, mei fansels sa min mooglik tsjinearsten. Marco hie 5-2 spile dus Hendrik mocht net mear as 3 tsjinearsten hawwe.

Dit barde wol. Bote, Hendrik en Tjerk wûnen mei 5-3 en 6-2. Of wie it 6-4????? Nei lang diskusjearje dochs 5-3 en 6-4. Wat makket dat no út soene je sizze. No, it sit sa, Hendrik en Marco hiene beide 21 foar en 9 tsjin. Dan wurd der nei de punten sjoen. Hendrik hie oan punten spile 6-4/6-2 en 6-4 en Marco hie oan punten spile 6-2/6-4 en 6-4. Jo sjogge it al. Ek hjir gjin ferskil. Se hiene ek net tsjin elkoar spile want dan hie der wol ien ferlern. Nei lang berie binne we der út kommen, gjin 2de priis en beide de 1ste. We bestelle der gewoan in krâns by. We woene ek net om de earste priis lotsje.

De útslach by de manlju:

1ste priis: C-maten Gep Bakker 21-15

B-maten Hendrik Okkema en Marco Rijpkema 21-9

A-maten Tjeerd Dijkstra 19-16

2de priis: C-maten Wietse Vink 19-12

B-maten gjin sjoch 1ste priis

A-maten Hans Kooistra 16-9

Dochs wat ferkeard gongen yn de partij fan de jonkjes tsjin de âlden, want Gep, Hendrik en Tjeerd binne de jongsten ek net mear.... Hawar, al mei al in tige slagge nachtkeatspartij en we betankje MRW accountants foar harren stipe.

30-08-2015: De Jong-partij

Snein 30 augustus alwer de lêste ledewedstriid...

Stiper fan dizze partij is Theo de Jong fan Ynstallaasjebedriuw de Jong út Easterein. Mei prachtich waar, in bakje kofje/tee op it terras, in keatslist by de froulju fan 6 partoer, by de manlju in list fan 6 partoer, binne krekt nei 12.00 oere alle keatsers binnen... Fanôf 12.30 oere geane we los mei keatsen!

By de froulju waard der keatst yn twa poules fan trije partoer. Allegear twa kear keatse, en de winners fan beide poules meie noch stride yn de finale foar de krânse. Yn poule A kaam as winner út de poule it partoer fan Gabriële Bouma, Martine Kooistra en Klaske Plantinga mei in skoare fan 14 punten. Hja wisten beide wedstriden yn de poule te winnen.



Yn poule B kamen as winners út de poule it partoer fan Jitske Veldman, Mattie Dijkstra en Yvonne Terpstra. Ek dit partoer kaam mei in skoare fan 14 punten troch om't sy beide wedstriden yn harren foardiel wisten te winnen.

De finale wie yn it begjin foar it partoer fan Gabriële Bouma, sy kamen mei 3-0 foar yn de wedstriid, mar it partoer fan Jitske Veldman wist werom te kommen oant 3-2. Úteinlik wist it partoer fan Gabriële de tried wer op te pakken en de wedstriid nei harren ta te lûken. Mei in stân fan 5-2:6-2 wie de striid dien en hat it partoer fan Gabriële Bouma, Martine Kooistra en Klaske Plantinga de oerwinning te pakken.

Ek by de manlju waard keatst yn twa poules fan trije partoer. De winners út poule A wie it partoer fan Remon Tie Bouma en Ype Tiemersma, sy wisten beide wedstriden te winnen en wûnen de poule mei 14 punten. Poule B wiene de winners Stefan van der Weg en Stefan van Krimpen, ek sy wisten beide wedstriden yn de poule te winnen.

It begjin fan de finale wie foar it partoer Remon Tie Bouma, hja komme op in 3-0 foarsprong. Stefan en Stefan pakke it dêrnei op, lûke de efterstân wer rjocht en komme sels oant in 3-4 foarsprong. It giet gelyk op, Remon en Ype hâlde beet en jouwe it net op. Sy komme werom oant 4-4 en sels ek wer op in 4-5 foarsprong. It wurdt 5-5, mar op in 6-4 foarsprong witte Remon en Ype it út te meitsjen en winne it hjoed by de manlju.

Al mei al in hartstikke leuk, gesellige en moaie keatsdei... Stiper Theo en Marja rikke de prizen út oan de priiswinners, en rûn de klok fan 18.20 is it klear foar hjoed!! Noch in pear friskes, drankjes en hapkes en wy kinne werom sjen op in moaie keatsdei, in dei mei in soad wille en geselligheid.

11-09-2015: Nachtkeatsen/slotmiddeli-jûn jongerein MRW Accountants

Op freed 4 septimber stie der it nachtkeatsen op it programma. De hiele wike hie Piet Paulusma it der al oer dat it hûnehokke waar wêze soe op woansdei oant en mei freed. It eaze echt en dêrom ha wy as JK al ridlik betiid it nachtkeatsen der mar útgoait. Spitich fansels want de bern wolle graach keatse mei de ljochten oan. Ien fan ús kommisjeleden opere om it nachtkeatsen en de slotjûn byinoar te foegjen. Gjin spultsjes mar nachtkeatsen en de priisútrikking fan it kompetysjekeatsen. In pracht idee. De bern moasten har wol wer opnij opjaan foar it nachtkeatsen fansels.

Freedtemiddeli 11 septimber om 17.30 oere hiene we alle bern útnoege yn de kantine. Se krigen earst patat en limonade en dêrnei waarden de kompetysjeprizen útdielt. Somsiden ferassend en somsiden wie it ek wol bekind wa't wûn hie (sjoch side 23 foar de kompetysjeprizen). Foar de bern dy't

yn 2014 de kompetysje wûn hiene, wie der noch in moai oantinken.



Nei dizze priisútrikking 3 listen keatse. In prachtich moai gesicht fansels al dy bern op it trainingsfjildsje foar de klaaiboksen. De prizen wiene by de kabouters A-maten foar Fianne Dijkstra en by de B-maten foar Brecht Stegenga. By de welpen wie de 1ste priis by de A-maten foar Marije Zijlstra en by de B-maten foar Liset Sybesma. By de pupillen de 1ste priis by de A-maten foar Arjen Stremmer en by de B-maten Emma Stegenga en by de skoaljeugd de 1ste priis by de A-maten foar Corrie Kroondijk en by de B-maten foar Sydrik Kooistra.

13-12-2015: Sealkeatsen – A. Hak Noord-Oost B.V.

Mei in moaie folle list mei 18 dielnimmers koene we goed ien oere los yn de sporthal fan Easterein. It sealkeatsen is in moaie ôfslúting fan it keatsseizoen 2015 alhoewol der noch hieltiten op tongersdei gebrûk makke wurdt fan it MFT om it spultsje Lagueess te spyljen. It giet der altiten om wei yn de seal mei in sêfte bal en de sealkeatsrigels, sadat elk yn it perk komt en in hiel earst opslaat.

Guon ha de lange broek oan om glydzje te kinnen en oaren ha de knibbellapen fan it follybal om, om de klappen op te fangen. Eltsenien is der fan oertsjûge dat je altiten kâns meitsje om in bal werom te slaan of op tiid te kearen mei als gefolch dat der brânplakken op 'e knibbels kamen en der halsbrekkende toeren úthelle waarden. Leuk foar it publyk dy't op de tribune en efter it raam sieten. De alderjongste oankommende leden Wout en Danian ha ek om it hoekje sjoen mei de memmen. Nei trije drege, soms lange omlopen koe de balans opmakke wurde.

By de A's waard troch net ien trije kear wûn. By de B-keatsers troch twa misnken en by de C's troch ien. Jim kinne dus wol begripe dat der spannende partijen by sieten. Nei in gesellige neisit gean we no op nei it nije keatsjier 2016!

De útslach:

1. A: Danny Roos, B: Tymen Dijkstra, C: Tom Couperus
2. A: Harm Auke Dijkstra, B: Abe Jan Stegenga, C: Lisa de Jong

WEDSTRIDEN FEDERAASJE

05-07-2015: Okkema-partij

In wiete dei om te begjinnen mei de federaasjepartij dy't stipe waard troch leanbedriuw Okkema. Nei't der besletten wie dat it om de fjilden wol koe, giene we los mei 4 klassen; manlju A,B,C en froulju. Der waard yn poules keatst. Omdat it fjild al wat wiet wie, moasten we wolris efkes skûlje as der tefolle wetter út de loft foel. Dan wer efkes wachtsje oant it wetter wat fuort sakke en wer los.

De A-klasse manlju ha de wedstriid útkeatse kinnen. Winners wiene Feite de Haan, Robert Sybesma en Gert Jan Hiemstra. Dizze mannen ha de prizen meikrigen. Foar de oaren wie it dizze dei oer. Tefolle wetter op it fjild. We ha nei oerlis mei-elkoar besletten om moandeitejûn de oare omloop te keatsen. Foar guon minsken net in ideale situaasje mar we hiene gjin oare kar.

Doe't we efkes mei elkoar yn de kantine sieten om wat op te waarmjen en in hapke en in drankje te nimmen kaam it berjocht dat der by de famylje Okkema, de stiper fan dizze dei, in stjerrefal wie. We ha doe de beslissing naam om de wedstriid hielendal net mear troch gean te litten. Op sa'n momint is keatsen mar in spultsje en binne oare saken belangriker.

We hoopje oare jier de Okkema-partij wer te organisearjen en de sponsor ek dan wer wolkom te hjitten op de sportfjilden yn Easterein.

10-07-2015: Van Krimpen-partij

In prachtige keatsmiddei hjoed op de fjilden yn Easterein. Goed 100 bern fan de federaasje Snits mei in oantal 'bûtenlanners' mochten by ús stride om de krânsen, bekers, medaljes en de slûfkes mei ynhâld.

Der waard keatst yn mar leafst 6 klassen en omdat we op dit stuit mar 1 fjild ta ús beskikking ha waard it noch in hiele puzzel om de 22 perken te passen en te mjitten op de Skoalle-seize. Lokkich binne der minsken sa as Christian Hoekstra dy der altyd wer in prachtich gehiel fan meitsje kinne mei wat linen, krammen, proppen en telegrafien. Bêst genôch! It fjild fan de welpen lei op it trainingsfjild, dat Andries Stuiver spe-sjaal noch efkes foar ús meant hie, wêrfoar tank Andries!

Omdat ek bestjoersleden fan de jongereinkommisje wolris mei fakânsje wolke, wiene we net hielendal mei folsleine besetting fan de jeugdkommisje. Mei noch wat oare ferplichtings derby en 44 partoer op de list wiene we bliid dat Mattie Dijkstra, Wilma Sjaarda en Marten Faber fan it haadbestjoer ús noch helpe woene. Ek alle oare âlders en frijwilligers tank foar jim help!



Dan as lêste noch ús grutte tank oan stiper Stefan en Hanna van Krimpen fan Autoschade Service van Krimpen út Boalsert. Sûnder jim stipe gjin krânsen en gjin prizen!

Dan no oer ta de priiswinners fan dizze dei:

Welpen

1e priis: Sido Harkema en Sascha van Vugt

2e priis: Berber Rob en Sjoukje Gerbrandy

3e priis: Jelvin Kaper en Luuk Meijer

1e priis ferl. ronde: Niels Hiemstra en Berber van der Goot

2e priis ferl. ronde: Jochem Postma en Anouk Delfsma

Pupillen Famkes

1e priis: Jetske de Boer en Marrit Hiemstra

2e priis: Frieda Hofman en Ingrid Dijkstra

Pupillen Jonges

1e priis: Jitze Floris en Jelmer Brouwer

2e priis: Redmer Wiersma en Arjen Stremmer

1e priis ferl. ronde: Jesse Kroondijk en Bauke Reijnhoudt

2e priis ferl. ronde: Niels de Boer en Redmer Stegenga

Skoaljeugd

1e priis: Jelger de Boer en Iris Oosterbaan

2e priis: Anna Rob en Johannes Breeuwsma

1e priis ferl. ronde: Klaas J.Oosterbaan, Machtelt Veldman en Gerben Gerbrandy

2e priis ferl. ronde: Hendrik van der Eems, Lammert Wiersma en Afke Ligthart

Jonges en Famkes

1e priis: Daniel Rob, Sytze B. de Witte en Sanne de Vries

2e priis: Aletta van Popta, Jacob Visser en Willem Koopmans

Junioaren

1e priis: Fabian Noordhuis, Marc Speerstra en Vera Mooij

2e priis: Jouke Dotinga en Baukje Terpstra

WEDSTRIDEN KNKB

31-05-2015: KNKB Welpen jonges – Couperus Hydrauliek B.V.

Under drege waarsomstannigheden hiene we hjoed de welpen op besite yn Easterein. Wat in prachtich gesicht, al dy jeugd op it fjild! De A klasse by de jonges waard ferkeatst yn in poule mei 4 partoer. It partoer fan Jelmer Foppe Drijfhout en Durk Bootsma wûnen alle trije partijen en dêrmei wiene sy de terjochte winners. De 2e priis wie foar Pieter den Breejen en Stijn Vincken; sy wûnen 2 fan de 3 partijen. Rûn healwei trijen koene we de jonges de krânsen omhingje en de bekens oerlangje.

A-KLASSE

1e priis (21 foar/6 tsjin):

Jelmer Foppe Drijfhout, Poppenwier, Durk Bootsma, Tirns

2e priis (17 foar/14 tsjin):

Pieter den Breejen, Arum, Stijn Vincken, Spannum

B-KLASSE

De finale yn de herkansingsronde gie tusken de partoeren fan Jens Kooistra, Redmer Stegenga (bylotte) en Sido Cnossen, Thomas Bouma. Nei in spannende striid waard dizze wûn troch Jens en Redmer mei de sifers 5-5:6-0.

De krânsen waarden wûn troch Harmen Zuidema en Matthijs Buma. Sy wûnen de finale mei 5-2:6-0 fan Sydo Dijkstra en Matthys Renema. De 3e priis wie foar Brent Timmerman en Sybrand Veldhuis. Sy ferlearen yn de heale finale fan de lettere winners mei 5-2:6-6.

Foardat it minne waar hielendal trochsette, koene we de krânsen en prizen útrikke en socht elts de kachel en waarme douche op. Mei tank oan ús haadstiper Couperus Hydrauliek, dy't dizze keatsdei mei mooglik makke hat!

De priiswinners:

1e priis: Harmen Zuidema, Minnertsgea, Matthijs Buma, Arum

2e priis: Sydo Dijkstra, Eksmoarre, Matthys Renema, Dronryp

3e priis: Brent Timmerman, Dronryp, Sybrand Veldhuis, Raerd

1e priis herkansing: Jens Kooistra, Raerd, Redmer Stegenga, Easterein

2e priis herkansing: Sido Cnossen, Boalsert, Thomas Bouma, Easterlittens

31-05-2015: KNKB Welpen famkes – Couperus Hydrauliek B.V.

Hjoed de welpenfamkes yn Easterein te keatsen. Under drege waarsomstannigheden mei in tige hurde wyn en sa no en dan rein, wie it swier keatsen. Mar se ha sich der super troch hinne slein!

De famkes binne oanelkoar weage; in protte lange partijen yn alle omlopen. Yn de herkansingsronde wie de 1e priis foar Eline van Dijkhuizen en Marsha Broersma, sy wûnen de finale mei 5-0:6-4 fan Noa Elzinga en Annarens v/d Hem.

Yn de winnersronde wie der in 3e priis foar Femke Folkerts en Ilse Marije van Beem; sy ferlearen yn de heale finale fan de 2e priiswinners. De finale wie tige spannend! Troch de hieltyd hurdere wyn waard mei name it opslaan dreech. Nei in drege striid wiene de úteinlike winners Elske van Straten en Janna Posthumus. Sy wûnen mei 5-5:6-2 fan Judith Cuperus en Nadya Rinske Moufakkir.

Mei tank oan ús haadstiper Couperus Hydrauliek, dy't dizze keatsdei mei mooglik makke hat!

1e priis: Elske van Straten, Feinsum, Janna Posthumus, Jirnsum

2e priis: Judith Cuperus, Nijlân, Nadya Rinske Moafakkir, Reduzum

3e priis: Femke Folkerts, Boalsert, Ilse Marije van Beem, Dronryp

1e priis herkansing: Eline van Dijkhuizen, Nijlân, Marsha Broersma, Stiens

2e priis herkansing: Noa Elzinga, Boalsert, Annarens v/d Hem, Dronryp

04-07-2015: KNKB Famkes A en B – Couperus Hydrauliek B.V.

In oere earder útein set yn Easterein yn ferbân mei de te ferwachte waarmte. Oant 12 oere wie it noch prima te dwaan, dêrnei kaam de sinne der troch en foel de wyn fuort. Sa waard it behoarlik smûk op it fjild. Hjirtroch duorren de omlopen wat langer troch mear drinkpauzes. Nettsjinsteande dat waard der spannend en dreech keatst.

Yn de A-klasse wiene alle froulju 10 foar njoggenen klear om it fjild yn te gean. De sinne wie noch wat ferstoppe en it waaide noch lekker troch. Mei in poule fan 4 waard der yn 3 omlopen keatst en sadwaande koene we om healwei 2-en de priisútrikking dwaan. Nei 2 omlopen hiene alle 4 partoeren ien kear wûn en in kear ferlern, spannend dus!

1e priis (19 foar, 15 tsjin): Anke Mollema, Nes, Kim Dijkstra, Makkum, Anne Monfils, Kimswerd

2e priis (17 foar, 14 tsjin): Simone Kootstra, Minnertsgea, Hiske Zeinstra, Peins, Martzen Deinum, Wommels

Yn de B-klasse wie der in 3e priis foar Lotte Delgrosse, Anne-Rixt Cnossen en Anneke Smid, sy ferlearen de heale finale mei 3-5:6-6 fan de lettere krânswinners. De finale gie lyk op, úteinlik wûnen Jiska Herrema, Annet de Haan en Mintje Meintema mei de sifers 5-4:6-4 fan Dieuwke Roelfsema, Selma v/d Molen en Rixt Sinnema.

1e priis: Jiska Herrema, Menaam, Annet de Haan, St. Annaparochie, Mintje Meintema, Dronryp

2e priis: Dieuwke Roelfsema, Jirnsum, Selma v/d Molen, Wytmarsum, Rixt Sinnema, Wergea

3e priis: Lotte Delgrosse, Marsum, Anne-Rixt Cnossen, Boalsert, Anneke Smid, Makkum

Foar trije oere koene we de prizen útrikke en koe elts in frisse douche nimme. Mei tank oan stiper Couperus Hydrauliek út Easterein én alle karmasters/frijwilligers/âlders ha we wer in moaie keatsdei hân yn Easterein!

09-08-2015: KNKB Senioaren

Grafische Groep van der Eems

Mei inkele wizigings op de list hjoed by de f.f. partij senioaren 1e klasse én in wantenkeuring sûnder gefolgen, koene we om 11 oere los gean, yn in prachtige ambiance en ûnder goede waarsomstannichheden op Sportpark De Skoalleseize yn Easterein.

De 1e en 2e list ferrûnen flot. Op de 3e list kamen de folgjende partoeren mekoar tsjin; Marten Bergsma, Jacob Klaas Haitsma, Willem Heeringa (yn 2e omloop de ferfanger fan de ôfwêzige Lennart Adema) tsjin Jelle Attema, Erik Haitsma en Sjoerd de Jong. Marten c.s. wûn mei 5-2:6-6.

Pieter van Althuis, Pieter van der Schoot en de ferfanger fan Jan Hospes; Evert Pieter Tolsma ferlearen nei in tige spannende partij fan it Eastereinier partoer Dirk-Yde Sjaarda, Jan Schurer en Bauke Dijkstra mei alles oan de hang. Dizze partij waard beëinige troch in moaie triktrak wêrby Jan Schurer de bal werom sloech oer de perken hinne.

Gosse Beeksma, Johannes van der Veen (ferfanger fan Sip Jaap Bos) en Jelle Jaap Stiemsma hiene in steand nûmer op de 3e list.

De heale finale gie tusken Gosse Beeksma c.s. en Marten Bergsma c.s., hjiryn waard it 5-2:6-2 foar Marten Bergsma c.s. Dirk-Yde Sjaarda c.s. hiene in steand nûmer op de 4e list. Om 17 oere gie de finale los tusken Dirk-Yde Sjaarda c.s. en Marten Bergsma c.s..

Mei in soad earsten op 6 gelyk rûnen Marten Bergsma c.s. út nei in foarsprong fan 5-3. Nei goed op- en útslachwurk fan Dirk-Yde Sjaarda c.s. kamen se werom tot 5-5 en namen sels in foarsprong fan 6-2 yn it lêste earst. Dochs waard it 6 gelyk, waard der noch in keats slein, mar troch in bûtenslach fan de pleatslike favoriten lutsen Marten Bergsma c.s. oan it langste ein en gongen sy mei de krânsen nei hûs.



Mei tank oan de karmasters, skiedsrjochters, masseuze en haadstiper fan dizze partij Drukkerij van der Eems út Easterein, ha we wer in tige slagge keatsdei yn Easterein hân.

1e priis: Marten Bergsma, Minnertsgea, Jacob Klaas Haitsma, Wommels, Willem Heeringa, Tsjummearum

2e priis: Dirk-Yde Sjaarda, Easterein, Jan Schurer, Easterein, Bauke Dijkstra, Easterein

3e priis: Gosse Beeksma, Koarnjum, Johannes van der Veen, Pittersbierrum, Jelle Jaap Stiemsma, Ljussens

BYSÛNDERE AKTIVITEITEN

2015 Iepen Frysk Kampioenskip Jeu de Pelote

Easterein mei Dirk-Yde Sjaarda, Bauke Dijkstra, Jan Schurer, Marco Hoekstra, Robert Sijbesma en Marten Faber ferliest op moandei 22 juny yn de foarronde fan Ljouwert mei 8-4.

29-08-2015: FB CUP – Finaledoi

Sneon 29 augustus wienen de finales fan de FB-cup yn Dronryp. Easterein wie dêr fertsjintwurdige troch de froulju fan Easterein mei Marije Hiemstra, Imke vd Leest en Martine Tiemersma en coach Durk vd Leest.

Hja moasten de heale finale keatsje tsjin it altyd taaie Easterlittens en winne dat mei 5-2:6-4. Dêrnei yn de finale tsjin Frjentsjer dat mei 5-0:6-2 wûn hie fan Berltsum. Se komme op 3-0 en 4-1 foar en op 4-2:6-6 pakke se sels de 5-2! Dan wurdt it 6-6 mar Easterein pakt it lêste earst en wint dêrmei de FB-cup en in moaie priis foar partoer en feriening!

06-09-2015: Stiperdei

Snein 6 septimber wie de Stiperdei fan K.F. Easterein. Ferline jier noch in bysûndere dei doe't alle leden, stipers en kader mei die oan de lustrumdei. Hjoed de ferzje mei allinnich de stipers en it kader (bestjoer & kommisjes). It wie noch spannend oft it trochgean koe, want de fuotbalwedstriden wienen sneon ôflast. It moast seker sa wêze, want om it fjild koe it en it hat op in pear drippen nei de hiele middei droech west. Pas doe't elk binnen siet foar de priisútrikking waarden de lûken wer iepen goait en eaze it!

De fisefoarsitter Mattie Dijkstra iepene de dei, want de foarsitter stie te keatsen yn Reduzum en net sûnder sukses! Mattie joech al rillegau it wurd oan har man, de foarsitter fan de finansjele & stipekommisje Tjeerd Dijkstra. Nei it wolkom waard it programma út de doeken dien en koenen we begjinne mei de sop en de broadsjes sa't der in boaiem wie foar de 1e omloop.

Der dienen 24 stipers en kommisjeleden mei oan de partij en dêrnei wie der noch sa'n tal dy't de keatsers beseagen of soargen foar de lieding, de katering. Spitigernôch wienen

der wat tefolle A-maten en dêrom moast der wolris in drege kar makke wurde. Guon froulju foel it op dat it dreech keatsen wie mei 1 man tsjin 2 manlju. Miskien dat oare jier hja mear froulju warber krije kinne om ris efkes mei te dwaan oan it keatsen. Krekt foar de wedstriid melde earelid en betûft keatser Jan Hiemstra him ôf. Lokkich hienen we in ferfanger, Stefan van Krimpen en nei wat skowen wer in moaie list. Jan kaam noch wol efkes as taskôger.

It ferrin fan de trije listen wie apart. Op de 1e list noch wol spanning en fûleindich keatsen, op de 2e list grutte útslaggen en op de 3e list wie by guon de batterij leech en waard de priis ferskiten en oaren hienen noch wol oer. Nei de earste list wie der kofje mei in part oranjekeek. Tige lekker en elk woe rillegau alwer los mei de 2e omloop. Dy duorre wat langer, mar om healwei fjouweren koenen we al los mei de lêste list. De dreechste wedstriid gie tusken Stefan en Tom tsjin Jan en Jan Bouke, 5-5:6-0. Hja kamen dan ek as lêste fan it fjild en doe sloech de klok fiif oere.

Doe't we allegear njonkelytsen by elkoar sieten yn de kantine kamen de oare traktaasjes lâns. Sa wie der foar elk in hearlik broadsje hamburger en letter gie de skaal mei kâlde hapkes de seal troch.

By de priisútrikking oereide Tjeerd noch efkes koart it seizoen 2015, troch it neamen fan de bysûnderheden. Doe de priisútrikking. Earst waarden de pûdelprizen útrikke. By de B-maten wie dat Janny Dijkstra en by de A-maten Tymen Dijkstra.

De 4e prizen wienen foar Jan Bouke Bourma en Tjeerd Dijkstra, de 3e prizen foar Tom Couperus en Anco Elgersma, de 2e prizen foar Mattie Dijkstra en Jan Vellinga en de winst en krânsen wienen foar Pieter Vellinga en Harm Auke Dijkstra.

Tjeerd seit elk tank en foaral de stipers fan K.F. Easterein, "wy kinne as feriening tige wiis wêze mei jimme as stipers, mannich feriening is jaloersk op ús", sa sei Tjeerd en sa is it!

Der folget noch in gesellige neisit dy sels net bedoarn wurdt troch de bylden op it skerm van it Nederlânsk alvetal, dat dy dei de grutte ferliezer wie neist alle winners fan in tige slagge Stiperdei!



JONG FAMMEN – PC – ALD MEIERS – FREULE

27-06-2015: Jong Fammen Mantgum

Tineke Dijkstra, Martine Tiemersma en Jelen Pompstra stienen op de Jong-Fammen foar Easterein. De froulju winne de 1e omloop fan Stiens mei 3-5:6-6. Yn de twadde omloop treffe se St Anne en dat wurdt ek wûn, mei 3-5:4-6. Dan moatte se tsjin it favorite Frjentsjer. It begjin is prima en se komme op 2-2. Dêrnei pakt Frjentsjer troch en hat Easterein wat tefolle foutsjes en pech. Se ferlieze úteinlik mei 5-3:6-4. Der wienen kânsen, mar it slagge net.

29-07-2015: Manljus PC Frjentsjer

Foar Dirk-Yde, Bauke en Jan wie der gjin ear te beheljen tsjin it sterk keatsende partoer fan Jan Dirk de Groot endy, 5-0:6-0. Ald-Easterein Jelte Pieter Dijkstra koe it mei Hendrik Jan vd Velde en Evert Pieter Tolsma ek net wiermeitsje en ferlearen mei 1-5:6-6 fan Hendrik Tolsma endy.

01-08-2015: Ald-Meiers Hitsum

Easterein mei Baukje en Jeska Terpstra en Janieke Dijkstra makken yn it lêst fan de partij tsjin Kimswert wat tefolle fouten. Dêrfoar gie it goed en lyk op en Easterein nimt sels in foarsprong fan 5-3. Op 5-4:6-6 kin de drege opslachbal net goed ferwurke wurde en de keats wurdt net pakt en it is 5-5. Op 5-5:2-6 lit it perk de bal sitte en is it oer foar Easterein. Tige spitich foar de fammen, want der wienen wol mooglikheden.

05-08-2015: Freule

Op de Freule keatsten de jonges Rutger Wiersma, Kees vd Horst en Jorrit Veldman. De 1e omloop tsjin Grou gie ferlern. Nei in spul efter komme se op 1-2, mar dêrnei is it allegear foar Grou. We ha wat tefolle foutsjes en Grou is wat sterker. Op 1-5:6-6 pakke se noch wol in buordsje en se komme yn it folgjende earst mei 6-2 foar. It wurdt 6-6 en dan hat it perk in knapper en is de Freule oer foar dizze Easterein jonges.

19-08-2015: Frouljus PC Weidum

Op de frouljus PC seis froulju fan Easterein! Ien fan harren foel yn de prizen en dat wie Imke vd Leest mei de debutante Anne Monfils en mei Renske Terwisscha v Scheltinga. Hja hellen de finale en moasten doe tsjin Ilse Tuinenga cs. Dat waard nei in goed begjin ferlern mei 5-2:6-6.

Yn de 1e omloop winne se ienfâldich fan Elly Hofman endy mei 1-5:2-6. Ferwacht wie dêrnei de partij tsjin Lisette Wage naar cs, mar dy ferlearen ferrassend fan Rianne Vellinga cs. Tsjin Rianne Vellinga cs gie it al wat dreger, mar dy wienen gjin skim fan de 1e omloop mear en Imke en dy winne mei 2-5:4-6.

Yn de heale finale treffe se it partoer mei de Nederlânsk Kampioenen Nynke en Wiljo Sybrandy mei Nicole Hempenius. In moaie en spannende partij dêr't Imke endy in foarsprong nimme fan 5-2, mar Nicole endy komme werom oant



5-4. Mar op 6-4 winne Imke en dy en komme se yn de finale. Uteinlik in moaie 2e priis foar Anne Monfils, dy fansels in prachtich debut hie, Imke vd Leest en Renske Terwisscha v Scheltinga. In moai, tûk en blier keatsend partoer. Nochris fan herte lokwinske mei dizze moaie twadde priis op de 39ste Forlûs PC!

En de oare fiif froulju dan?

Marije, Martine en Sjanet moasten tsjin Anna Brecht Bruinsma cs. Net in ûnmooglike opjefte foar Marije endy. Mar it hast foutleas keatsende partoer Bruinsma cs wûn it om't it mei Marije endy minder gie as oars. Sawol de opslach as it perk rûn net sa as oars en dus moasten se yn de 1e omloop al ôfskie nimme mei 5-2:6-6.

Tineke, Esther en Annelien hienen it dreechste lot, tsjin Ilse Tuinenga endy. Op 0-5 efter pakke se, mei troch goed keatsen en stipe fan it publyk dan noch wol in earst, mar it waard 1-5:4-6 en ek der ôf. Troch de keatsoff de kâns pakt om hjoed yn Weidum te stean en ûntank alle ynspanningen wie Tuinenga cs te sterk.

Sietske, Sandra en Jelen hienen lotte tsjin Iris vd Veen endy. Net ûnmooglik. Se begjinne goed en oant 4-4 hieltyd ien buordsje foar kommen. Sawol it perk as opslach rint goed. Yn it tuskenspul dogge se it ek goed mar de pear foutsjes dy makke wurde, dy meitsje dat vd Veen endy op 4-5 komme en sels op 0-6! Dan slaan Sandra en Jelen trije boppe en de fjirde bal giet mar in lyts bytsje kwea, mar de partij giet wol ferlern. Prachtich debut fan Sandra en de meiden hienen graach de 2e omloop helle, mar dat wol elk!

NEDERLÂNSKE KAMPIOENSKIPPEN

25-05-2015: NK Manlju - Frjentsjer

Foar Easterein stienen Dirk-Yde Sjaarda, Bauke Dijkstra en Jan Schurer yn de krite. Se hienen har goed tarieden en wienen der klear foar. De 1e omloop winne se fan Deinum mei 3-5:4-6. Yn de 2e omloop treffe se Mantgum en winne dat mei 1-5:6-6. Op de 3e list wachtet Reahûs. Se komme op in 2-4 efterstân en se keatse dreech. Dêr't Reahûs de punten wol pakke kin en de bal better tusken de linen hâldt, dêr slagget dat Easterein net. Der wurdt ferlern mei 2-5:6-6 en dat wie foar de mannen in teloarstelling.

13-06-2015: NK Jonges – Hommerts-Jutryp

De jonges Jorrit Veldman, Rutger Wiersma en Kees vd Horst wienen foar Easterein op it NK foar de jonges. Se ferlearen de 1e omloop tsjin Hearrenfean mei 5-1:6-6. Makkum wint it NK.

13-06-2015: NK Famkes – Hank-Dussen

De famkes Mirjam Punter, Baukje en Jeska Terpstra hienen mei âlders en bestjoersleden de reis nei Hank-Dussen makke. Spitigernôch gie de 1e omloop, wat ûngelokkich, ferlern tsjin Jirnsum mei 4-5:4-6. Goaiïngea wint it NK.

20-06-2015: NK Skoaljonges - Minnertsgea

Gjin dielname

20-06-2015: NK Skoalfamkes - Boazum

Roelie Kroondijk, Selma de Boer en Corrie Kroondijk ferlieze op it NK yn de earste omloop mei 5-2:6-6 fan de lettere Nederlânsk Kampioen Seisbierrum-Pietersbierum.

20-06-2015: NK Froulju – Sint Anne

De froulju dy't foar Easterein op it NK keatsten wienen Marije Hiemstra, Imke vd Leest en Martine Tiemersma. Der wie noch wol wat te dwaan oangeande de seleksje fan it partoer. Der binne ommers seis froulju dy elk wykein op de KNKB haadklasse en/of earste klasse keatse. Hoe de kar ek makke is, dizze trije froulju moasten de kleuren fan Easterein ferdigjenje. De 1e omloop moasten se tsjin Grou en se namen in moaie foarsprong. Spitigernôch waard dy foarsprong foaral ferskate kearen op de 6-6 ferspille en sa kaam it dat Grou in 4-5 foarsprong naam. Yn it lêste earst wer alle punten der oan en doe waard ferlern.

27-06-2015: NK Pupillenjonges - Arum

Easterein mei Siebo Boersma, Rutger Sijbesma en Bauke Reijnhoudt begjinne it NK tsjin Goutum, mar ferlieze dat mei 5-4:6-0.

27-06-2015: NK Pupillen famkes - Wommels

De famkespupillen Nynke Paauw, Emma Stegenga en Marrit Hiemstra ferlieze ek de 1e omloop. Hja ferlieze fan de lettere Nederlânsk Kampioen Berltsum mei 5-2:6-2.

04-07-2015: NK Manlju 50+ - Pingjum

Easterein mei Sipke Hiemstra, Klaas Kamstra en Simon Kingma ferlear de 1e omloop fan Berltsum mei 2-5:0-6. Winner fan it NK wurdt Frjentsjer.

04-07-2015: NK Junioaren - Holwerd

De junioaren fan Easterein, Doede Rients Okkema, Danny Roos en Jan Schurer winne de 1e omloop fan Minnertsgea mei 3-5:6-6. Yn de 2e omloop treffe se Easterlittens en dat wurdt ferlern mei 5-2:6-6. Winner fan it NK wurdt Boalsert.

Kategory	2004	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015
Manlju Haadklasse	0	0	2	2	1	2	4	4	2	2	3	1
Manlju 1e klasse	0	0	0	0	0	7	7	4	3	6	5	3
Manlju 2e klasse	6	7	9	8	8	12	10	6	0	2	1	0
Junioaren	0	4	5	0	4	0	0	4	0	1	1	3
Manlju 30+	0	0	0	0	0	0	0	0	1	1	0	0
Manlju 50+	0	0	0	0	0	1	3	3	2	4	3	5
Froulju Haadklasse	0	0	0	1	1	4	4	5	7	8	6	4
Froulju 1e klasse	0	2	1	3	3	3	7	7	7	8	8	7
Jonges	4	5	6	7	5	5	4	5	3	4	1	0
Famkes	4	2	8	7	7	10	11	10	8	5	3	2
Skoaljonges	7	10	6	4	2	5	4	2	0	0	0	0
Skoalfamkes	6	9	5	8	8	9	5	2	0	3	7	6
Pupillenjonges	4	1	2	3	5	2	2	0	2	0	0	1
Pupillenfamkes	7	6	8	5	4	3	2	2	5	4	4	2
Welpenjonges			5	3	0	0	0	1	0	3	4	3
Welpenfamkes			4	2	3	1	2	2	4	1	0	1
Totaal yn klasseminten	38	46	61	53	51	64	65	57	44	52	46	38
Helle punten	239	266	454	501	470	413	452	371	319	345	386	333
Ferskil		27	188	47	-31	-57	39	-81	-52	26	41	-53

Nr	Kaatser	Punten
32	Welpenfamkes	
15	Judith van der Weerd	6
43	Pupillenfamkes	
21	Amber Reijnhoudt	7
33	Nynke Paauw	4
55	Skoalfamkes	
2	Roelie Kroondijk	26
3	Corrie Kroondijk	26
4	Selma de Boer	23
31	Alien Dijkstra	5
34	Machtelt Veldman	3
48	Nynke Paauw	1
70	Famkes	
22	Jeska Terpstra	13
30	Baukje Terpstra	8
69	Froulju 1e klasse	
5	Sietske Okkema	12
16	Jelien Pompstra	8
21	Martine Tiemersma	7
30	Tineke Dijkstra	6
33	Marije Hiemstra	5
38	Imke v.d. Leest	4
58	Judy Bergsma	1
48	Froulju Haadklasse	
12	Marije Hiemstra	13
14	Martine Tiemersma	12
17	Imke v.d. Leest	10
40	Sietske Okkema	1
Nr	Top trije measte punten	Froulju
1	Roelie Kroondijk	26
2	Corrie Kroondijk	26
3	Selma de Boer	23

Nr	Kaatser	Punten
42	Welpenjonges	
3	Redmer Wiersma	22
8	Arjen Stremmer	14
33	Redmer Stegenga	3
69	Pupillenjonges	
67	Siebo Boersma	1
78	Skoaljonges	
112	Jonges	
27	Junioaren	
10	Rémon Tie Bouma	2
13	Jan Schurer	2
15	Doede Rients Okkema	2
29	Manlju 30+	
110	Manlju 50+	
11	Sipke Hiemstra	14
14	Roel Sijbesma	13
30	Simon Kingma	8
76	Klaas Kamstra	3
85	Tjeerd Dijkstra	2
54	Manlju 2e klasse	
69	Manlju 1e klasse	
6	Bauke Dijkstra	17
9	Jan Schurer	14
13	Dirk-Yde Sjaarda	12
42	Manlju Haadklasse	
32	Jan Schurer	3
Nr	Top trije measte punten	Manlju
1	Redmer Wiersma	22
2	Jan Schurer	19
3	Bauke Dijkstra	17

Keatsmominten út 2015

Maaie

- 6-8 Foar de twadde kear Keatskamp
- 9 Manlju 50+ yn Hilversum 1e priis Roel Sijbesma
- 17 Yn Arum Manlju 1e klas frije formaasje 1e priis Dirk-Yde Sjaarda, Bauke Dijkstra en Jan Schurer
- 31 Yn Hartwert skoalfamkes ôfdieling 2e priis Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk, Selma de Boer en de 3e priis foar Machtelt Veldman, Nynke Paauw en Alien Dijkstra



Juny

- 13 Manlju 50+ frije formaasje yn Ljouwert 1e priis Sipke Hiemstra, Klaas Kamstra en Simon Kingma
- 14 Yn Easterlittens skoalfamkes ôfdieling 1e priis Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk en Selma de Boer
- 21 Welpen jonges A yn Wergea mei in 1e priis foar Redmer Wiersma
- 24 Yn Ljouwert skoallekeatsen 1e priis foar Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk en Nynke Paauw

July

- 10 Yn Easterein federaasje pupillen famkes 1e priis Marrit Hiemstra
- 10 Ek yn Easterein federaasje pupillen jonges 1e priis Jelmer Brouwer
- 22 11de Jong-Feinte partij mei in 2e priis foar Jan Schurer, Doede Rients Okkema en Rémon Tie Bouma
- 25 Yn It Hearrenfean welpen jonges t.i.l. 1e priis Arjen Stremmer
- 25 Yn Drylts pupillen famkes t.i.l. 1e priis Amber Reijnhoudt



Augustus

- 15 Welpen famkes yn Blije t.i.l. 1e priis Judith van der Weerd
- 15 Yn Tsjom útnoeging famkes 1e priis Jeska Terpstra
- 15 Yn Goaiïngea federaasje 1e priis Gerry Edou Mollema en Petra Jellema
- 19 Froulju's PC yn Weidum 2e priis Imke van der Leest
- 22 Yn Hitsum Froulju 1e klasse mei in 1e priis foar Jelen Pompstra
- 29 Yn Dronryp FB cup 1e priis Imke van der Leest, Marije Hiemstra en Martine Tiemersma



Septimber

- 11 Froulju haadklasse yn Marsum t.i.l. 1e priis Martine Tiemersma
- 20 Froulju haadklasse yn Ljouwert 1e priis Marije Hiemstra

Novimber

- 27 KF wint it Littenseradiel Kultureel Bedriuwen Follybal Toernoai

Desimber

Gabriële Bouma hat har keatstrainers diploma helle



Sjoch foar alle wiidweidige ferslaggen op ús webside:

www.kfeasterein.nl

Adv. vd Eems